



# Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

**Fremd wurdt eigener. Oer de âlde Frânske lienwurden yn it Frysk.**

Visser, W.

***published in***

It Beaken

2000

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

***citation for published version (APA)***

Visser, W. (2000). Fremd wurdt eigener. Oer de âlde Frânske lienwurden yn it Frysk. *It Beaken*, 64(3), 141-218.

**General rights**

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

**Take down policy**

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

**E-mail address:**

[pure@knaw.nl](mailto:pure@knaw.nl)

# Frjemd wurdt eigener. Oer de âlde Frânske lienwurden yn it Frysk<sup>1</sup>

Willem Visser

FRYSKE AKADEMY  
BIBLETEEK  
LJOUWERT

## Summary

*Many of the older French loan words changed dramatically after they entered the Frisian language (predominantly mediated by Dutch). Most changes are a result of adaptations to the Frisian phonological and/or morphological system. The various kinds of changes, which are argued to have been necessary in order to give the loan words a form that comes as close as possible to the canonical Frisian form, are the subject matter of the present study.*

*Basically, I distinguish three kinds of adaptations:*

*a. adaptations which are triggered by the Frisian phonological and morphological systems. Frisian, for instance, has no voiced fricatives in word initial position. Consequently, loan words will always have voiceless fricatives in word initial position: zone → sône (zone) and verbum → ferbum (verb).*

*b. phonological adaptations towards the canonical Frisian word. The processes which we deal with here are less strict than those of a., which means that doublets may occur. For instance, in Frisian unstressed long vowels may be shortened, as is exemplified by the doublet telefoan ~ tillefoan (telephone).*

*c. other adaptations. For instance, Frisian simplex words may not have more than one full vowel and/or more than three syllables. We see that parts of certain loan words get a form which is equal or similar to an existing or possible Frisian word. The resulting words look like derivatives or compounds, which in Frisian may have more than one full vowel and/or more than three syllables: ortodoks → âlderdocs (orthodox), rebellie → reboelje (rebellion). It is also possible for loan words to be extended with Frisian suffixes or word endings, which gives them the outward appearance of a native word, for instance when the loan word krant (news paper) is extended with final -e (-[ə]), a vowel in which many Frisian nouns end.*

## Ynhâldsopjefte

Oanrin	142
1. Automatyske oanpassingen oan it Frysk	145
1.1 Oanpassingen oan 'e Fryske fonotaksis	145
1.2 Oanpassing oan 'e Fryske morfology	146
1.3 Konverzje fan Hollânske wurdparten nei Fryske	147
2. Fierdere fonologyske omfoarmingen de kant fan it kanonike Fryske wurd út	148
2.1 Lûdferkoarting en -reduksje	149
2.1.1 Lûdferkoarting	149
2.1.2 Lûdreduksje	150
2.1.2.1 Sjwa net oan it wurdbegjin	150
2.1.2.2 Sjwa net nei h	151
2.1.2.3 It favorite sjwa-wurdlied en de gefolgen	152
2.1.2.4 Sjwa en ritmyk	153

2.1.2.5 Sjwa-weifal .....	154
2.2 Oare fonologyske oanpassingen .....	156
2.2.1 <i>r</i> -weifal en <i>r</i> -ynfoeging .....	156
2.2.2 <i>-sr-</i> → <i>-str-</i> .....	158
2.2.3 Beklamme <i>-[i(:)]</i> → <i>-ij(e)</i> .....	158
2.2.4 Unbeklamme <i>-[i]-</i> → <i>-je-</i> .....	159
2.2.5 Lûdoaneigening .....	159
2.2.6 <i>v ~ b</i> .....	162
2.2.7 Stimoanpassing tusken ploffers .....	162
2.2.8 [h]- komt en giet .....	164
2.2.9 [j] nei [s] komt en giet .....	165
2.2.10 Ynfoeging fan noaslûd foar ploffer .....	166
2.2.11 Ferienfâldiging fan bylûdkloften .....	167
2.2.12 It taheakjen fan in bylûd oan it wurdein .....	168
2.2.13 In nasaal lûd rekket syn nasaliteit kwyt .....	168
2.2.14 Wikseling tusken <i>-ar-</i> en <i>-er-</i> .....	169
3. Oarssoartige omfoarmingen .....	169
3.1 Wurddielen ferfange .....	170
3.2 Oerkarakterisearring .....	175
3.2.1 In eigenskipswurd ekstra markearje .....	175
3.2.2 In haadwurd ekstra markearje .....	176
3.2.2.1 Mei it efterheaksel <i>-ing</i> .....	176
3.2.2.2 Mei it wurdein <i>-e</i> ( <i>-[ə]</i> ) .....	177
3.2.2.3 Mei it wurdein <i>-je</i> .....	177
3.2.2.4 Mei meartal en ferlytsing .....	178
3.2.2.5 Mei it efterheaksel <i>-er</i> .....	178
3.2.3 In tiidwurd ekstra markearje .....	178
3.2.3.1 Mei <i>fer-</i> .....	178
3.2.3.2 Mei <i>mis-</i> .....	179
3.2.3.3 Mei <i>skyt-</i> .....	179
3.2.4 In bywurd ekstra markearje .....	180
3.3 In morfologyske funksje foar frjemde wurdparten .....	180
3.3.1 It efterheaksel <i>-ear(je)</i> .....	180
3.3.2 It efterheaksel <i>-aasje</i> .....	181
3.3.3 It efterheaksel <i>-emint</i> .....	182
3.3.4 It efterheaksel <i>-abel</i> .....	183
3.3.5 Frjemde wurddielen útwikselje .....	183
3.3.6 In frjemde wurddiel as grûnslach foar in tiidwurd .....	184
4. Trochgeande ûntjouwingen .....	184
5. Einslutende opmerkingen .....	186

*Oanrin*

“De invloed van het Frans op het Nederlands is van heel oude datum, ouder dan de oudste nederlandse geschriften, en duurt voort tot in het heden, althans tot in een zeer nabij verleden. Nu sedert enige jaren het Engels inwerkt met een kracht en een over-

wicht als die taal tegenover de onze in geen vroegere periode heeft ontwikkeld, is af te wachten of de franse invloed langzamerhand zal bezinken tot een historische laag, wel zo dicht en belangrijk dat het Nederlands daarzonder niet is te denken, maar toch in zoverre stationair dat nieuwe toevoer van franse elementen het algemene beeld van de taal niet meer verandert.” Sa begjint de nearlandikus Van Haeringen syn artikel *Herverfransing* út 1957. Wat Van Haeringen oer it Hollânsk seit, jildt ek foar it Frysk. De Frânske lienwurden meitsje in navenant moai grut part fan it Fryske leksikon út. It feit dat it Frysk se foar it grutste part net streekrijocht út it Frânsk, mar oer it Hollânsk liend hat, docht dêr neat oan ôf.<sup>2</sup>

Wat it âldste skift fan dy lienwurden foar de taalkunde sa nijsgjirrich makket, binne alle omfoarmingen dy't sokke wurden ûndergongen hawwe neidat se yn it Frysk kommen binne. Faak en folle binne se tige feroare neffens de foarm dy't se yn it Hollânsk en/of it Frânsk hawwe. Neffens Sipma (1949:73) is it foar de taalkunde “fan bilang, it vokalisme en it konsonantisme fan de “lienwurden” to ûndersiikjen”. Gerbenzon (1962:43) is allyksa fan betinken dat wy de omfoarmingen wol foargoed serieus nimme moatte: “de frizist kan er veel uit leren!”<sup>3</sup> Dat lêste frâl oer de fonology fan it Frysk, net allinnich oer de fêste regels en beheiningen, mar ek oer foarkarren en tendinzen. Yn dit artikel wol ik dêr wijdweidich op yngean. De fonologyske oanpassingen dy't de lienwurden ûndergongen hawwe, nim ik oan dat nedich wienen om sokke wurden in foarm te jaan dy't dy fan in kanonyk Frysk wurd safolle mooglik benei komt. De yntegraasje fan 'e Frânske lienwurden yn it Frysk is foar in grut part fonologyske yntegraasje.

Guon lienwurden hawwe dêrneist lykwols ek omfoarmingen meimakke dy't net fonologysk beskreaun en begrepen wurde kinne. Fan de langere lienwurden lykje parten ferfongen te wêzen troch Fryske wurden of wurdparten dy't in Frysk wurd útmeitsje kinne soenen. Dat hat foarmen opsmitten dy't wat gearstalds oer har krige hawwe, sûnder dat it om wiere gearstaldens giet.

Mar it komt ek foar dat de lienwurden mear yn morfologyske sin oaneigene binne, bgl. troch it taheakjen fan foar- en efterheaksels. Beide soarten fan net-fonologyske oanpassing sille ek yngeand op it aljemint komme.

It feit dat de lienwurden sa tige omfoarme wurde koenen en dêrmei sa kamen te ferkillen fan har oarspronklike foarm, hat te krijen mei oplieding, massa-kommunikaasje en mei posysje en status fan it Frysk.

Us foarfaars hienen minder mei learplicht te krijen en gongen ek lang sa lang net nei skoalle as wy. Se sille meast mar allinnich rekkenjen en taal leard hawwe, dat lêste besteande út lêzen en skriuwen. Se sille yn gjin gefal in min ofte mear yngeande kennis fan it Frânsk krige hawwe. Dêrtroch wie in lienwurd út dy taal ek wier wat *fremds*, yn 'e dûbele betsjutting fan ‘wat ûneigens’ en fan ‘wat raars’. Boppedat hearden ús foarfaars net, lykas wy op 'e radio, mar foaral op 'e tillefyzje, alledgeduerigen yn fremde talen praten en sjongen, dêr't dy talen altyd wol in bytsje fertroud troch wurde, ek al hat men se net yn 'e macht. Op 't heden krijt elk yn it gewoane ûnderwiis wol wat kennis fan fremde talen. Dêr giet foar de lienwurden út dy talen sûnder mis in konservearjende wurking fan út.

Wannear't soksoartige ynfloed der mist, lizze de lienwurden iepen foar alderhande ynfloeden. Yn ús gefal binne se de kant fan de foarm fan in kanonyk Frysk wurd út omfoarme. En dat koe sa fier gean, dat de oarspronklike foarm derfan net mear werom te kennen is.

Benammen it fonologyske systeem fan it Frysk hie frij spul. Krol (1949) leit tige de klam op it systematyske karakter fan it omfoarmjen; op side 88 hat er it yn dat ferbân oer “fêste, yn it taelsesteam biwoartele wetten”, al skikt er op side 85 it bestean fan útsûnderingen wol yn. En Gerbenzon (1962:40-41) is allyksa fan betinken dat de oarsaak fan it omfoarmjen deselde is as “die ook de verandering van het Fries als geheel, met name duidelijk in zijn vocaalstelsel, heeft bewerkt: de volksmond”. Foar Sjölin (1970:190) stiet it dêrfoaroer yn ‘e kiif oft “de forfoarming fan de frjemde wurden yn ‘t algemien forklearre wurde kin mei hokfoar ‘lûdwetten’ dan ek, of op ‘e selde oarsaken tobekgiet as de lûdforoaring yn gewoane Fryske wurden”. De nulhypoteze op dit stik fan saken is neffens my lykwols, dat der gjin aparte ‘lienwurdfonology’ is, m.o.w. dat it omfoarmjen fan ‘e Frânske lienwurden yn it Frysk út it besteande fonologyske systeem fan it Frysk wei begrepen en ferklearre wurde moat. Om dy hypoteze te stypjen, sil ik fan ‘e ûnderskate soarten omfoarmingen dy’t te obstrewearjen binne safolle mooglik ek foarbylden yn eigen wurden jaan.

Sjölin (1970:190) wol it omfoarmjen fan ‘e lienwurden ferklearje út oarsaken lykas “ûnbilêzenens, ûneigen foneemforbiningen, etymologyske ûntrochsichtigens, oanpassing oan bikende formaesjes ensfh.”. Mar dy slute de (omfoarmjende) wurking fan it Fryske fonologyske systeem net út, mar krekt yn. Lykas sein, at in wurd bgl. etymologysk ûntrochsichtich (wurden) is of ûneigen foneemforbiningen hat, kin it eigen fonologyske systeem him der krekt op útwierje.

As grûnoarsaak foar it omfoarmjen fan lienwurden sjocht Sjölin, dat in taal “net mear ûnder ynfloed stiet fan de noarm fan in kultureel sintrum”. En as Gerbenzon (1962:41) “de volksmond” as de oarsaak fan it omfoarmjen oanwiist, heacket er dêr fuort oan ta: “die niet door een opkomend AB, door grammatici werd geremd”. Hy wiist derop dat har yn ‘e Hollânske (folks)dialekten soartgelikenze omfoarmingen as yn it Frysk foardienen.<sup>4</sup> Mar dêr binne it *dialektfoarmen* bleaun, dy’t yn it (him ûntjaande) ABN net akseptearre en fan gefolgen weinoarmearre waarden. De maatskiplike posysje, en dêrmei de status, fan it Frysk is hiel oars as dy fan it ABN. Ieuwen hat it Frysk it sûnder in standert dwaan moatten en dêrmei ek sûnder de korrektive wurking fan in standerttaal. Dat betsjut dat de rem op it omfoarmjen fan ‘e lienwurden ek lang sa grut net wie as yn it ABN. En doe’t it Frysk yn ‘e tweintichste ieu stadichoan ek in standerttaal krige, hie dy troch deselde posysje fan it Frysk net safolle ynfloed dat de omfoarmingen restaurearre waarden. Krekt oarsom, meidat de Fryske standerttaal benammen skaaimerke wurdt troch in him ôfsetten tsjin en in ôfstân nimmen fan it ABN, waarden de omfoarmingen faak en folle krekt as ‘typysk Frysk’ propagearre. Dat se wat langer wat mear ferfongen wurde troch foarmen dy’t dy yn ‘e boarnetaal frijwat belykje, kin dan ek net op rekken fan it Standertfrysk skreaun wurde. De frjemde wurden, benammen deselden út ‘e moderne technyk en kultuer, binne langer ynternasjonalsmen, sjoch Sjölin (1970), dy’t yn alle talen gelyk binne (op automatyske fonologyske oanpassingen nei).

Yn dit stik wol ik besjen hoe’t it yn it Frysk mei it omfoarmjen fan it âldste skift Frânske lienwurden yn syn wurken gongen is. Dat hâldt yn, dat ik in oersjoch jou fan ‘e oanpassingen dy’t har foardien hawwe. Dêrby is it myn stribjen om sa folslein mooglik te wêzen, nei de data en nei de soarten oanpassing. Tagelyk wol ik út soarte besykje te ferklearjen wêrom oft de wurden oanpast binne sa’t se binne, m.o.w. wêrom oft de oanbelangjende omfoarmingen har foardien hawwe. Fansels is it my net slagge om elke omfoarming fan elk lienwurd te ferklearjen, mar de algemiene patroa-

nen en tendinzen wurde wol dúdlik.

Om wat oarder oan te bringen, haw ik trije soarten fan oanpassing ûnderskaat:

- (1) a. automatyske oanpassingen oan it Fryske fonologyske systeem;
- b. fonologyske omfoarmingen de kant fan it kanonike Fryske wurd út;
- c. oarssoartige omfoarmingen.

Al is it net altyd like maklik om in beskate oanpassing te rubrisearjen, ik hoopje dat ik oannimlik meitsje kin dat (1) net samar wat tafallichs is, en dat it yn alle gefallen de nuttige funksje hat fan in kapstok, dêr't men ien en oar oarderlik oan ophingje kin.

Dit stik is sjesa opboud. Earst besjoch ik de 'automatyske' oanpassingen fan 'e lienwurden oan it Frysk, dêrnei de fierdere fonologyske oanpassingen de kant fan it kanonike Fryske wurd oer. Nei de fonologyske komme de oarssoartige oanpassingen op it aljemint, dêr't har ûnderskate gefallen by foardogge. It opnimmen fan lienwurden yn it Frysk giet hieltyd troch; dêrom wol ik ek wat sizze oer it op 'en nij lienen fan Frânske wurden. Mei in pear einslutende opmerkingen komt der in ein oan it stik.

### *1. Automatyske oanpassingen oan it Frysk*

Ik ûnderskied hjir automatyske oanpassingen oan it systeem fan lûdpatroanen yn it Frysk (de Fryske fonotaksis), automatyske oanpassingen oan 'e Fryske morfology en automatyske omsetting fan frjemde wurdparten nei Fryske (dêr't de fonotaksis fan it Frysk in stjoerende rolle by spilet). By dit skift oanpassingen moat 'automatysk' net te meganysk opfette wurde. Der wurdt mei bedoeld dat de oanbelangjende oanpassingen yn suver fonologyske, morfologyske of segmintele termen te beskriuwen binne en har as regel foardien hawwe by alle foarmen dy't derfoar yn 'e beneaming kamen. Dat hâldt yn dat it tal útsûnderingen lyts wie en dat der gjin dûbletten ûntstien binne fan foarmen dy't de oanpassing al en net ûndergongen hawwe. Fierders dat der ek gjin dialektferskaat efter dit slach oanpassingen wei kommen is.

#### 1.1 Oanpassingen oan 'e Fryske fonotaksis

Wy hawwe hjir te krijen mei de oanpassing fan lienwurden op grûn fan de fonotaktyse beheiningen fan it Frysk. It docht bliken dat sokke beheiningen net mar allinnich de statyske funksje fan generalisaasjes oer de besteande Fryske wurdfoarried hawwe, mar dat se ek in aktive rolle spylje wannear't it Frysk eleminten fan bûten opnimt. Wannear't ik hjir ûnder hieltyd sis dat (by)lûd A yn in beskate fonologyske omkrite ta (by)lûd B wurdt, is dat dus omdat A yn it Frysk yn 'e oanbelangjende omkrite net foarkomme mei.

- (2) a) de stimhawwende rûzers [z] en [ʋ] oan it begjin fan in wurd of in beklamme wurdliid yn it wurd wurde stimleas:<sup>5</sup> sône (← zone), muzyk (← muziek), ferbum (← verbum), telefyzje (← televisie);<sup>6</sup>
- b) de stimhawwende rûzer [ʏ] en de stimleaze rûzer [x] oan it begjin fan in wurd of in beklamme wurdliid yn it wurd wurde de stimhawwende ploffer [g]: glasiaal (← [ʏ]laciaal), sigaar (← si[ʏ]aar), sigret (← si[ʏ]aret ← si[ʏ]aret), gloar (← chloor), gaos (← chaos), argyf (← archief);

- c) it lûd [ɛ] foar in nasaal bylûd yn itselde wurdlied wurdt ta [I]: **p**insiel (← **pen**-seel), **s**intrum (← **cent**rum), **k**ontint (← **cont**ent), **sept**imber (← **sept**ember), **nov**imber (← **nov**ember), **des**imber (← **dec**ember);<sup>7</sup>
- d) it lûd [a] foar in tosklûd yn itselde wurdlied wurdt ta [ɔ]: [ɔ]ljemint (← frâ. **align**ement), risk[ɔ]nt (← **risk**ant), gar[ɔ]nt (← **gar**ant);
- e) it beklamme lange lûd [o:] foar in tosklûd yn itselde wurd wurdt ta [o.ə]: **abriko**as (← **abriko**os), **till**efoan (← **telefo**on), **anekdo**ate (← **anekdo**te), **begoo**ania (← **begoo**nia), **risseto**ania (← **rhizocto**nia ‘in beskate ierappelsyk-te’);
- f) it lûd [ɔ] foar [m] wurdt ta **a** of **o**: **ammes**uer (← **embouchure** [ɔ̃]-), **tam**tearje (← t[ɔ]mtearje ← t[ɔ]ntearje ← frâ. **tent**er [tɔ̃]-), **omb**allingen (← frâ. **embellage** [ɔ̃]-);<sup>8</sup>
- g) yn net-gearstalde wurden wurdt in koart lûd foar **-ns/-nz** yn in lang lûd omset: **pûnska**art [pũ:s]- (← **ponska**art)<sup>9</sup>, **stins**el [stē:s] (← **stins**el (sjoch (1c) hjir-foar) ← **stencil**);
- h) de bylûdkloft **sch-** wurdt ta **sk-**: **skewie**le (← **schavi**elen);
- i) meidat der yn it Frysk in ferbod op twa lûden neist inoar yn ien en itselde wurd is, wurdt tusken twa lûden it heallûd [j] of [w] ynfoege, al nei’t it lofter lûd in foar- of efterlûd is. Automatyske fonologyske regels, lykas assimilaasje fan plak en stim en nasalearring, neam ik hjir net. Heallûdynfoeging lykwols al, omdat dat syn spoaren yn wurden neilitten hat, neidat it lûd dat it ôftwong redusearre en/of weiwurden is. Ik jou in pear foarbylden:

suppliant → supplijant → supplejant → suppeljant  
 guano → gujano → gejano → gejane → kejjane  
 aloëe → alowee → alewee → alewe → aalwe  
 februari → februwary → febrewary (→ febrewaarje)  
 februari → februjary → febrejary (→ febrejaarje)  
 januari → januwary → jannewary (→ jannewaarje)  
 januari → janujary → jannejary (→ jannejaarje)  
 manuaal → manuwaaal → mannewaaal → mannewaar  
 situatie → situwaaasje → sitewaaasje<sup>10</sup>

Omdat der nei in sjwa (stomme *e*) nea in heallûd ynfoege wurdt, moat heallûdynfoeging earst syn beslach krige hawwe en dêrnei lûdreduksje. Dat lêste hat de kontekst foar heallûdynfoeging dus ûntrochsichtich makke.<sup>11</sup>

## 1.2 Oanpassing oan 'e Fryske morfology

It giet hjir oanpassingen oan it Frysk morfologyske systeem. Dy morfologyske systematyk sit ek wer in statyske en in dynamyske kant oan. Hjirûnder jou ik de fjouwer gefallen dy't ik fûn haw:

- (3) a) de ynfinityf fan liende tiidwurden giet út op **-(j)e** of **-(j)en**, al neffens it plak yn 'e sin: immen skewie**le**/om immen te skewie**len** (← **schavielen**), hy woe surv**(j)e**/hy wie oan it surv**(j)en** (← **surven**);<sup>12</sup>
- b) it ôfslutend mulwurd fan liende tiidwurden hat gjin foarheaksel **ge-**;
- c) liende tiidwurden mei in stamme dy't op sjwa + m/n/l/r útgiet, komme yn 'e twadde swakke klasse telâne: stins**elje** (← **stencil**+en), skee**lerje** (← **skee-**

- ler+en), sakkerje (← sakkermitsje)<sup>13</sup>;  
 d) liende haadwurden krije it lidwurd *de* of *it*.

Dat de lientiidwurden op *-eren* yn it Frysk op *-earje* útgeane, slút by (3c) oan. Neffens Hoekstra (1998b:154) openearret *-earje* him ferplichte “yn tiidwurden dy’t ôflaat binne troch konverzje fan ‘fremde’ grûnwurden” en konverzjetiidwurden hearre yn it Frysk ta de twadde swakke klasse. It efterheaksel *-earje* komt yn it Frysk lykwols ek al langer as *-eare* foar de hearen, mar dat sil Hollânske ynfloed wêze.

### 1.3 Konverzje fan Hollânske wurdparten nei Fryske

Fryskpraters hawwe net allinnich mei it Frysk te krijen, mar ek mei it Hollânsk, omdat se dêr yn Nederlân net sûnder funksjonearje kinne. Beide talen hawwe op it stik fan wurdstruktuer en wurdskat gâns ien en mien. Dat hâldt yn, dat har yn ‘gelikenze’ wurden gauris deselde foarmferskillen openearje. Soks is fan dy gefolgen, dat Hollânske en Fryske wurdparten mei inoar lykslein wurde. Dêr sit fansels wer in statske kant oan, foar sa fier as it om de besteande ferhâlding tusken de wurdfoarried fan it Frysk en dy fan it Hollânsk giet. Mar de Fryskpraters kinne dy identifikaasje fan wurdparten ek aktivearje by it opnimmen fan nije wurden út it Hollânsk, dy’t se op grûn fan in bestead patroan fan korrespondinsje in Frysk stal jaan kinne. Soksoartige oanpassing fan lienwurden wurdt konverzje neamd (Sjölin (1976:46-56)).<sup>14</sup> Yn dy konverzje spilet de fonology in stjoerende rolle, d.w.s. de útkomsten dêrfan moatte neffens it Fryske fonologyske systeem wêze. Ik jou no de wichtichste konverzjegefallen; dêrby haw ik ferlykbere gefallen safolle mooglik by inoar set.

- |                      |  |
|----------------------|--|
| (4) -ie → -je        | (it giet om ûnbeklamme <i>-ie</i> ; sjoch ek § 2.2.4 hjirnei);   |
| -cie (-/si/) → -sje  | graasje (← <i>gracie</i> ), speesje (← <i>specie</i> ), fidúsje (← <i>fiducie</i> );   |
| -sie (-/zi/) → -zje  | konklúzje (← <i>conclusie</i> ), yllúzje (← <i>illusie</i> );  |
| -tie (-/tsi/) → -sje | rekreaasje (← <i>recreatie</i> ), spaasje (← <i>spatie</i> ), koöperaasje (← <i>coöperatie</i> ), diskreesje (← <i>discretie</i> ), suppleesje (← <i>suppletie</i> ), negoasje (← <i>negotie</i> ), moasje (← <i>motie</i> ), noasje (← <i>notie</i> ) (yn ‘e lêste trije foarbylden wurdt de beklamme lange [o:] foar it tosklûd [s] ta [o.ə] (<oa>), sjoch (2e) hjirfoar); <sup>15</sup> |
| -incie → -insje      | provinsje (← <i>provincie</i> ) (sjoch foar de lange [e:] (2g) hjirfoar);  |
| -antie → -ânsje      | fakânsje (← <i>vakantie</i> ), garânsje (← <i>garantie</i> ), kwitânsje (← <i>kwitantie</i> ) (sjoch (2d) hjirfoar foar de oergong fan [a] nei [ɔ] foar it tosklûd [n] en (2g) foar de lange [ɔ:]);  |
| -entie → -insje      | konferinsje (← <i>conferentie</i> ), essinsje (← <i>essentie</i> ), pretinsje (← <i>pretentie</i> ) (sjoch (2c) hjirfoar foar de oergong fan [ɛ] nei [ɪ] foar in nasaal bylûd yn itselde wurdlied en (2g) foar de lange [e:]);   |
| -ans → -âns          | balâns (← <i>balans</i> ), kadâns (← <i>kadans</i> ) (sjoch (2d) hjirfoar foar de oergong fan [a] nei [ɔ] foar it tosklûd [n] en (2g) foar de lange [ɔ:]);   |
| -ens -ins            | forins (← <i>forens</i> ), yntins (← <i>intens</i> ) (sjoch (2c) hjirfoar foar de oergong fan [ɛ] nei [ɪ] foar in nasaal bylûd yn itselde wurdlied en (2g) foar de lange [e:]);  |



-ent → -int	kontint (← content), elokwint (← eloquent) (sjoch (2c) hjirfoar foar de oergong fan [ɛ] nei [I] foar in nasaal bylûd);
-eel → -iel	kaniel (← kanceel), fluwiel (← fluweel), makriël (← makreel), kastiel (← kasteel), pinsiel (← penseel) (sjoch ek § 2.2.5 hjirnei);
-eren → -earje	garandearje (← garanderen), typearje (← typeren), konvertearje (← converteren), felearje (← failleren ← frå. faillir) (sjoch ek § 2.2.5 hjirnei);
ui → ú [ü] / û [u:]	(h)alún (← aluin), kornútsjes (← kornuiten), fornús (← fornuis), júst (← juist), klús (← kluis);
-tuur → -toer	avontoer (← avontuur), kreatoer (← creatuur), natoer (natuur), partoer (← partuur); <sup>16</sup>
-i{l/m/n/r}- → -y{l/m/n/r}-	yllegaal (← illegaal), yllustraasje (← illustratie), ympopulêr (← impopulair), ynkonsekwiint (← inconsequent), yrrêel (← irreeel);
inter- → ynter-	ynternasjonaal (← internationaal), ynterferinsje (← interferentie);
-ijC → -yC	profyft (← profijt), rym (← rijm), bagyn (← bagijn), anys (← anijs);
-{a/e/i/o}ge → -{aa/ee/ii/oa}zje	staazje (← stage), kolleezje (← kollege), prestiizje (← prestige), horloazje (← horloge) (yn it lêste foarbyld wurdt de beklamme lange [o:] foar it tosklûd [z] ta [o.ə] (<oa>), sjoch (2e) hjirfoar). <sup>17</sup>

## 2. Fierdere fonologyske omfoarmingen de kant fan it kanonike Fryske wurd út

By dit skift omfoarmingen giet it om gâns fonologyske prosessen. Gauris makke it iene de wei frij foar it oare, dat op ien en itselde lienwurd koenen mear prosessen tapast wurde. Benammen *fokaalreduksje*, dat yn 'e Germaanske talen hiel algemien is, makke fan alles los, d.w.s. it kreëarre in fonologyske konstellaasje foar alderhanne oare fonologyske prosessen.

Wy komme hjir op it mêd fan 'e fonology. De oanbelangjende prosessen binne minder 'automatysk' as deselden fan 'e foarige paragraaf, d.w.s. se binne fariabeler. Boppedat kinne se ynteraktearje mei oare prosessen en dêr 'tsjindruk' fan krije. In wurd yn it Frysk begjint nea mei in stimhawwende rûzer, sjoch (2a) hjirfoar, mar ûnbeklamme lange lûden of net-reducearre ûnbeklamme koarte lûden komme wol foar. Bytiden slane regelmjittichheden op mar in pear foarmen. Ien mei oar makket, dat it tal útsûnderingen navenant grut wêze kin en dat der dûbletten ûntstien wêze kinne fan foarmen dy't in beskate omfoarming al en net ûndergongen hawwe. Fierders koe der ek dialektferskaat efter dit slach omfoarmingen wei komme.

Ik wol no earst frij wiidweidich stilsteane by lûdferkoarting en -reduksje (paragraaf 2.1) en dan de oare fonologyske omfoarmingen by del gean (paragraaf 2.2.).

## 2.1 Lûdferkoarting en -reduksje

## 2.1.1 Lûdferkoarting

In lang lûd of twilûd sûnder haadklam wol maklik ferkoartsje; in lang lûd wurdt dan koart sûnder mear, in twilûd wurdt dan tagelyk in ienlûd.<sup>18</sup> Dat hat him meast yn foarmen fan trije wurdliiden mei in beklamme tredde en in sekondêr beklamme earste wurdliid foardien; it lûd yn it middelste wurdliid ûndergie yn 'e regel reduksje, dat der ûntstie, yn termen van Van Zonneveld (1985), in moaie 'ritmyske hingelmatte' (sjoch ek (18) hjirnei). Mar langere foarmen koenen ek ferkoarting ûndergean, al moast de haadklam dan altyd op it tredde wurdliid lizze. De foarmen dy't sa ûntstienen, binne dus, wannear't men nei de lûden sjocht, meast fan it neikommende patroan:

(5) ferkoarte sekondêr beklamme lûd – sjwa – lûd mei haadklam (– sjwa)

Ik jou hjirûnder in nust foarbylden fan lienwurden dêr't him ferkoarting yn foardien hat:

(6) [a]brikoas (← [a:]brikoos)	appekryf (← [a:]pokrief)
dommesylje (← domicilie)	krokkedil (← krokodil)
kollesaal (← kolossaal)	oppeteur (← frâ. opérateur)
kollestrol (← cholesterol)	nommenaasje (← nominatie)
agurk (← augurk)	fallyt (← failliet)

Dizze ferkoarting is moai dúdlik te fernimmen, wannear't it om it lûd [e:] giet, omdat de koarte wjergader dêrfan, [I], ek in justjes oare kwaliteit hat. In pear foarbylden:

(7) tillefoan (← telefoon)	ginneraal (← generaal)
spikkelearje (← speculeren)	liddekant (← ledikant)
rippetysje (← repetitie)	rislút (← risselút ← resoluut)
rikkemandearje (← recommanderen)	gimmeleard (← geëmailleerd)
dillegaasje (← delegatie)	pinneseline (← penicilline)
Dimter (← Deemter ← [de:vɪntər] ← Deventer) <sup>19</sup>	
rimmetyk (← rematyk ← reumatyk)	

Ik haw fiif wurden fûn dêr't de oarspronklike [e:] ta it slettene foarlûd [i] wurden is; omdat dy [i] altyd foar [I] stiet, liket dat bylûd, dat ek heech en foar yn 'e mûle foarme wurdt, assimilatoaryske ynfloed op it lûd derfoar hân te hawwen. Ferlykje ek wurden as *yllegaal* (← *illegaal*) en *yllustraasje* (← *illustratie*) út (4) hjirfoar en it wurd *ellinde*, dat de farianten *elinde*, *illinde* en *ilinde* hat (sjoch WFT, s.v. *ellinde*). Omdat de fiif wurden kreas yn it patroan fan ferkoarting passe,<sup>20</sup> nim ik oan, dat [e:] earst ta [I] ferkoarte en dêrnei ta [i] ferhege is. De staveringen *illestyk* en *illemint* binne belein, sjoch WFT, s.v. *ilestyk* en *elemint*, mar *fillesetearje*, *fillesepee* en *fillekaan* haw ik net fûn.<sup>21</sup>

(8) elastiek → [I]llestyk → [i]lestyk  
 element → [I]llemint → [i]llemint  
 felisiteren → f[I]llesetearje → f[I]lsetearje → f[i]lsetearje

vélocipède → f[[I]losipède → f[[I]llesipède → f[i]lesepede (→ filesepee)  
 pelikaan → felikaan → f[[I]llekaan → f[i]llekaan (→ fûleka(an))

### 2.1.2 Lûdreduksje

In ûnbeklamme koart lûd hat oanstriid om te redusearjen yn kwaliteit, d.w.s. om ta sjwa te wurden, sa't oan 'e neikommende foarbylden bliken docht:

(9) fakânsje → f[ə]kânsje	kaniel → k[ə]niel
termyn → t[ə]rmyɲ	debat → d[ə]bat
minút → m[ə]núɪ	royaal → r[ə]jaal
brutaal → br[ə]taal	fluwiel → fl[ə]wiel

It falt op, dat dit slach lûdreduksje him folle minder oan it wurdein as yn it wurd foardocht; wylst der oan it wurdein yn frijemde wurden dochs gâns ûnbeklamme koarte lûden foarkomme, lykas yn *aginda*, *meny* en *akkú* (Visser (1997:274)). Ik jou in pear foarbylden fan reduksje oan it wurdein:<sup>22</sup>

(10) aalw[ə] ← aloëe  
 proaz[ə] ← proza  
 pian[ə] ← piano  
 kejan[ə] ← guano  
 kommand[ə] ← kommando  
 p(e)jam[ə] ← pyjama

Al binne sokke realisasjes dus mooglik, se hearre jin minder eigen oan as wannear't *fakânsje* as [fə]kânsje útsprutsen wurdt. It feit dat ûnbeklamme lûden oan it wurdein oer it generaal ek minder gefoelich foar ferkoarting binne, draacht fêst by ta dy ûngewoanens. Aansjen sille wy sjen, dat lûdreduksje him net oan it wurdbegjin foardwaan mei. De rânjen fan it wurd lykje dus in tsjinnichheid yn reduksje te hawwen. Dat sil net los te sjen wêze fan 'e wichtige rolle dy't se by wurdpersepse spylje.

Wannear't it koarte ûnbeklamme lûd redusearret, dan krijt men te dwaan mei de piter-tuerlikheden fan sjwa, better sein: fan it wurdlied dêr't sjwa de kearn fan útmakket. Sjwa, it swakste lûd dat der is, kin mar in beheind slach wurdlied 'drage' en stelt fierders ek nochal wat easken oan wêr't er yn it wurd foarkomme kin.<sup>23</sup> Dat makket, dat lûdreduksje faak it begjin fan in hiele rige oanpassingen west hat. Ik sil dy easken fan sjwa no stik foar stik by del.

#### 2.1.2.1 Sjwa net oan it wurdbegjin

In wichtige beheining op it foarkommen fan sjwa yn it wurd is, dat dit lûd net oan it wurdbegjin foarkomme mei. Soks betsjut, dat in ûnbeklamme koart of ferkoarte lûd op dat plak net redusearje kin, sa't de neikommende foarbylden útwize:<sup>24</sup>

(11) akasia → akaasje → [ə]kaasje  
 augurk → agurk → [ə]gurk

Bytiden hat der lykwols al reduksje west, dat ta in ferbeane konstellaasje late. Om dy

te ferhelpen, waarden der trije strategyen te baat nommen. Alderearst waard sjwa troch in fol koart lûd, meast [i]-, [o]- of [u]-, ferfongen:

- (12) enoarm → [ə]noarm → [i]noarm, [o]noarm, [u]noarm  
 absolút → [ə]pslút → [o]pslút  
 oranje → [ə]ranje → [u]ranje  
 ordinaris → [ə]naris → [ɔ]naris, [o]naris, [u]naris  
 egaal → [ə]gaal → [i]gaal

Yn it eigen wurd *ôfgryslik/ougryslik* hat dat him ek foardien: [ɔ:]/[ɔ.w]gryslik ~ [ɔ]gryslik → [ə]gryslik → [u]gryslik.<sup>25</sup>

Yn it twadde plak waard it heallûd *j* foar sjwa ynfoege (Hoekstra et al. (1994:295-296)):

- (13) [jə]ropa ← [ə]ropa ← [ö]ropa ← [ö.ə]ropa  
 [jə]staal ← [ə]staal ← frâ. estale<sup>26</sup>

Men kin jin fansels ôffreegje, watfoar doel oft it hat dat in ûnbeklamme fol koart lûd earst ta sjwa redusearret en dat dy sjwa dêrnei troch in fol koart lûd ferfongen wurdt of in heallûd foar him krijt. It iennichste dat ik derfan sizze kin, is dat de oanstriid ta reduksje en it ferbod op sjwa oan it wurdbegjin beide tige sterk binne. It lêste is lykwols sterker as it earste. At reduksje bytiden al slagget, nettsjinsteande it ferbod, dan wurdt it risseltaat byholpen. Mar meastal soarget it ferbod der foar, dat der oan it wurdbegjin hielendal net redusearre wurdt, sjoch (11) hjirfoar.

Yn it tredde plak kin sjwa falle litten wurde, de fierst geande foarm fan reduksje. Yn dit gefal is it diel fan it rommere fenomeen fan 'e saneamde prolepsis, it skrassen fan in ûnbeklamme wurdliid oan it wurdbegjin (sjoch Hoekstra (1987b)):<sup>27</sup>

- (14) attrapearje → [ə]trapearje → trapearje  
 emeritus → [ə]meritus → meritus (→ mjirkas)  
 eklips → [ə]klips → klips (moanneklips; klipsrymkes)

### 2.1.2.2 Sjwa net nei *h*

In oare wichtige beheining op it foarkommen fan sjwa is, dat sjwa, it swakste lûd, net nei *h*, it swakste bylûd, foarkomme mei (Visser (1997:40, noat 57)). Dat hâldt yn, dat in ûnbeklamme koart lûd nei *h* net redusearje kin. Sa kin *heraut* net ta [hə]raut wurde. Mar krekt en gelyk as by it ferbod op reduksje oan it wurdbegjin yn 'e paragraaf hjirfoar, hat reduksje nei *h* him wolris foardien, mar is it risseltaat byholpen. Dat koe syn beslach krije troch it ferfangen fan sjwa troch in fol lûd (al of net folge troch it skrassen fan *h*), troch it skrassen fan it hiele [hə]-wurdliid of troch it ferfangen fan it [hə]-wurdliid troch in frjemd foarheaksel:

- (15) horloazje → [hər]loazje → [hə]loazje → [ha]lloazje (→ [a]lloazje)  
 hortinsje → [hər]tinsje → [ha]ttinsje → [a]ttinsje<sup>28</sup>  
 horrible → [hər]ribel → [hə]ribel → [ə]ribel → [u]ribel  
 histoarje → [hə]stoarje → [ə]stoarje → stoarje  
 histoarje → [hə]stoarje → ekstoarje

### 2.1.2.3 It favorite sjwa-wurdliid en de gefolgen

In wurd mei net mei sjwa begjinne; boppedat moat in sjwa-wurdliid yn it wurd altyd in oanset hawwe. In sjwa-wurdliid sûnder oanset is dêrmei altyd ferbean. Sjwa hat oan 'e iene kant leafst in simpele oanset en gjin kompleksen-ien. Oan 'e oare kant stiet sjwa leafst yn in iepen wurdliid; wannear't der al in koadaa is, dan moat dy leafst bestean út in sonorant bylûd, d.w.s. út ien fan 'e bylûden /m,n,l,r/. Al dy foarkarren fan sjwa meitsje, dat der troch fokaalreduksje bytiden in konstellaasje ûntstie dêr't oan allegear tsjinstridige easken tagelyk foldien wurde moast.

Wannear't it folle, koarte, ûnbeklamme lûd mei ien bylûd derfoar en ien dernei in wurdliid útmakke, ûntstie der troch reduksje in konstellaasje fan in sletten sjwa-wurdliid. Wannear't it bylûd nei sjwa /r/ wie, is dat faak oer sjwa hinne nei de oanset hipt:<sup>29</sup>

- (16) barbier → [bər]bier ~ [brə]bier      karwei → [kər]wei ~ [krə]wei  
 termyn → [tər]myn ~ [trə]myn      karbiel → [kər]biel ~ [krə]biel  
 parfors → [pər]foarst ~ [prə]foarst  
 operateur → operateur → oppereteur → op[pər]teur ~ op[prə]teur<sup>30</sup>

Troch dy omsetting ûntstie der in iepen sjwa-wurdliid, dat in ferbettering wie. Tagelyk ûntstie der sa in sjwa-wurdliid mei in komplekse oanset, in fermindering, al gie it dan ek om de ideale komplekse oanset, fan 'e foarm ploffer + r. Dêrom wie ditsoarte fan omsetting net ferplichte en kamen der dûbletten efter wei. Al joech reduksje in minder preferabele útkomst, de oanstriid dêrta wie sa sterk dat it net opkeard waard.

In beheining op r-omsetting fan koadaa nei oanset wie, dat dy allinnich yn in wurdliid oan it wurdbegjin of yn it wurd syn beslach krije koe. Yn § 2.1.2 hjirfoar hawwe wy sjoen, dat in ûnbeklamme koart lûd oan it wurdein net maklik ta sjwa redusearret. It Frysk hat oars genôch (haad)wurden dy't op in sjwa útgeane, mar dy heart yn dat gefal ta de ûnderlizzende foarm. At it net hoecht, wurdt der gjin sjwa oan it wurdein ôflaat.

Wannear't it folle, koarte, ûnbeklamme lûd mei in bylûdkloft fan ploffer/rûzer + r/l derfoar in wurdliid útmakke, krige men troch lûdreduksje in iepen sjwa-wurdliid, mar al ien mei in komplekse oanset. Yn dat gefal ferhuzen r en l wol gauris nei de koadaa fan it sjwa-wurdliid, dat fansels ek wer in ferbettering en in fermindering wie:<sup>31</sup>

- (17) a. mei r

probearje → [prə]bearje ~ [pər]bearje  
 prosint → [prə]sint ~ [pər]sint  
 professor → [prə]fesser ~ [pər]fester  
 agremint → ak[kr ə]mint ~ ak[kər]mint  
 à propos → ap[prə]po ~ ap[pər]po  
 profyt → [prə]fyt ~ [pər]fyt  
 tomer en ruïne → [trə]wyn ~ [tər]wyn

- b. mei l

suppliant → sup[plə]jant ~ sup[pəl]jant  
 employeren → ym[plə]earje ~ ym[pəl]earje  
 fluwiel → [flə]wiel ~ [fər]wiel

kolonel → kolleneel → kolnel → [kəl]nel → [kər]nel

Wiere wurdliedoptimalisearring koe hjir berikt wurde troch it skrassen fan it bylûd yn 'e koda fan it sjwa-wurdlied, mei as risseltaat in ûnmarkearre, iepen sjwa-wurdlied mei in simpele oanset. Dat is dan ek op grutte skaal bard, sjoch § 2.2.1 hjirnei.

#### 2.1.2.4 Sjwa en ritmyk

Sjwa is it (iennichste) lûd dat gjin klam drage kin. No is der yn taal in stribjen nei in (ritmyske) ôfwikseling fan beklamme en ûnbeklamme wurdliiden. Dat hâldt yn, dat in wurd fan trije wurdliiden leafst de neikommende ritmyske opbou hat:

- (18) a. sjwa-wurdlied                      **beklamme wurdlied**      sjwa-wurdlied  
 b. **beklamme wurdlied**      sjwa-wurdlied                      sekundêr beklamme wurdlied  
 c. sekundêr beklamme wurdlied      sjwa-wurdlied                      **beklamme wurdlied**

Yn 'e fonologyske literatuer wurdt it patroan fan (18b,c) wol as in 'ritmyske hingelmatte' oantsjut.

Dy ritmyske foarkar hat gefolgen foar lûdreduksje. Wannear't in trijewurdliedich lienwurd de klam op it middelste wurdlied hat, kinne de folle lûden fan 'e beide oare wurdliiden redusearje, sûnder dat der dêrtroch in sekwinsje fan twa ûnbeklamme wurdliiden efter inoar, in saneamde 'lapse', ûntstiet:

- (19) **kurator** → kurat[ə]r ~ k[ə]rator ~ k[ə]rat[ə]r  
**professor** → profess[ə]r ~ pr[ə]fessor ~ pr[ə]fess[ə]r<sup>32</sup>

Yn in trijewurdliedich lienwurd mei de klam op it lêste of earste wurdlied soe út in each fan ritmyk mar allinnich it twadde wurdlied in sjwa krije kinne, meidat it earste of lêste wurdlied sekundêre klam hâlde moat, it 'hingelmatte'-effekt. Dat komt ek út:

- (20) a. *mei einklam*

<b>ledikant</b> → lidd[ə]kant	<b>personeel</b> → pers[ə]niel
<b>resultaat</b> → riss[ə]ltaat	<b>potinsjeel</b> → pot[ə]nsjeel
<b>obstinaat</b> → obst[ə]rmaat	<b>singulier</b> → sing[ə]llier

- b. *mei begjinklam*

<b>lucifer</b> → lúsj[ə]fers	<b>dominee</b> → dom[ə]ny
<b>ducaton</b> → dikk[ə]ton	<b>katapult</b> → katt[ə]pûl

Soks jildt ek foar fjouwerwurdliedige lienwurden mei klam op it tredde en sjwa yn it einichste wurdlied.<sup>33</sup>

- (21) **deputearre** → dipp[ə]tearre      **situaasje** → sit[ə]waasje

In sekwinsje fan twa of mear sjwa-wurdliiden efterinoar is út in each fan ritmyk minder winsklik; dêrom binne de neikommende gefallen fan reduksje folle minder goed oant ûnmooglik:

- (22) **ledikant** → lidd[ə]kant → ?\*[l]ə[d]ə]kant  
**personiel** → pers[ə]niel → ?\*[p]ə]rs[ə]niel  
**katapult** → katt[ə]pûl → ?\*katt[ə]p[ə]  
**ducaton** → dikk[ə]ton → ?\*dikk[ə]t[ə]n  
**deputearre** → dipp[ə]tearre → ?\*d[ə]p[ə]tearre  
**situasje** → sit[ə]waasje ?\*[s]ə]t[ə]waasje

### 2.1.2.5 Sjwa-weifal

De foarm fan lûdreduksje dy't it fierst giet, is it weifallen fan sjwa. Soks koe mar allinnich in goede útkomst jaan, wannear't it bylûd dêr't sjwa in wurdlied mei útmakke goed yn in oanbuorjend wurdlied opnommen wurde koe. Yn 'e foarbylden hjirûnder smiet sjwa-weifal in ideale, kanonike oansetkloft fan in ploffer + *r* of *l* op:

- |                                       |   |
|---------------------------------------|---|
| (23) <b>blâns</b> ← b[ə]lâns ← balâns | <b>blein</b> ← b[ə]lein ← balein                  |
| <b>brat</b> ← b[ə]rat ← borat         | <b>drekt</b> ← d[ə]rekt ← direkt                  |
| <b>sigret</b> ← sig[ə]ret ← sigaret   | <b>kraf</b> ← k[ə]raf ← karaf                     |
| <b>krekt</b> ← k[ə]rekt ← korrekt     | <b>klonje</b> ← k[ə]lonje ← kolonje               |
| <b>klomkachel</b> ← k[ə]lom- ← kolom- | <b>krupsje</b> ← k[ə]rupsje ← korruptsj           |
| <b>klinen</b> ← k[ə]linen ← kerlinen  | <b>plysje</b> ← p[ə]lysje ← polysje               |
| <b>yntresant</b> ← ynt[ə]resant       | <b>petroalje</b> ← pet[ə]roalje                   |
| <b>(sop)trine</b> ← (sop)t[ə]rine     | <b>tilbry</b> ← tilb[ə]ry ← tilbury <sup>34</sup> |

It falt op, dat der hast gjin gefallen fan in oanset fan rûzer + *r/l* binne; de iennichsten dy't ik fine kinnen haw, binne *tafriel* ← *taf[ə]riel* en *peslein* ← *pors[ə]lein*. It kin sa wêze, dat der no ienkear amper lienwurden wienen mei in konstellaasje dy't rûzer + *r/l* opsmite koe. Mar it is ek sa, dat in ploffer it minst sonoare slach bylûd is en dêrom it bêste yn 'e oanset op syn plak is. Yn eigen wurden komt dit ferskynsel ek foar en dêr is it net beheid ta ploffers, sa't út 'e neikommende foarbylden ôfnommen wurde kin: *wrachtich* ← *w[ə]rachtich* ← *warachtich*, *Hurdegryp* ← *Hurdeg[ə]ryp* ← *Hurdegrarp*, *fliden* (*jier*) ← *f[ə]liden* ← *ferliden*.

Oan foarmen as *knïel* ← *k[ə]niel* ← *kaniel* en *knûtsjes* ← *k[ə]nûtsjes* ← *kernûtsjes* ← *kornûtsjes* is te sjen dat der ek wol in minder ideale oansetkloft oerbliuwe koe, ferl. de eigennamme *Knilles* ← *K[ə]nilles* ← *Kernilles* (← *Kornelis*). Dêr moat al by opmurken wurde dat sokke foarmen lang sa faak net foarkomme as dy yn (23).<sup>35</sup>

Wannear't it bylûd dat nei sjwa-weifal oerbleau net yn in oanbuorjend wurdlied opnommen wurde koe, waard it skrast; sjwa naam dan om samar te sizzen in bylûd yn syn fal mei. Bytiden liket der mear as ien sjwa mei in bylûd skrast te wêzen, mar ik nim oan, dat soks dan yn mear as ien stap syn beslach krige hat. Hjirûnder jou ik in pear foarbylden:

- (24) **ornaris** ← or[də]naris ← ordinaris  
**eksteur** (← eks[ə]teur) ← ekse[kə]teur  
**pultrum** ← pultum ← pul[pə]tum ← pulpitum  
**kerlyn** ← korlyn ← kor[nə]lyn ← kornalyn  
**prekaasje** ← pre[də]kaasje ← predikaasje  
**skansearje** ← skan[də]searje ← skandalisearje  
**stúsje-** ← [kə]stúsje- ← [kə]stúsje- ← [kə]stúsje- ← konst[ə]túsje- ← konstitúsje-  
 jekoard

kryk ← kr[ət]yk ← krityk  
 mankelyk ← m[ə]lankelyk ← melankolyk  
 sefjêre ← sefj[ən]jêre ← chifonnière

Meastal giet it om it weifallen fan sjwa mei in bylûd derfoar, m.o.w. om in sjwa-wurdlid; allinnich yn *kryk*, *mankelyk* en *sefjêre* hat sjwa de oanset fan it wurdlid dernei meiskuord. Sjwa-weifal allinnich hie yn alle gefallen fan (24) in ûnakseptabele bylûdkloft opsmiten; mei it weifallen fan it hiele sjwa-wurdlid wurdt dat probleem út 'e wei romme.<sup>36</sup>

Besjoch no de foarmen hjirûnder:

(25) peslein → *pslein*                                  meleur → *mleur*  
 kemiel → *kmiel*                                        tefriel → *tfriel*

De oansetkloft yn 'e rjochter foarmen is ûnakseptabel. Hjir is lykwols net in hiel sjwa-wurdlid skrast, mar is sjwa-weifal opkeard. Ik kin net ferklearje wêrom oft dat by de foarmen yn (25) al sa gongen is, mar by dy yn (24) net. De lêsten binne wat langer as de earsten, dat dan, soe men sizze kinne, is der mear kâns om in hiel wurdlid te skrasen en dochs in foarm oer te hâlden dy't as in ynkoarte fariant werom te kennen is.

Troch sjwa-weifal koe der ek in konstellaasje ûntstean dy't oars as op it stik fan oansetkloften minder ideaal is. Sa koe der in te lang wurdyntern wurdlid oerbliuwe, lykas yn it neikommende foarbyld:

(26) aalwe ← al[ə]we (← aloëe)

It koe ek betoare, dat der in minder goede oansluting tusken twa wurdliiden efter wei kaam. De ideale wurdliidoansluting hat men, wannear't it iene wurdlid sa sonoar mooglik ophâldt en it oare sa ûnsonoar mooglik begjint, dus at it iene iepen is en it oare mei in ploffer begjint. Yn *fyl*<sub>ww</sub>(*seteare* (← *fil[ə]seteare*) en *fyl*<sub>ww</sub>(*sepee* (← *fil[ə]sepee*) bgl. is de wurdliidoansluting dan wol net ideaal, mar hy is noch tige goed, want *l* is in hiel sonoar bylûd en *s* krekt net. In pear foarbylden fan frijwat beroerde wurdliidoansluting:

(27) ap)<sub>ww</sub>(teek ← ap[ə]teek ← apoteek      kap)<sub>ww</sub>(taal ← kapp[ə]taal ← kapitaal  
 kap)<sub>ww</sub>(tein ← kapp[ə]tein ← kapitein      of)<sub>ww</sub>(sier ← off[ə]sier ← offisier<sup>37</sup>  
 ab)<sub>ww</sub>(slút ← abs[ə]lút ← absolút      sik)<sub>ww</sub>(taris ← sikk[ə]taris  
 ad)<sub>ww</sub>(stint ← ads[ə]stint ← adsistint

ris)<sub>ww</sub>(nabel ← riss[ə]nabel ← rezonabel

dûm)<sub>ww</sub>(ny ← domm[ə]ny ← dominee

al)<sub>ww</sub>(jemint ← all[ə]jemint ← al[ə]jemint ← alynjemint ← alignement

Yn it boppeste rychje stjitte ploffers en rûzers op inoar, yn *risnabel* in rûzer en in nasaal bylûd, yn *dûmny* twa nasale bylûden en yn *aljemint* in *l* en *j* (beide tige sonoare lûden).



Yn 'e foarbylden fan (23) o/m (27) is sjwa yn in wurd weifallen en hawwe de bylûden dy't oerbleauwen yn datselde wurd meast in plakje fûn. Ik wit fan ien gefal, dat sjwa sa te sjen oan it wurdein weifallen en dat it bylûd dat oerbleau nei it wurd dernei ferhuze is. Dêr moat fuort by sein wurde, dat der nei alle gedachten mar allinnich neffens komôf mear sprake fan twa wurden wie en dat de fonologyske omfoarmingen earst har beslach krije koenen, neidat dy twa as ien nij wurd opfette wienen. It giet om *patrike* (*tabak*) ← *Porto Rico* (WFT, s.v. *patriketabak*): “Helje beste patrieke tabak/ En set him goed op sijn gemak.” (*Vr.Alm.Sur.*: [1830]). Wy kinne ús de omfoarming fan *Porto Rico* ta *patrike* sa yntinke: *Porto Rico* → *p[a]rtoriko* → *part[ə]riko* → *par*.)<sub>ww</sub> (*triko* → *partrik[ə]* → *patrike*). Sjoch foar de oergong fan *por-* nei *par-* noat 28 hjirfoar. Faaks wurdt mei <a> hjir lykwols in sjwa bedoeld. It folle lûd oan it wurdein is ek redusearre, dat op himsels ungewoan is (sjoch § 2.1.2 hjirfoar). Yn dit gefal komt de einichste sjwa jin lykwols eigen oan, omdat er as de ferplichte bûgingsútgong fan it (mooglike) eigenskipswurd *patryk* foar it *de-*wurd *tabak* begrepen wurde kin.

## 2.2 Oare fonologyske oanpassingen

Yn dizze paragraaf wol ik de fonologyske oanpassingen besjen dy't net of minder streekkrjocht mei lûdferkoarting en -reduksje te krijen hawwe.

### 2.2.1 *r*-weifal en *r*-ynfoeging

It bylûd *r* wol yn it Frysk maklik weifalle. Yn eigen wurden komt it yn ien en itselde wurd net (mear) foar de tosklûden *s/d/t/n* foar, al wurdt it dêr (noch) al stavere, bgl. yn *farsk* [fask], *burd* [böt] (ferl. *burden* [bödŋ]), *hert* [hɛt] en *moarn* [mo.ən]. Yn frjemde wurden, dy't dan al in hoartsje yn it Frysk opnommen wêze moasten, hat *r* dy ûntjouwing ek meimakke. Besjoch de neikommende foarbylden:

(28) <i>apart</i> [apat]	<i>alart</i> [alat]
<i>kefer</i> [kəfɛt]	<i>faasje</i> (ferl. <i>foarsje</i> [fwasjə]; ← <i>force</i> )
<i>lûsjefers</i> [lûsjfɛs]	<i>regaad</i> (← <i>regard</i> )
<i>oarder</i> [vwadər]	<i>party</i> [ˈpati] (← <i>partij</i> )
<i>orthodox</i> → <i>ottodoks</i> (→ <i>ottedoks</i> → <i>otterdoks</i> )	

Yn 'e foarbylden hjirboppe is *r* nei in fol lûd weifallen. It measte komt *r*-weifal lykwols foar, *wannear't r yn 'e koadar fan in sjwa-wurd lid stiet en der yn itselde wurd in wurd lid nei komt dat mei in bylûd, meast in ploffer, begjint*. Sjwa komt dêrtroch alder earst yn in iepen wurd lid te stean en dat is, sa't wy yn § 2.1.2.3 hjirfoar sjoen hawwe, it slach wurd lid dêr't er it leafst yn tahâldt. Boppedat jout in iepen wurd lid, folge fan ien dat mei in ploffer, it sterkste slach bylûd, begjint, in ideale wurd lidoansluting (sjoch de paragraaf hjirfoar). Ik jou no in stikmannich foarbylden. Merk op, dat *r* bytiden earst fan 'e oanset nei de koadar ferhuze (yn *probearje*, *portret* en *sekretaris*) of dat der earst in sjwa weifallen wêze moast (yn *opereatur*), foardat de kontekst foar weifal berikt wie.

(29) <i>akkordearje</i> → <i>akk[ər]dearje</i> → <i>akk[ə]dearje</i>
<i>probearje</i> → <i>pr[ə]bearje</i> → <i>p[ər]bearje</i> → <i>p[ə]bearje</i>
<i>portret</i> → <i>p[ər]tret</i> → <i>p[ə]tret</i>
<i>opereatur</i> → <i>op[ə]r[ə]teur</i> → <i>op[ər]teur</i> → <i>opp[ə]teur</i>
<i>sekretaris</i> → <i>sikk[r]ətaris</i> → <i>sikk[ər]taris</i> → <i>sikk[ə]taris</i> (→ <i>siktaris</i> )

kwartier → kw[ər]tier → kw[ə]tier (→ ketier)  
bordure → b[ər]duere → b[ə]duere  
porselein → porslein → p[ər]slein → p[ə]slein  
korset → k[ər]set → keset (→ kesjet)  
kornalinen → korlinen → k[ər]linen → kelinen (→ klinen)

Yn eigen wurden komt dizze *r*-weifal fansels ek foar, tink bgl. oan *foarbij* en *foarnaam*, dy't as [fəbɛ.j] en [fəna:m] útsprutsen wurde kinne, wylst de *r* fan it foarheaksel *fer-* foar net ien bylûd útsprutsen wurdt.

Lykas sein, *r* is yn it Frysk foar in tosklûd weifallen. Dat koe fan dy gefolgen wêze, dat *r* krekt foar in tosklûd ynfoege waard, in ferskynsel dat yn 'e fonologyske literatuer ûnder de namme 'regelomkearing' bekend stiet en wol út hyperkorreksje wei ferklearre wurdt. Ut it Midfryske tiidrek wurde dêr yn Stapelkamp (1955) foarbylden fan bybrocht, bgl. *moarntop* (no: *moantop*), *sprinkhoarne* (no: *sprinkhoanne*), *raernde* (no: *raande*), *Karstânjen* (no: *kastanjes*); sjoch ek Hoekema (1959), dy't û.o. wiist op 'e plaknamme *Ternaard* (út âlder *Tunnawerth*), it efterheaksel *-ernôch* (út âlder *-aōch*) en it lienwurd *obsternaat*. Hoekstra (1987a:58, noat 3) neamt âlder *jongers* (no: *jonges*) en *sinters*, in foarm dy't neist *sintes* foarkomt en bestiet út it haadwurd *sint* en it efterheaksel *-es*. Ik wit fan twa lienwurden dêr't dizze *r*-ynfoeging him foardien hat:

(30) obstinaat → obst[ə]naat → obst[ər]naat  
ortodoks → ottodoks → ott[ə]doks → ott[ər]doks

Sjwa kaam sa yn in sletten wurdlied telâne, al is *r* wol in hiel sonoar bylûd. Mar dat nimt net wei, dat sjwa it leafst yn in iepen wurdlied stiet. De oanstriid om in *r* foar in tosklûd te tinken, dêr't er ommers sa maklik weifoel, hat sa't it liket bytiden sterker west as de driuw nei iepene sjwa-wurdliiden. Dat *r* yn dizze foarmen gewoanwei sonantysk is, dus as [r] útsprutsen wurdt, hat makke dat er net sa maklik wer wei wurde koe, want sonantyske bylûden kinne net skrast wurde (Visser (1997:326-327)).

Yn in pear gefallen is der yn 'e oanset nei in ploffer in *r* ynfoege:

(31) skewiele ~ skrewiele                                      santepetyk ~ santepetryk  
diaken ~ driaken    tamtearje ~ tramtearje  
apokryf ~ apprekryf<sup>38</sup>

teater → treater (→ trejater → trijater)  
pulpitum → pulpetum → pultum → pultrum

Yn eigen wurden komt dit ek wol foar, tink oan *wraggelje* neist en út *waggelje*.

Dizze ynfoeging is fonologysk min oannimlik te meitsjen, want yn taal hawwe simpele wurdliidienheden de pree boppe komplekse: leaver in koart lûd as in lang lûd, leaver in lang lûd as in twilûd, en ek: leaver in oanset of koadat fan ien bylûd as fan twa.<sup>39</sup> Dêr moat fuort by sein wurde, dat in ploffer mei *r* in ideale komplekse oanset útmeitsje. Boppedat hat men hjir faak te krijen mei dûbletten, dat derop wiist dat dit soarte fan *r*-ynfoeging him net algemien trochset hat en dêrmei dochs wol wat apartichs bleaun is.<sup>40</sup>

2.2.2 -sr- → -str-

Lykas yn 'e talen om ús hinne, komt yn it Frysk yn eigen wurden de kloft -sr- net foar. Sa gau as dy drige te ûntstean, waard der in -t- ynfoege en krige men de kloft -str-, sjoch Hoekstra (1987a). Dy ynfoeging is te begripen as in gefal fan dissimilaasje, want *s* en *r* lykje in soad opinoar: beide binne it tosklûden en beide binne it saneamde kontinuanten, d.w.s. dat by it foarmjen derfan de lucht moai frij ta de mûle út streamen kin (*s* is in rûzer). Boppedat is der yn taal in tsjinnichheid yn bylûdkloften fan twa kontinuanten. Hoekstra jout as foarbylden fan dizze *t*-ynfoeging û.o. de Skylger buorskipsnamme *Stryp* (← \**Sryp* ← *S[ə]ryp* ← *Suryp*) en de wurden *koerts* [ku.əts] (← *koers*), *stoerts(k)* (← *stoers(k)*), *bartsk* (← *barsk*) en *boster* (← [bosʃ] ← *bosser* [bosər]). Yn it lêste wurd is -t- tusken *s* en in sonantyske *r* ynfoege, sjoch ek *pe(r)fester*, *assester* en *kouster* yn (32) hjirnei. In faaks wat resinter foarbyld is de plaknamme *Surhústerfean*, dy't men wol as *Strústerfean* (← [srústər]- ← [sərústər]- ← [sərhústər]- ← [sərhústər]fean) útsprekken hearre kin.

Yn frjemde wurden hat dizze *t*-ynfoeging him ek foardien; it tal gefallen is oars net grut, mear as dy hjirûnder haw ik net fine kinnen.

- (32) *assurant* → ass[ə]rant → \*asrant → asrant<sup>41</sup>  
*assurearje* → ass[ə]rearje → \*asrearje → asrearje  
*professor* → pr[ə]fess[ə]r → \*p[ə]rfe[sʃ] → perfe[sʃ] → pe(r)fester  
*assessor* → assess[ə]r → \*asse[sʃ] → asse[sʃ] → assester  
*observearje* → ops[ə]rvearje → \*opsr[ə]vearje → opstrewearje  
*kousjer* → kouser → kou[sʃ] → kou[sʃ] → kouster

De ferbeane kloft [-sr]- is yn 'e measte gefallen troch deleesje fan sjwa ûntstien; by *opstrewearje* liket in analyse mei earst *r*-omsetting (sjoch § 2.1.2.3 hjirfoar) en dan *t*-ynfoeging al sa oannimlik. De driuw ta sjwa-weifal moat hjir ek sa sterk west hawwe, dat it neat útmakke dat dêr in ferbeane kloft efter wei kaam, dy't op syn bar wer beholpen wurde moast (ferl. § 2.1.2.1 hjirfoar).

2.2.3 Beklamme -[i(:)] → -ij(e)

In beklamme einichste -[i(:)] waard ta -ij(e), lykas yn 'e neikommende foarbylden:

- (33) *pastorie* → pastorij                      poëzie → poëzij(e)  
*harmonie* → harmonij(e)                  secretarie → sekretarij (→ siktarij)  
*melody* → meldij

Dat hat him yn it Hollânsk ek foardien. De foarmen op -ij binne dêr no wer foarmen op -[i] foar yn 't plak kommen. Yn it Frysk is dat net oars; de foarmen op -ij(e) hawwe in aard fan opsetlikheid en stivens en binne de trochsneed taalbrûker finaal ûneigen.

Der is, dat ik wit, ien gefal dat it min ofte mear oarsom gongen is, ntl. dat in ûnbeklamme einichste -ij yn -[i] omset is. It wurd (*in*) *partij* is troch klamferskowing earst (*in*) '*partij* wurden en doe (*in*) *party* [pati], dat lykwols allinnich mar in spesjale, telwurdefteige betsjutting hat, wylst *partij* yn 'e oare betsjuttingen brûkt wurdt. Deselde omsetting hat men ek yn eigen wurden, bgl. yn *jierdei* en *middei*, dy't as [jIdi] en [mIdi] útsprutsen wurde (sjoch Visser (1992)).

### 2.2.4 Unbeklamme -[i]- → -je-

In ûnbeklamme -[i]- waard ta *-je-*.<sup>43</sup> Yn 'e regel giet it om -[i]- oan it wurdein, mar út 'e foarbylden hjirnei kin ôfnommen wurde dat dat gjin betingst wie:

#### (34) a. oan it wurdein

aktie → aksje	historie → histoarje
peterselie → peterseelje	contrarie → kontraarje
domeny → domenje	

#### b. yn it wurd

lucifers → lúsjeifers	accidenten → aksjedinten
kwaliteit → kwaljeteit	mentaliteit → mentaljeteit
Samaritaan → Samarjetaan	harmonika → harmoanjeka
florissant → floarjesant	Meksikaan → Meksjekaan

De gefallen fan omsetting yn it wurd dogge jin no wat nuer oan (op *lúsjeifers* nei)<sup>43</sup>; yn it hjoeddeiske Frysk komme se ek net mear foar, mar einichst *-je* dêrfoaroer al. De hege frekwinsje fan dy lêste sekwinsje hat te krijen mei al dy Frânske lienwurden dy't yn it Hollânsk op 'e efterheaksels *-atie*, *-etie*, *-otie*, *-utie*, *-antie*, *-entie*, *-cie* en *-tie* útgeane, dy't by 'trochlienen' oan it Frysk in útgong op *-je* krige hawwe (sjoch ek (4) hjirboppe). It wurdein *-je* wurdt yn it hjoeddeiske Frysk as *-[jə]* of *-[i]* útsprutsen, al neffens de hoeke dêr't ien wennet (Visser (1992)). Dat jildt ek foar dizze lienwurden op *-ie*: yn 'e iene hoeke fan Fryslân geane dy op *-[jə]* út, yn 'e oare op *-[i]*.

Wannear't troch de omsetting *-je* nei *d* of *t* kaam te stean, waard *-[z]*- of *-[s]*- ynfoege.<sup>44</sup>

#### (35) studie → stúdje → stúdzje

komedie → komeedje → komeedzje
kwestie → kwestje → kwestsje → kwestje [kwɛsjə]
suggestie → suggestje → suggestsje → suggestje [sɔgɛsjə]
tuttyfrutty → tutjefrutje → tutsjefrutsje <sup>45</sup>
anti → antje → antsje(revoluters)
Atjeh → Atsjin
Potifar → Poatjefar → Poatsjefar

Soks hat men ek by tiidwurden fan 'e twadde swakke klasse mei in stamme op *-d/-t*, wannear't dêr it bûgingsefterheaksel *-je* oan fêstmakke wurdt: *tant+je* → *tantsje*, *skod+je* → *skodzje*.<sup>46</sup> En de wurden *jierdei* [jɪdi] en *middei* [mɪdi] kin men yn 'e hoeke dêr't se as *jidje* en *midje* útsprutsen wurde ek wol as *jidzje* en *midzje* útsprekken hearre.

### 2.2.5 Lûdoaneigening

Der binne in moai nistke lienwurden dêr't yn it Frysk in oarspronklik ienlûd fertwilûde is; dat twilûd koe dêrnei al of net oan brekking meidwaan. In stikmannich foarbylden:

(36) -eel → -iel ~ -eel <sup>17</sup>	pateel → petiele ~ petielle
viool → fioele	riool → rioel
moderatje → moederaasje	lampion → lampion ~ lampioen
prinsipaal → prinsipeal	affaire → affear(en)    manière → manear
voile → wale ~ wiele	

Dat *ee*, *oo* en *aa* yn lienwurden ta *ie*, *oe* en *ea* wurde koenen, slút oan by ûntjouwingen yn it Frysk sels, tink oan *stien*, *stoel* en *beam* út âlder *stēn*, *stōl* en *bām*. De lange *ā* is oer *ê* ([ɛ:]) ta *ea* ([I.ə]) wurden; dy lêste oergong moatte *affear(en)* (← *aff[ɛ:]re*) en *manear* (← *mani[ɛ:]re*) ek meimakke hawwe. No komt dat lêste wurd ek as *manier* foar; dat kin in streekrjochte ûntliening oan it Hollânsk wêze, mar *ea* kin foar *r* ek mei *ie* wiksele hawwe (sjoch fierderop yn dizze paragraaf). It wurd *voile* is yn it Frysk *wale* wurden, dat net sa'n grutte stap is. Mar it is my net rjocht dúdlik hoe't *wiele* dêr wer út ûntstien is. Tusken it Hollânsk en it Frysk wikselje *aa* en *ie* wolris, bgl. yn *zaad* - *sied*, *maal* - *miel* en *slaap* - *sliep*, dat *wale* ~ *wiele* hat him faaks nei dat patroan foege.

Hiel faak giet it hjir om wurden dêr't it lúd fan *r* folge wurdt. Dat hoecht jin sa lyk gjin nij te dwaan. Yn 't foarste plak hawwe lúden foar *r* de oanstriid om wat langer útsprutsen te wurden, en in (delgeand of sintralisearjend) twilúd is ek altyd lang. Yn 't oarde plak komme suvere lange ienlúden foar *r* net foar, dy geane yn dy posysje allegearre de kant út fan in sintralisearjend twilúd, en dat docht mei oan brekking:

(37) -eren → -earje -[jɛrjə]
se'roop → `seroop → searp → sjerp
emeritus → mearitus → mearikus → mierikus → mjiirikes → mjiirikes → mjiirkes
norm → nōrm → noarm → n[wa]rm
enorm → enōrm → enoarm → en[wa]rm
portie → prōsje → poarsje → p[wa]rsje
order → ōrder → oarder → v[wa]rder
dormter → dōrmter → doarmter → d[wa]rmter
force → fōrsje → foarsje → f[wa:]rsje → foarsje/faasje
rompu → rampoai [rampo:j] ~ [rampwaj]
cousinotte → krúsnotsje -[nɔtsjə] ~ krúsnoatsje -[nwatsjə]

Dit tsjut der allegear op, dat sokke wurden al hiel lang yn it Frysk 'meidraaie', yn alle gefallen al sa lang dat se dizze sintrale prosessen yn 'e histoaryske lúdleare fan it Frysk meimeitsje koenen.

Hoekstra (1986a) jout de ôflieding fan *sjerp* út *si'roop*; hy moat oannimme, dat de klam fan it twadde nei it earste wurdlid ferskood is, mar klamferskowing is gjin ûngewoan ferskynsel yn it Frysk, sjoch Hoekstra et al. (1994:293-295). Fan *emeritus* nei *mjiirkes* easket nochal wat stappen. It skrassen fan it begjinlúd, nei reduksje, is oan it ein fan § 2.1.2.1 hjirfoar, yn (14), al oanjûn. Yn *meritus* is it part *-itus* troch *-ikus* ferfongen, yn oansluting by de oare lienwurden op *-ikus*, bgl. *dogmatikus* en *mystikus*, dy't allegearre in persoan oantsjutte. De *-[I.ə]*- fan it earste wurdlid is dêrnei, foar *r*, ferfongen troch *-[i.ə]*-. De ôfwikseling *-ea-* ~ *-ie-* foar *r* komt yn it Frysk mear foar,

bgl. yn *ear* (*earder*, *earst*) ~ *ier*, *reare* ~ *riere*, *stjer*(re) ~ *stjir*(re), *djerre* ~ *djirre* en yn it lienwurd *prumelewearke* ~ *prumelewier* (sjoch ek Hoekstra (1986a:53)).<sup>48</sup> Nei brekking ûntstie de foarm *mjirrikus*, dy't oer *mjirr*[ə]kes ta *mjirkes* waard; mar lûdreduksje en it skrassen fan sjwa kinne ek wol foar brekking har beslach krige hawwe.

Dat fan *rampoai* ek de brutsen fariant [rampwaj] foarkomt (sjoch WFT, s.v. *rampoai*), slút oan by *boaiem* [bwa:jam] en by *moaier* [mwa(:)jær] en *moaist* [mwa(:)jst] neist *moai* [mo:j], sjoch Visser (1997:26, noat 35). Om fan *krúsnotsje* op *krúsnoatsje* te kommen, moat men wol oannimme, dat dat wurd mei it einichste part -[nɔ:t] liend is en dat -[ɔ:t] dêrnei mei -[o.ət] ôfwikselje koe, dat by in besteand patroan yn it Frysk oansleat, sa't oan 'e pearen *grôt* ~ *groat*, *nôt* ~ *noat*, *pôt* ~ *poat* en *rôt* ~ *roat* bliken docht (sjoch Sytstra en Hof (1925:20-21)). Foar de ferlytsingsútging -*tsje* hat der dêrnei ferkoarting (fan -[ɔ:]-) of brekking (fan -[o.ə]-) west.

Yn guon wurden is it lûd [æ:], dat yn it Frysk net foarkomt, ombûgd nei [ö:] (skreaun as *eu*), dat dêr yn it Frysk ticht by leit:

- (38) manoevre [manœ:vrə] → meneuvels  
freule [frœ:lə] → freule<sup>49</sup>

Ferlykje yn dit ferbân wurden as *reuma* [r.üma] en *terapeut* [t.l.ərəp.ʌ.üt], dêr't it twilûd [ʌ.ü], dat it Frysk net sa eigen is, troch it lange ienlûd [ö:] ferfongen is. Yn eigen wurden komt dat ek wol foar; sa wurde *bui* en *buis* bgl. wol as [bö:] en [bö:s] útsprutsen, en guon preeklêzers wienen ferneamd om har útspraak fan *het Huis des Heeren*, dat as *het Heus des Heeren* foar de hearen kaam.

Wannear't [ʌ.ü] foar <lle>- stie, lykas yn *feuilleton* en *portefeuille*, kaam dy kombinaasje as *-ülje* foar de hearen: *fûljeton* en *portefûlje*. Dy wurden wurde no mei in -[j]- útsprutsen (wy hawwe dan mei in saneamde 'l mouillé' te krijen). Yn âlder Hollânsk lykwols waard dy *-l-* as *-lj-* útsprutsen en as <lj>- skreaun. Wurden as *famielje*, *medalje* en *vanielje* hearden in ieu lyn ta it beskaafde Hollânsk (Van Haerlingen (1957:11-14)). De foarmen *fûljeton* en *portefûlje* binne dêrmei de safolste oanwizing, dat de Frânske lienwurden meast allegear oer it Hollânsk yn it Frysk kommen binne. It hege lûd *ü* yn dy foarmen koe ferklearre wurde út ferkoarting fan it delgeande twilûd [ʌ.ü] ta in opgeand twilûd, mei dêrnei gearfal fan 'e twa gelikenze koarte lûden ([ʌ.ü] → [üü] → [ü]), krekt sa't *ei* ta [i] wurde koe ([ɛ.j] → [ii] → [i]), sjoch Visser (1992). In probleem is lykwols, dat dy lêste oergong allinnich yn ûnbeklamme posysjes syn beslach krige, wylst [ʌ.ü] yn *feuilleton* en *portefeuille* beklamme is. Dêrom moat hjir faaks ek oan ynfloed fan 'e kombinaasje fan hege lûden nei [ʌ.ü], it bylûd *l* en it heallûd *j*, tocht wurde.

In oar foarbyld fan lûdoaneigening hawwe wy yn it wurd *embouchure*. Dat wurdt mei in nasale [ɔ] útsprutsen: [ɔ̃]bouchure. By de tiid lâns is [ɔ̃]- werynterpretearre as [ɔm]-. Dat no is in ferbeane sekwinsje yn it Frysk (sjoch (2f) en noat 8 hjirfoar en § 3.2.2.1 hjirnei). Sadwaande feroare [ɔm]- yn [am]-, en mei oare foarmoanpassingen kaam it op *ammesuer* út. Soks bringt jin de oergong fan *rompu* nei *rampoai* yn 't sin.

Yn moai wat lienwurden docht him de sitewaasje fan twa lûden 'in hiatus' foar, d.w.s. dat twa lûden neist inoar elk foar oar de kern fan in wurdlied útmeitsje. Omdat dat yn it Frysk strang ferbean is (Visser (1997:198)), wurdt der in heallûd ynfoege. Sa wurde *homeopaat* en *dieet* as [home:jo:pa:t] en [dije:t] útsprutsen. Yn guon lienwurden lyk-

wols is de hiaatsitewaasje ferholpen troch it fersimpeljen fan 'e lûdkloft. Sa binne *bibliotheek* en *violet* omfoarme ta *bibleteek* en *felet(ten)*. Foar *bibliotheek* kin men jin de neikommende gong fan saken yntinke: *bibl*[i.jo:]teek → *bibl*[əjo:]teek → *bibl*[əjə]teek → *bibl*[əə]teek → *bibl*[ə]teek (dat ik op syn bar wol as *bibelteek* útsprutsen heard haw, dus mei in fan oanset nei koda hipte *l*, sjoch § 2.1.2.3 hjirfoar). De *j* yn [-əjə]- koe namste makliker weifalle, meidat de kontekst fan heallûdynfoeging troch lûdreduksje ûntrochsichtich wurden wie (sjoch (2i) hjirfoar). Fan twa gelikenze sjwa's neist inoar bliuwt ien oer. Dat lêste hat him ek mei twa gelikenze folle lûden wolris foardien. Tink oan *koöperaasje*, dat moai algemien, benammen yn ferbân mei lânbou en suvel, as *koperaasje* útsprutsen wurdt en sa ek yn *Koperative Utjowerij* bedarre is, en oan bibelske nammen mei in dûbele *aa*, lykas *Aäron* en *Izaäk*, dy't men wol as *Izak* en *arons(stêf, -tsjelk)* sjocht. Nije lienwurden (ynternasjonalismen) bliuwe op dit stik fan saken trou oan har oarspronklike foarm.

### 2.2.6 *v ~ b*

-*v*- tusken twa lûden yn, meastal tusken in fol lûd en sjwa, koe ta -*b*- wurde:

- (39) advokaat → avv[ə]kaat ~ abbeka  
 baviaan → bavijaan → bavv[ə]jaan ~ babbejaan  
 avanceren → avansearje → avv[ə]searje ~ abbesearje  
 cavalier → kavv[ə]ljier ~ kabbeliere  
 skavot ~ skabot  
 à vous → haboes

De posysje tusken twa lûden yn is universeel sjoen in ferswakkingsposysje (sjoch ek de paragraaf hjirnei). Mar de ploffer *b* is in sterker, minder sonoar, slach bylûd as de rûzer *v*. Hoe moat dizze oergong dan ferklearre wurde? Merk op, dat yn (39) it lûd foar *v* koart is. No komt in stimhawwende rûzer leaver net nei in koart lûd. Dizze oergong kin dêrom begrepen wurde as in middel om derfoar te soargjen, dat -*v*- net yn sa'n konstellaasje bliuwe hoegde. De rûzer wurdt in ploffer, omdat dizze plakbeïning net foar ploffers jildt. Boppedat is dy feroaring sa lyts mooglik. De (stimhawwende) ploffer dy't it tichtst by *v* leit, is *b*. Merk oars op, dat de oergong, op *haboes* nei, net ferplichte wie, dat de foarmen mei *b* bestienen/besteane neist dy mei *v*.

Sokke 'funksjonele' ferklearringen is it altyd oppassen mei. Oarsom kaam it nammentlik ek foar, dat in *b* tusken twa lûden yn ta *v* wurde koe:

- (40) *labb*[ə]ret ~ *lav*eret                      *oerib*[ə]l ~ *oerivel*

It lûd foar *b* wie hjir koart, dat wêrom soe der in oergong nei *v* west hawwe moatte? In ferklearring dêrfoar haw ik net.<sup>50</sup>

### 2.2.7 Stim oanpassing tusken ploffers

Bytiden hawwe ploffers inoars spesifikaasje foar it skaaimerik [stim] oer frij grutte ôfstân beynfloede. Betingst dêrby wie dan al, dat der gjin oare ploffers of rûzers tusken sitte mochten. Meastal giet it dêrby fan in stimhawwende nei in stimleaze ploffer, lykas yn 'e neikommende foarbylden:

- (41) brutaal → bretaal → *bertaal* → *pertaal*  
 beton → *peton*  
 bottines → *betines* → *petines(en)*  
 sainte boutique → *santebetyk* → *santepetyk*  
 abrikoas → *apprekoas*  
 agremint → *akkremint*  
 brouette → *brewet* → *prewet*<sup>51</sup>

Soks hat him yn eigen wurden ek wol foardien. Sa is de foarm *jittik* [ʃItək] út *edik* kommen. En neidat de ferhâldingswurdkloft *by túltsjes* yn 'e rin fan 'e tiid ta ien wurd, *betúltsjes*, wurden wie, is dêr de foarm *petúltsjes* neist ûntstien.<sup>52</sup> It út 'e haadwurdkloft *idere kear* ûntstiene wurd *iderkear* is troch *r*-weifal en stimoanpassing fan *d* oan *k* ta *itekear* wurden.<sup>53</sup>

De ploffer lofts past him altyd oan de ploffer rjochts oan en net oarsom. Wy hawwe hjir dus te krijen mei saneamde *regressive assimilaasje fan stim*.<sup>54</sup> Yn taal yn it algemien is *regressive assimilaasje* gewoaner as *progressive* (fan lofts nei rjochts). Dat jildt ek foar it Frysk, dêr't *assimilaasje yn it gewoane gefal* *regressyf* is. De oanpaste ploffer yn (41) stiet boppedat altyd oan it begjin fan in ûnbeklamme wurdliid (Hoekstra (1986b:140)), fonologysk besjoen in ôfhinklike kontekst.

*Assimilaasje* is in 'lokaal' proses, d.w.s. it spilet him ôf tusken lûden dy't oaninoar grinzgje. No falt it op, dat de ploffers yn (41) faninoar skaat wurde troch it lûd sjwa. Dat is fan alle lûden it minst spesifyk, d.w.s. sjwa hoecht mar allinnich karakterisearre te wurden as 'lûd', wylst de oare lûden ek spesifisearre wurde moatte foar wêr't se yn 'e mûle foarme wurde (tusken iepen en sletten en foar en efter) en foar oft se lang of koart binne. Dat hâldt yn, dat ploffers mei allinnich in sjwa der tusken yn suver oaninoar grinzgje, en dêrmei wurdt dit slach *assimilaasje* dochs min ofte mear in *lokaal* proses.<sup>55</sup> It is mei oare wurden gjin tafal dat sjwa, en dêrmei in ûnbeklamme wurdliid, hjir in rol spilet. Tagelyk hâldt dat yn, dat der lûdreduksje west hawwe moat, foardat dizze stimoanpassing syn beslach krije koe.

Oan *pertaal*, *prewet*, *apprekoas* (en *akkremint*) is te sjen, dat in *r* tusken de ploffers likemin in behindering is foar stimoanpassing. No is it skaaimerke [stim] foar *r* fan in oare oarder as foar in ploffer. Foar *r* is it winliks in oerstallich skaaimerke, want *r* is altyd stimhawwend en der is gjin bylûd yn it Frysk dat fan *r* allinnich mar ferskilt trochdat it stimleas is. Oars is dat mei ploffers; dêr hat it skaaimerke [stim] in wurdûnderskiedende funksje, sa't oan it pear *pear* - *bear* bliken docht. It liket no sa te wêzen dat, bgl. yn *bertaal*, de net-wurdûnderskiedende spesifikaasje [+stim] fan *r* om samar te sizzen ûnsichtber/ynaktyf is en de ynfloed fan 'e (wurdûnderskiedende) spesifikaasje [-stim] fan *t* op [+stim] fan *b* net opkeare kin; *t* en *b* lykje op it nivo fan *stimspesifikaasje* dus oaninoar te grinzgjen.<sup>56</sup> It is no ek te begripen, wêrom oft der gjin oare ploffers of rûzers tusken beide ploffers yn stean meie.

In *stimleaze* ploffer kin ek *stimhawwend* wurde. It kin dan gean om (*regressive*) *assimilaasje*, dêr't ik mar ien foarbyld fan fine kinnen haw, of om (*meast regressive*) *dissimilaasje*:

- (42) a. *assimilaasje*

probearje → prebearje → *brebearje* ~ *berbearje*



b. *dissimilaaasje*

pikant → *pekant* ~ *bekant*  
 bordes → *bardes* → *pardes* (→ *par(re)dis*)  
 pommette → *bommet*  
 jin postuere ~ jin bestuere  
 kaprioalen ~ kabrioalen

Neist oanpassing fan stim binne der ek wolris oanpassingen fan it plak en/of de wize fan foarming fan in ploffer, lykas yn 'e neikommende foarbylden:

- (43) *trankyl* → *krankyl*  
*etsetera* → *ekset(e)ra*  
*pelikaan* → *felikaan* (→ *fûleka(an)*)  
*framboas* ~ *bramboas*

Yn 'e earste trije foarbylden is allinnich it plak fan foarming feroare (by *trankyl* en *etsetera* fan tosklûd nei kiellûd en by *pelikaan* fan liplûd nei liptoskich lûd), yn it fjirde boppedat de wize fan foarming en de stimspesifikaasje (fan liptoskich lûd nei liplûd, fan rûzer nei ploffer en fan stimleas nei stimhawwend). By *krankyl* en *bramboas* hat sa't it liket assimilaasje de driuwfear west, by *ekset(e)ra* dissimilaasje. It falt op, dat dizze oanpassingen har oer in fol lûd hinne foardien hawwe.

Yn guon wurden wikselet *p* mei *b*, sûnder dat der oare ploffers yn itselde wurd steane, dat dizze feroaring liket spontaan syn beslach te krijen:

- (44) *lapperel* ~ *labberel*                      *appelearje* ~ *abbelearje*  
*rappelemint* ~ *rabbelemint*                *stipelearje* ~ *stibelearje*

It komt it measte foar nei [a], mar dat lit gjin ferklearring ta. Dat in stimleas bylûd tusken twa lûden yn stimhawwend wurdt, is universeel sjoen in moai algemien ferskynsel (sjoch ek de paragraaf hjirfoar). De ynterfokalyske posysje is in typyske ferswakingsposysje, en de stimhawwende *b* is in swakker, sonoarder, slach bylûd as de stimleaze *p*. En al is dy ferswakking gjin algemien fonologysk proses yn it Frysk, der binne wol in pear foarbylden fan 'e oergong *-t-* → *-d-* te jaan: *skûtdeldoek* en *skûdelwaskje*, neist en út *skûtdeldoek* en *skûtelwaskje*, en *wantpudding*, út *wantputting* (sjoch WFT, s.v. *skûtdeldoek*, *skûtelwaskje* en *wantpudding*). By frekwintative tiidwurden is de wiksel *-<pp>*- → *-<bb>*- net ûngewoan, sjoch bgl. it eigenskipswurd *dipper*, dêr't it tiidwurd *jin bedibberje* neist stiet, it tiidwurd *wapperje*, mei de njonkenfoarm *wabberje*, wylst it tiidwurd *flabberje* wat mei *flappe* út te stean hat. Mar oan in wier frekwintatyf soe hjir inkel by it tiidwurd *stibelearje* tocht wurde kinne. Al is it is oars wol opfallend dat yn al dizze foarmen de sekwinsje *-[əɪ]-* (of *-[əɪ]-*) foarkomt, dy't men faak en folle yn frekwintative of frekwintatyfsteftige tiidwurden fynt, bgl. yn *dûkelje*, *kuorrelje*, *nestelje*, *wevelje*, *bibberje*, *mylderje*, *snokkerje* en *wietterje*.

2.2.8 [h]- komt en giet

Oan 'e iene kant binne der lienwurden dy't mei in lûd begjinne en *h* foar har krije kinne, oan 'e oare kant binne der lienwurden dy't mei *h* begjinne en dy kwyt reitsje

kinne. Yn beide gefallen ûntsteane dêr dûbletten troch. Benammen it iepene lûd [a(:)] is mei dizze wiksel anneks (sjoch Fokkema (1952:15-22), Visser (1997:44-45)):

- (45) a. aboes ~ haboes (← à vous)                      afiĳn ~ hafiĳn (← Holl. afiĳn)  
 alart ~ halart (← alert)                              alún ~ halún (← aluin)  
 anys ~ hanys (← anĳs)                              alloai ~ halloai (← allooĳ)  
 arkeniel ~ harkeniel                              orémus ~ horémus (← oremus)  
 ovaalsk ~ hovaalsk (← ovaal)  
 akkefytsje ~ hakkefytsje (← officie of aqua vite)
- b. halloazje ~ alloazje (← horloge)    hattinsje ~ attinsje (← hortinsje)  
 hoera ~ oera (← hoera)

Itselde fynt men ek by eigen wurden, lykas yn 'e neikommende pearren: *aksebile* ~ *haksebile*, *itekear(en)* ~ *hitekear(en)*, *beĳzelje* ~ *behizelje*, *ingster* ~ *hingster*, *harrejakkes* ~ *arrejakkes*, *himerke* ~ *imerke*, *hokkerdeis* ~ *okkerdeis*.

### 2.2.9 [j] nei [s] komt en giet

Der binne lienwurden dêr't <chi>- yn sit, yn it Hollânsk útsprutsen as -[ĳi]- (of -[sĳi]-). Omdat [ĳ] yn it Frysk net in bylûd op himsels is, mar op syn heechst in útspraakfariant fan [sj], wurdt [ĳ] yn lienwurden omynterpretearre as [sj].<sup>57</sup> At [ĳ] foar [i] stie, ûntstie dêrtroch de sekwinsje [sĳi], dy't, omdat [ji] yn it Frysk ferbean is, ferienfâldige waard ta [si]:

- (46) *machine* → *masĳine* → *masine*                      *China* → *Sĳina* → *Sina*  
*Chinees* → *Sĳinees* → *Sinees*                      *Chili* → *Sĳily* → *Sily*  
*chirurg* → *sĳirurch* → *sirurch*                      *passagier* → *passasĳier* → *passasier*  
*chifonnière* → *sĳifonnière* → *sifonnière* → *sefonnière* (→ *sefjêre*)  
*faillyt* → *falĳyt* → *fallyt* (→ *felyt*)<sup>58</sup>

Dizze *j*-weifal is ek yn eigen wurden te opstrewearjen. Sa komme *tsiis* en *tsien* út âlder *tsĳiis* en *tsĳien*. En tink oan it wurd *jier*, dat mei <j>- stavere wurdt, mar yn grutte hoeken fan Fryslân as [i.ər] útsprutsen.

Is it weifallen fan [j] foar [i] systematysk, der binne ek mear ynsidintele gefallen:

- (47) *embouchure* → *ammesuer*                      *manchester* → *mesĳester* ~ *mesester*<sup>59</sup>  
*sjuary* ~ *suery*                                      *jus d'orange* → *sûdderâns* [sûdərã:s]  
*sjeas* ~ *seas*                                      *sergeant* → *sersĳant* ~ *sersant*  
*chagrijn* → *sĳegryn* ~ *segryn*                      *chasser* → (oan)*sĳasje* ~ (oan)*sasje*  
*kousjer* → *kouser* (→ *kouster*)                      *chocolade* → *sûkelade*<sup>60</sup>

Mei eigen wurden binne der ek wol dûbletten fan foarmen mei en sûnder *j*, bgl.: *kjes-sen* ~ *kessen*, *nĳuet* ~ *nuet*, *kears* [kĳɛs] ~ *kers* [kɛs], *leaver* [lĳɛvər] ~ [lɛvər].

Yn guon lienwurden koe [j] nei [s] ynfoege wurde:

- (48) *sirka* ~ *sĳirka*                                      *sirkel* ~ *sĳirkel*  
*kesjet* ← *keset* ← *kerset* ← *korset*  
*klasjes* ← *klasĳis* ← *klassis*

Omdat [j] nei [s] gauris weifallen is, tinkt men foar in ferklearring alderearst oan regelomkearing. It ferbod op 'e sekwinsje [ji] moat wol sa sterk wêze, dat [j] net nei [s] ynfoege wurde koe, wannear't dêr in [i] nei kaam.

It lienwurd *joviaal* komt ek as *sjoviaal* foar, mei in foar *j*- ynfoege *s*- (sjoch WFT, s.v. *joviaal* en *sjoviaal*); de ôflieding *sjivialens* fûn ik yn R. BROLSMA, *neisimmer* 13 [1931]. De foarm *sjoviaal* stiet op deselde streek as *kesjet*, dêr't in *j*- nei *s*- ynfoege is. Yn beide gefallen smyt dat in foarm op dy't mei *sj*- in Frânske útspraak liket te suggerearjen. Van Haeringen (1957:11) merkt op, dat yn it Hollânsk de foarm *jaloerie* moai algemien net mear mei *j*-, mar mei *sj*- útsprutsen wurdt, wylst *jaloers* him by de *j*- hâldt.

#### 2.2.10 Ynfoeging fan noaslûd foar ploffer

Yn guon lienwurden koe in ploffer tusken twa lûden yn in noaslûd foar him krije; it sil gjin tafal wêze dat soks altyd nei in fol lûd syn beslach krige, want sjwa stiet leafst yn in iepen wurdlied (sjoch § 2.1.2.3. hjirfoar):

- (49) papier → pampier/pompier  
 hautbois → hamboai  
 caprifolium → kamperfoelje  
 kabinet → kambinet → kamminet → kammenet  
 igaal → yngaal [iŋga:l]

Yn eigen wurden haw ik winliks gjin foarbylden fan dizze nasaalynfoeging fine kinnen. Mooglik hawwe wy ien mei *kombof*, dat neist *keboeff(ke)* stiet (Hoekstra (1986c:16)), mar dat kin ek wol streekrjocht oan it Hollânsk en/of Hollânske dialekten ûntliend wêze, dêr't *kombof* en *kabof* neist inoar foarkomme (sjoch WNT, s.v. *kombof*). Dat lêste jildt fansels ek foar *p{a/o}mpier* en *kamperfoelje*.<sup>61</sup>

De oantsjutting 'in noaslûd' hjirboppe moat kleardernôch presisearre wurde. It is nammentlik in universele eigenskip fan nasale bylûden dat se op itselde plak yn 'e mûle foarme wurde as it bylûd dat dernei komt. Dêrom is it gjin tafal dat yn *papier* [m] en yn *igaal* [ŋ] ynfoege waard.<sup>62</sup>

It is de fraach hoe't de nasaalynfoeging op himsels ferklearre wurde kin. Salverda de Grave (1906:291), dy't it ferskynsel yn it Hollânsk fansels ek opmurken hat, achtet it wierskynlik "dat deze epenthesis een middel is ter versterking van de vóórtonige syllaben die, volgens het Germaanse akcentuatiesysteem, anders gemakkelijk verstommen". Hjirfoar haw ik al obstrewearre, dat it noaslûd allinnich nei in fol lûd ynfoege wurdt. Salverda de Grave syn ferklearring heart jin net ûnoannimlik oan. Likegoed bliuwt yn net mear as in hantsjefol wurden it folle lûd troch in ynfoege nasaal beholden, wylst lûdreduksje tige algemien is. Mooglik komt dat omdat nasaalynfoeging wat 'kostet': oan it behâld fan it folle lûd wurdt in iepen wurdlied 'opoffere'.

Omdat der frijwat wurden mei de kloft nasaal bylûd + ploffer binne, is in foarm mei in inkele ploffer tusken twa lûden yn mooglik ek wol as 'defektyf' oanfielend en waard it ynfoegjen fan in noaslûd foar de ploffer namste makliker akseptearre.<sup>63</sup> Sa wurdt in (lang) lûd foar *-s(k/t)* yn ien en itselde wurdlied gauris troch de noas útsprutsen, bgl. yn *dûns* [dū:s], *winsk* [vê:sk] en *hynst* [hî:st]. Dat sil de reden wêze, dat wurden as *niis* en *feest*, mei in lang lûd foar *-s*, wol mei in nasaal lûd, dus as [nî:s] en [fê:st], útsprutsen wurde. Beide kearen liket der oergeneralisaasje fan in lûdpatroan te wêzen.

### 2.2.11 Ferienfâldiging fan bylûdkloften

Troch lûdreduksje koenen de neikommende sekwinsjes ûntstean (mei )<sub>w</sub> en )<sub>w</sub> (jou ik de wurdliidgrinzen oan):

- (50) a. fol lûd - bylûd<sub>j</sub>)<sub>ww</sub> (bylûd<sub>j</sub> - sjwa ...  
b. ... sjwa - bylûd<sub>j</sub>)<sub>ww</sub> (bylûd<sub>j</sub> - fol lûd

Sa'n kloft fan twa ûngelikenze bylûden is gauris ta it neikommende ferienfâldige:

- (51) a. fol lûd - bylûd<sub>ij</sub>)<sub>ww</sub> (bylûd<sub>ij</sub> - sjwa ...  
b. ... sjwa - bylûd<sub>ij</sub>)<sub>ww</sub> (bylûd<sub>ij</sub> - fol lûd

Allinnich de minder sonoare bylûden - ploffers, rûzers en noaslûden - wienen sa't it liket 'sterk' genôch om dizze folseine assimilaasje ôf te twingen. Ik jou no earst in pear foarbylden:

- (52) a. *ploffer/rûzer + ploffer/rûzer*

discordance → disk[ə]rdânsje → diskedânsje → dikkedânsje  
advokaat → adv[ə]kaat → avvekaat (→ abbekaat)  
effektyf → eff[ə]ktyf → effetyf (→ effetyf)  
praktisearje → prakt[ə]searje → prakkesearje

- b. *noaslûd + ploffer*

kabinet → kambinet → kamb[ə]net → kammenet  
embouchure → emb[ə]sjuer → ammesuer

- c. *ploffer + noaslûd*

admiraal → ammeraal

- d. *noaslûd + noaslûd*

grand merci → gran mersy → granm[ə]rsy → grammesy (→ grammesiis)  
gymnastyk → gimn[ə]styk → gimmestyk

De sekwinsje fan twa gelikenze bylûden dy't fan dizze ferienfâldiging oerbleau, is yn it Frysk ferbean, dat der waard ien bylûd skrast (sjoch ek noat 55 hjirfoar), al is dat oan 'e stavering net te sjen.<sup>64</sup>

By ploffers en rûzers, (52a), koe de assimilaasje fan rjochts nei lofts wurkje (*dikkedânsje* en *abbekaat*) of fan lofts nei rjochts (*effetyf* en *prakkesearje*). Twa tsjinstridige belangen moasten hjir mei inoar fermoedsoene wurde. De oanset fan in wurdliid is it plak dêr't in bylûd him yn syn folle sterkte postuere kin, dat men soe assimilaasje fan 'e lofter oan 'e rjochter ploffer of rûzer ferwachtsje; mar de rjochter ploffer of rûzer stiet hjir wol yn in sjwa-wurdliid en dat is tagelyk, sa't yn § 2.2.7 hjirboppe al sein is, in fonologysk sjoen ôfhinklike en dêrmei foar assimilaasje gaadlike kontekst. En de lofter ploffer of rûzer mei dan yn 'e koadâ fan it wurdliid stean, in earsten fer-

swakkingskontekst, it is wol de koad a fan in wurdlied mei in fol lûd. By noaslûd + (stimhawwende) ploffer en (stimhawwende) ploffer + noaslûd, (52b,c), hat it noaslûd it wûn. Dat docht jin nij, want in noaslûd is in swakker, sonoarder slach bylûd as in stimhawwende ploffer, al is it ferskil tusken dy twa wat sonoriteit oangiet mar lyts (Visser (1997:81-84)). By noaslûd + noaslûd, (52d), hat de kameleontyske *n* him, lykas altyd, oanpast.

Yn eigen wurden hawwe soartgelikense ferienfâldigingen har fansels ek wol foar-dein. Sa is de eigennamme *Lammert út Lambert* (út de 'liennamme' *Lambertus*) kommen en it ferhâldingswurd *om* oer *omme* út *ombe*. It bywurd *rillegau* is út de wurd-kloft *ridlike gau* fuortkommen. En de gearsetting *trekpot* is oer *trek[ə]t* ta de net-gearstalde foarm *treppet* wurden.

### 2.2.12 It taheakjen fan in bylûd oan it wurdein

Der binne yn it Frysk guon bywurden op *-s* of *-n* en foarnamwurden op *-n* dy't al of net in *-t* en guon eigenskiptswurden op *-l* dy't al of net in *-d* oan it ein hawwe kinne; ik jou in pear foarbylden:

(53) <i>alteas ~ alteast</i>	<i>niis ~ niist</i>
<i>aansen ~ aansent</i>	<i>sels ~ selst</i>
<i>gjin ~ gjint</i>	<i>guon ~ guont</i>
<i>sa`nen ~ sa`nent</i>	<i>minen ~ minent</i>
<i>dûbel ~ dûbeld</i>	<i>inkel ~ inkeld</i>

Yn guon lienwurden kin dit ferskynsel ek obstrewearre wurde:

(54) <i>parfors → perfoarst</i>	<i>karaf (→ k[ə]raf → kraf) → kraft</i>
<i>grand merci → grammesiiis<sup>65</sup></i>	

It falt op, dat it hjir om lienwurden giet dy't ien of mear omfoarmingen ûndergongen hawwe en ek op it stik fan 'e betsjutting moai fier fan har útgongspunt ôf rekke binne; dat sil it oansluten by dit Fryske lûdferskynsel makliker makke hawwe.<sup>66</sup>

De tosklûden *-s*, *-t* of *-d* binne oan 'e rân fan in wurd gauris wat 'ekstra's' (sjoch Visser (1997:92-99)). Se kinne dêr sels, wannear't se nei in ploffer of rûzer komme, foar bylûdkloften soargje dy't winliks ferbean binne, lykas yn *japs*, *blabs* [blaps] (ferl. *blabzich* [blabzəx]), *nicht* en *deugd* [dö:xt] (ferl. *deugden* [dö:ʏdən]). Dat der oan *gjin*, *guon*, *sa`nen* en *minen* in *-t* taheakke wurde kin, slút oan by it lûdpatroan dat yn § 2.2.10 hjirfoar oan 'e oarder west hat.

Dy taheakking op himsels is fonologysk besjoen lykwols net goed te begripen, want der ûntsteane komplekse bylûdkloften troch, wylst taal leafst simepe kloften hat. In funksjonele ferklearring is, dat de râne fan it wurd der ekstra goed troch markearre wurdt, en op it belang fan wurdrânen is yn § 2.1.2 hjirfoar al wiisd.<sup>67</sup> In morfologyske ferklearring is der likemin; it Frysk hat wol in bywurdlike *-s*, bgl. yn *jûns* en *fuorts*, mar *gjin* bywurdlike *-t*.

### 2.2.13 In nasaal lûd rekket syn nasaliteit kwyt

Wannear't yn it Frysk in lûd mei it noaslûd *n* yn ien en itselde wurdlied stiet en der

komt ien fan 'e bylûden /s/z/f/h/w/r/l/j nei, dan wurdt *n* wei en it lûd wurdt ynstee fan troch de mûle troch de noas útsprutsen.

Sjwa kin ek troch de noas útsprutsen wurde, mar it liket dochs in te 'swak' lûd te wêzen dat it dy nasaliteit goed 'drage' kin en dat is fan dy gefolgen dat it dy maklik kwytr rekket, lykas yn 'e neikommende foarbylden: *fansels* ← [fəsɛl(t)s] (← [fāsɛl(t)s] ← [fōsɛl(t)s]), *pûnsmiet* [pəzmi.ət] (← [pōzmi.ət] ← [pūzmi.ət] ← [pū:zmi.ət]), *neffens* [nɛfəs] (← [nɛfās]), *harsens* [hasəs] ← [hasōs]) en (*n*)*erges* [(n)ɛrɣəs] ← [(n)ɛrɣās]).

Yn lienwurden kin dat ek:

- (55) manchet [māsɟɛt] → [mōsɟɛt] → [məsɟɛt]<sup>68</sup>
- avansearje [avāsɟɛrjə] → [avōsɟɛrjə] → [avəsɟɛrjə]
- kompanjon [kompājon] → [kompōjon] → [kompəjon]
- administraasje [atmənəstra:sjə] → [atmənstra:sjə] → [atmāstra:sjə] → [atməstra:sjə]
- alignemint [ɔlījəmInt] → [ɔljōmInt] → [ɔləjəmInt] (→ [ɔljəmInt])
- bensine [bɛsinə] → [bōsinə] → [bəsinə]
- konjak [kōjak] → [kājak] → [kəjak]

2.2.14 Wikseling tusken -ar- en -er-

Yn it Frysk wikselet yn gâns wurden *e* [ɛ] mei *a* [a] foar *r*, sjoch dûbletten lykas *herberge* ~ *harbarge*, *ferve* ~ *farve*, *farsk* ~ *fersk*, *hert* ~ *hart* en *harmke* ~ *hermke*. Yn lienwurden is dy ôfwikseling der ek:

- (56) rebarber ~ reberber   argewaasje ~ ergewaasje
- barzje ~ berzje   alert → (h)alart
- serge → sarje(s)

3. Oarssoartige omfoarmingen

Oant no ta haw ik it allinnich oer de oanpassing fan inkele lûden en bylûden hân. Mar al dy fonologyske oanpassingen binne net genôch om op in kanonyk Frysk wurd út te kommen.

De lienwurden binne gauris frij lang yn termen fan tallen folle lûden (en dêrmei fan wurdlidden). Yn alle gefallen gâns langer as dat in kanonyk Frysk wurd wêze mei. Men kin fansels net mar yn it wylde wei wurdlidden skrasse om op dy kanonike foarm út te kommen, omdat in foarm dan net mear werom te kennen is. Mar in foarm mei mear as ien fol lûd en/of fan mear as trije wurdlidden kin yn it Frysk gjin net-gearstald wurd wêze.

De omfoarmingen dy't no oan bod komme, kinne begrepen wurde as in middel om te lange lienwurden it stal fan in gearstald wurd te jaan, dat bêst mear as ien fol lûd hawwe kin en dat bêst út mear as trije wurdlidden bestean mei. Yn § 3.1 giet it oer hoe't dielen fan lienwurden troch 'Frysker' eagjende foarmen ferfongen binne, dat sa fier gean koe, dat der nije gearsettingen en wurdgroepen efter wei kamen; yn § 3.2 giet it oer *oer* karakterisearring, d.w.s. it taheakjen fan eigen foar- of efterheaksels oan lienwurden, dêr't dat om de betsjutting net nedich west hie; en yn § 3.3, as lêste, giet it oer hoe't parten fan lienwurden in morfologyske funksje yn it Frysk krige hawwe.

### 3.1 Wurddielen ferfange

Net-gearstalde wurden hawwe in betsjutting dy't net mei de foarm derfan gearhinget. Der is neat yn 'e foarm fan bgl. *ko* dat de betsjutting 'ko' motivearret, de relaasje tusken dy beide is tafallich en berêst op konvinsje. Oars is dat mei gearstalde wurden, likefolle oft it om gearsettingen of ôfliedingen giet. De betsjutting fan it gehiel kin hjir mei dy fan 'e gearstellende dielen 'motivearre' wurde.

No kin it sa komme, dat it fan in gearstald wurd op in stuit net mear dúdlik is, hoe't de betsjutting mei de foarm te motivearjen is; it is dan ûndúdlik wurden hoe't it wurd winliken 'yninoar sit'. Dat is in ûnwinsklike sitewaasje, dêr't wat oan dien wurde moat. De foarm wurdt dan 'byholpen', oars sein, de foarm fan it wurd wurdt sa oanpast dat de relaasje mei de betsjutting wer trochsichtich wurdt.

Yn dizze paragraaf giet it om it ferfangen fan hiele *wurddielen* en net fan inkele lûden en bylûden. Parten fan gâns lienwurden hawwe in foarm krige dy't gelyk is oan in losse, besteande of mooglike, Fryske wurdfoarm. Sokke lienwurden krije dêrmei in (sabeare) gearstalde foarm, dêr't in (sabeare) gearstalde betsjutting mei motivearre wurde kin.<sup>69</sup> Soksoartige oanpassingen kinne net fonologysk ferklearre wurde (al spilet de fonology al in 'stjoerende' rolle). Ik jou no earst in moaie nust foarbylden en besprek dy dan:

#### (57) a. *wurddielen ferfange*

abrikoas → applekoas  
 abslút → opslút  
 administraasje → oarremestraasje ~ allemanstraasje  
 bergamot → bargemot  
 ducaton → dikketon  
 ekspres → omspres  
 cousinotte/cuisinot → krúsno(a)tsje ~ kruzeno(a)tsje ~ krudenotsje  
 primula veris → plomlewier ~ plewierke ~ plûm-en-weaske  
 sacrosanct → sikersonk  
 suffisant (→ súffersant) → suversant  
 katapult → katteputl ~ kattepûl ~ kattepulc ~ kattepylk  
 somnambule → sinnebûl  
 grand merci → grammesiis ~ grammesiik ~ grammesûs  
 conséquence → kwizekwânsje ~ kwizekwesje ~ kwisjekwasje  
 manuaal → mannenaar  
 rebellie → reboelje  
 eau de cologne → âldeklonje ~ klo(a)nje  
 ortodoks → âlderdox  
 scabreux → skabbe{l/r}jeus  
 tijdeloos → titelroas  
 pelikaan → felikaan/filekaan → fûlekaan ~ fûleka  
 à propos → apprepro ~ apperpo ~ apper(d)epo

#### b. *omfoarming nei in eigen gearsetting of ôflieding*

fariaasje → ferjaartsje  
 vi'ein → fûlein(d)ich

puberteit ~ pubertiid  
 prakkesearje ~ prakketinke  
 l'appareil → opril  
 doynné → doinjeneel ~ doanjeneel → neeltsjepar ~ moaineeltsje(par)

c. *omfoarming nei in wurdgroep*

comme ça → fan komsa  
 tout de même → ien tût mem  
 rariteiten → rare teiten  
 nuveriteiten → nuvere teiten  
 pour le grap → foar de poerlegrap  
 delirium → dol(le)joarum ~ dollejoaris  
 etcetera → de hiele eksetera/eksétra

By *opslút*, it twadde foarbyld fan (57a), falt net oan in gearsetting mei *op-* as earste lid te tinken, ek al fanwegen it klampatroan, mar it wurd liket sa wol folle eigener as *abslút*. Dat jildt ek foar *opstoanje/opstúnje*.<sup>70</sup> Minder jildt soks foar *omspres*, dat de klam ek op *-spres* hat, want wylst *-slút* en *-stoanje/-stúnje* yn *opslút* en *opstoanje/opstúnje* besteande Fryske foarmen binne, is dat mei *-spres* yn *omspres* sa net.<sup>71</sup>

De oergong fan *abrikoas* nei *applekoas* is fonologysk wol wat fan te sizzen (sjoch § 2.1.2.3 (foaral ek noat 31) en 2.2.7 hjirfoar), mar de oergong fan *applekoas* nei *applekoas* liket my sûnder it wurd *appel* net te tinken, al hat *applekoas/applekoas* gjin gearsettingsklam; yn dialektysk Hollânsk komt nammers de foarm *appelkoos* foar. Sa is ek de oergong fan *bergamot* nei *bargemot* fonologysk te ferklearjen troch lûdreduksje en de wiksel fan *e* [ɛ] mei *a* [a] foar *r* (sjoch § 2.1.2 en 2.2.14 hjirfoar), mar it mist my net dat it wurd *baarch* (mei de allomorf *barge-* as earste lid fan in gearsetting) hjir ek in rolle spilet, hielendal wannear't men nei de betsjutting fan *bargemot*, û.o. 'Guinees biggetje', sjocht. By *mannewaar* (← *manuaal*) is it part *-waal* fan *mannewaal* troch it bekende wurd *waar* ferfongen. Wat dêr in spuontsje mei ûnder stekke kinnen hat, binne de útdrukkingen mei it wurd *waar* dy't op spul en/of gerop en geraas tsjutte, bgl. *mei immen yn tsjok waar reitsje* en *dêr stekt in waar op*. De útdrukking *immen it mannewaar opsizze* hat op syn bar wer faar stien oer *immen it mâle waar opsizze*.<sup>72</sup> En it wurddiel *manne-* sil mei *man* assosjearre wêze, ek al is dat as earste lid fan in gearsetting *manljus-* of *mans-*.<sup>73</sup> De feroaring fan *katapult* nei *kattepult* kin mei lûdreduksje en de oergong fan [a] nei [ə] foar *t* fonologysk ferklearre wurde (sjoch § 2.1.2 en (2d) hjirfoar). Mar it part *katte-* moat dêrnei as de gearsettingsallo-morf fan *kat* begrepen wêze, dat ek net sa raar is, want mei in *katapult* wurdt der fansels ek op katten pikt. Boppedat hat *katapult* begjinklam, dy't by gearsettingsklam oanslút. Dat it part *-pult* ek as *-pulk* en sels *-pylk* foarkomt, docht it dat it wurd noch mear in gearsetting wurdt, al is it dan ek allinnich in gearsetting nei de foarm (in *kattepult* is no ien kear gjin soarte fan pylk). De foarm *skabbe{l/r}jeus* hat in (beklamme) wurdein holden, dat op it frjemde efterheaksel *-ieus* liket, wylst it earste part him neffens foarm en betsjutting goed mei de eigenskipswurden *skabbelich* en *skabberich* (ferl. *skobberich*) yn ferbân bringe lit.<sup>74</sup> Sa is *cousinotte/cuisinot*, lichtwol mei troch wurden as *krúsbei*, *kruzemunt* en *krudeldoarnen*, ta de gearsetting *krúsno(a)tsje*, *kru-*



*zeno(a)tsje* en *krudenotsje* omfoarme, al is it twadde lid net mear as in mooglik Frysk wurd. By de omfoarming fan *rebellie* nei *reboelje* hat it wurd *boel* fêst fan ynfloed west, want dat hat, lykas *reboelje*, in frijwat ûngeunstige gefoelswearde, en boppedat hawwe beide wurden de ûngeunstige betsjutting ‘rommel’ mien (sjoch WFT, s.v. *boel I* en *reboelje*). It wurd *somnambule* is ta de sabeare gearsetting *sinnebûl* wurden, mei de klam op *sinne-* (WFT, s.v. *sinnebûl* (noch net publisearre)). De útspraak fan it part *somnam-* as *somme-* is fonologysk goed oannimlik te meitsjen: sjoch § 2.1.2 hjirfoar foar de reduksje fan ûnbeklamme [a] ta sjwa, ferl. § 2.2.1 hjirfoar foar it weifallen fan [m]- nei sjwa en sjoch § 2.2.11 hjirfoar foar de oergong fan -[mnə]- oer -[mmə]- nei -[mə]-. It part *somme-* moat lykslein wêze mei *zonne-*, dat yn it Frysk wer as *sinne-* oan 't ljocht komt. Sa komt men dan op *sinnebûl*, in foarm dy't de betsjutting op gjin inkele wize motivearret. Sa is ek de Latynske plantenamme *primula veris* ‘maarteblom, peaskeblom’ op gâns wizen ta in foech gearsetting omfoarme: *plomlewier*, *plûmlewier*, *plûmllewier*, *plûmelewier*, *plûmerewier*, *plûmrewierke*, *plewierke*, *plûmliewiel*, *prûmlewierke*, *prumelewarke*, *prumelewier*, *plûm-en-weaske* (WFT, s.v. *plomlewier* (noch net publisearre)). De omsetting fan *sacrosanct* yn *sikersonk* is fonologysk foar in part wat fan te sizzen: de *t* yn 'e swiere einkloft -[ŋkt] is weifallen en [a] is troch [o] ferfongen. It earste is fonologysk oannimlik, it lêste net en in morfologyske of semantyske ferklearing haw ik ek net. It part *sacro-* kin troch lûdreduksje en *r*-omsetting maklik ta *sakker-* wurden wêze, dat in soad fan *siker* wei hat. Dat *sakker-* troch *siker-* ferfongen is, moat lykwols benammen op rekken skreaun wurde fan 'e betsjutting dy't dit wurd yn it Frysk krige hat, gelyk oan dy fan *sikerwier*, dêr't *sikersonk* him ek mei syn begjinklam by oansletten hat.<sup>75</sup> It lienwurd *suffisant* koe ta *suversant* ‘fol-slein, hielendal, suver’ omfoarme wurde. Fan *suffisant* oer *suff[ə]sant* nei *súffersant* is fonologysk goed te beregeljen, sjoch § 2.1.2 en 2.2.1 hjirfoar, en sa is it paad sljochte foar it lykslaan fan *súffer-* mei *suver-* en it ferfangen fan 'e earste troch de lêste foarm.

By *dikketon* sil it eigenskipswurd *dik* in rolle spylje, ek al meidat in *dikketon* moai wat wurdich wie.<sup>76</sup> By *âldeklonje* en *âlderdox* tinkt men oan in haadwurdgroep, besteande út it (bûgde) eigenskipswurd *âlde(r)* en it haadwurd *klonje* en it eigenskipswurd *doks*. It wurd *klo(a)nje*, dat ek foarkomt, soe dan as in ynkoarte gearsetting te ferklearjen wêze.<sup>77</sup> *Doks* komt yn it Frysk net as los wurd foar, al soe dat om de foarm oars bêst kinnen hawwe; dat lêste jildt ek foar it haadwurd (plurale tantum?) *klongels*, dat yn 'e gekjeierige ferbastering *âlde klongels* foarkomt. Dat *doks* om 'e foarm hiel wol in Frysk wurd wêze kin, jildt ek foar de parten *kwize-* en *-kwânsje* fan *kwizekwânsje*. Oan *-ânsje* is fuort ôf te nimmen, dat men mei in lienwurd te krijen hat, al soe men dan in lienwurd op *-antie* en net op *-entie* as wjergader ferwachtsje (sjoch (4) hjirfoar). Dat wurdein hat der mei foar soarge dat it troch it allyksa as lienwurd eaggjende *-kwesje* ferfongen wurde koe: *kwizekwesje*.<sup>78</sup> Dat, as lêste, beide parten mei *kw-* begjinne, hat makke dat it wurd *kwizekwânsje* him as *kwisjekwasje* foegje koe nei alliterearjende fêste ferbiningen as *wisjewasje*, *rimram*, *wipwap*, *rynkrank*, *slykslakje*, *sigesaaige* en *gripe en grape*, dy't allegearre deselde lûdferbining fan *i/y* mei *a* hawwe (sjoch Hoekstra (1998b:30), Reker (1985)). Dat bringt jin *kwânskwiis* yn 't sin, dêr't de ynfoege *k* foar folsleine alliteraasje soarget. Omdat it hjir om in bywurd giet, kin it wurdein *-wize* yn 'e farianten *kwâns-*, *kwânsk-* en *kwantswize* sûnder mis mei it haadwurd *wize* yn ferbân brocht wurde. Fan *kwânskwiis* is *kwiiskwâns* (*kwyskwâns*) foarme troch de wurdliiden om te draaien, dêr't in alliterearjende foarm mei de kanonike lûdfolge *ii/y - â* troch ûntstien is.<sup>79</sup> Yn *oarremestraasje* en *allemanstraasje* (← *adm[ə]straasje* en *adm[ə]straasje*) wiist it wurdein *-aasje* ek klear-

dernôch de kant fan in lienwurd út en is it earste wurddiel omfoarme ta wat dat yn alle gefallen Frysk eaget.<sup>80</sup> Mar de bestjutting dy't *oarre* en *alleman* yn it Frysk oars hawwe, lit him hjir net aktualisearje. Yn 'e trijeslach *grammesûs* ~ *grammesiiik* ~ *grammesûs* kinne *gramme-* likegoed as *-siis*, *-siik* en *-sûs* mei eigen foarmen yn ferbân brocht wurde, mar dy kinne de betsjutting net motivearje. Yn sokke gefallen is de omfoarming suver en allinnich in saak fan foarm.

Yn *fûlekaan* (← *felikaan/filekaan*) slút it eigenskipswurd *fûl* goed by de betsjutting 'kwea frommes; fûl (lyts) bern, (lytse) opperteur' oan, wylst *kaan* yn *greidkaan* in ûngeunstige oantsjutting fan in persoan is. Meidat in bist yn figuerlike sin ek in persoan oantsjutte kin, waard *-kaan* ek wol ferfongen troch *-ka*; sjoch ek de ferlykjende sizwizen *sa fûl as in earn, as earnen, as in (Ingelske) hoanne, in âld klok, in tsjirk, in wikel* (WFT, s.v. *fûl I*), mar net *sa fûl as in ka!* It klampatroan, mei mar allinnich de haadklam op *file-/fûle-*, wiist hjir ek wer út dat wy net mei in wiere wurdgroep te krijen hawwe. As lêste fan 'e omfoarmingen yn (57a) wol ik wat oer *apprepo* ~ *apperpo* ~ *apper(d)epo* sizze. De earste twa foarmen binne goed te ferklearjen mei lûdreduksje en *r*-omsetting yn *à propos* (sjoch § 2.1.2 en 2.1.2.3 hjirfoar). Mar *apper(d)epo* liket him foege te hawwen nei it patroan fan gearsettingen mei *-el(d)e-* of *-erde-* yn it midden, bgl. *rommel(de)ebom*, *wikkerderewik*, *opperdepop*, *holderdebolder*, *hompelestomp*, *skobber(de)bonk*, *(o) liverdelaasje*, *hiperdepop* (*hoera*) en *uterdepûit*, dy't allegearre thús hearre "yn bernlik, boartlik of geklik taalgebrûk", sa't Hoekstra (1992) hawwe wol. Dat betsjut dat *r*-omsetting, in suver fonologysk proses, it paad sljochte hat foar in oarssoartige, net-fonologyske omfoarming. Yn dit gefal is der net sa lyk in wurddiel ferfongen, der is in stikje taheakke.<sup>81</sup>

Yn (57b) giet it om gefallen, dat in lienwurd sa omfoarme is, dat it net of amper fan in eigen gearsetting of ôflieding te ûnderskieden is. Yn *opril* hat men mei in gearsetting nei de foarm te krijen, ek as men nei it klampatroan sjocht (klam op it earste lid, wylst yn *appareil* it lêste wurddiel de klam hat). In *opril*, in skean by in seedyk op rinnend paad, is neffens de gearsettingssystematyk in soarte fan *ril*, dat moai by de betsjutting 'spoar' oanslút (sjoch WFT, s.v. *ril I*, skift 2); it wurd *opril* hat dan as systematyske betsjutting 'spoar omheech'.<sup>82</sup> It wurd *doanjeneel* (← *doyenné*) lit ek moai sjen, hoe't der fan lienwurden eigen gearsettingen makke wurde kinne. Meidat it wurd in *l* oan it ein skipe hie, koe it lêste part, *-neel*, opfette wurde as de frouljusnamme *Neel*, dy't op syn bar yn 'e ferlytsingsfoarm it earste lid fan 'e gearsetting *neeltsjepar* wurde koe, yn oansluting by *durkjepar* en *harmenharkespar*. De stap nei *moaineeltsje(par)* is dan fansels net grut mear. It wurd *ferjaartsje* kin men opspjalte as *fer+jaar+tsje*. It wurd *begjin fari-* is earst oer *farry-* → *farre-* → *far-* ta *fer-* wurden en doe as it foarheaksel *fer-* ynterprearre.<sup>83</sup> It wurdein, *-tsje*, hat syn *t* tusken de foar *s* ynfoege *r* en dyselde *s* skipe (sjoch § 2.2.1 en 2.2.2 hjirfoar). It funksjonearret as in ferlytsingsútging, sa't ek oan it grammatikale slachte bliken docht: *ferjaartsje* is in *it*-wurd, wylst *fariaasje* in *de*-wurd is (ferl. *it barchje* neist *de baarch*).<sup>84</sup> Dat *fariaasje* it meartal op *-s* hat, slút dêr moai by oan, want alle ferlytsingswurden hawwe it *-s*-meartal. It part *-jaar-*, mei de op suver fonologyske grûnen yn *-ia-* ynskode *j* (sjoch (2i) hjirfoar) en de foar *s* ynfoege *r*, hat net de betsjutting dy't *jaar* yn it Frysk hat, mar de kombinaasje *ferjaar-* is net los te tinken fan 'e Hollânske tiidwurdstamme *verjaar-*, sa't dy yn *verjaardag* foarkomt, namste minder omdat *ferjaartsje* ek de betsjutting 'presintsje' hat (sjoch WFT, s.v. *fariaasje*, skift 2). It wurd *fûlein(d)ich* kin begrepen wurde as in gearstellende ôflieding, op te spjalten as *fûl+ein+(d)ich*, ferl. foarmingen as *âldstalich*, *nuversoar-*

*tich, fûlbazich* en *slûkeinich*. De betsjutting fan *fûl* past hjir goed en ek mei *ein* is der wol wat te betinken, bgl. ‘fûl oan jins ein fêsthâldend’. De foarm *fûlein* kaam ek foar, al wie dy seldsum (sjoch WFT, s.v. *fûleindich*). Dêrom kin it lêste part, *-ich*, op oerkaarakterisearing wize (sjoch § 3.2.1 hjirnei). Mar de Hollânske foarm *vileinig*, dy’t neist *vilein* foarkomt en dêr’t him dus ek oerkaarakterisearing yn oppenearret, kin ek yn syn hiele hear en fear oernommen wêze. By de oergong fan *puberteit*, mei de klam op *-teit*, nei de gearsetting *pubertiid*, mei gearsettingsklam op *puber-*, sil fêst meispile hawwe, dat it part *-teit* krekt-en-gelyk klinkt as it Hollânske wurd *tijd*. Dat, *-teit* koe mei *tijd* lykslein en fangefolgen troch it eigen wurd *tiid* ferfongen wurde. De gearsetting dy’t dêrmei ûntstie, sleat oan by besteande gearsettingen mei *tiid* as twadde lid, lykas *bernetiid*, *fammetiid* en (*jong*)*feintetiid*. By it ûntstean fan *prakketinke* neist *prakkesearje* hat de betsjutting fan dat tiidwurd, ‘(nei)tinke (oer)’, derfoar soarge dat it part *-searje* troch *tinke* ferfongen wurde koe, al betsjut it part *prakke-* op himsels neat. Dit wurd is, lykas it Hollânske *prakkepeinzen*, in as grappich bedoelde ferhaspeling. It is in tiidwurd dat neffens my ek mar allinnich as nammefoarm foarkomt.

Guon lienwurden of fêste ferbiningen fan lienwurden koenen nei in wurdgroep omfoarme wurde, dêr’t yn (57c) in pear foarbylden fan jûn wurde. Dat *comme ça* ta de wurdgroep (*in ...*) *fan komsa* wurden is, kin, yn alle gefallen wat it elemint *fan* oangiet, beynfloede wêze troch de eigen fêste ferbining (*in ...*) *fan sa ha jo net*, dy’t itselde betsjut. Mar it elemint *sa* yn dy ferbining kin der ek sines ta dien hawwe, dat *comme ça* as de kombinaasje fan ’e hitende foarm *kom* en it bywurd *sa* begrepen waard, dy’t in betsjutting jout dêr’t men jin wol wat by yntinke kin (‘kom dêr sa ris om’). Yn twa fan ’e trije losse sitaten dy’t it WFT, s.v. *komsa*, jout, wurde *kom* en *sa* los faninoar skreaun. De wurdgroep *tout de même* (Hollânsk (*het is alles*) *toetmem*) is omfoarme nei *ien tût/toet mem*, faak oaninoar skreaun, mei *ien* hjir yn ’e fersterkjende funksje dy’t it hat yn ’e fêste ferbiningen *it is ien (en al) ...* en *it is ien ...*, *allegear(re) ...*, bgl. yn: *it is ien (en al) blabze* en *it is ien snie*, *allegear(re) snie* (sjoch WFT, s.v. *ien I*, skift 5). De foarmen *tût/toet* en *mem* leau ik net dat hjir mei de eigen wurden *tût/toet* en *mem* yn ferbân te bringen binne. De meartallen, mooglik pluralia tantum, *rarityten* en *nuveriteiten* koenen, omdat se faak en folle as [ra:rə]teiten en [ni:vrə]teiten útsprutsen wurde, maklik foar in wurdgroep fan (bûgd) eigenskipswurd en meartallich haadwurd, *rare/nuvere teiten*, fersliten wurde en fangefolgen ek it klampatroan dêrfan oannimme, mei haadklam op *rare/nuvere* en byklam op *teiten*. Dat koe faaks namste makliker meidat *rarityten* en *nuveriteiten* yn sa fier ûngewoane foarming binne, dat it frjemde efterheaksel *-iteit* hjir mei in eigen grûnwurd kombinearre is, wylst dat gewoanwei net kin (Hoekstra (1998b:16)).<sup>85</sup> It eigenskipswurd koe no ek falle litten wurde, dat by einsluten *teiten* opsmiet, bgl. yn *wat binne my dat foar teiten* en yn ’e fêste ferbining *... en sokke teiten* (WFT, s.v. *teiten* (noch net publisearre)). Sa krige it Frysk der in nij haadwurd, mei in frijwat negative gefoelswearde, by. Yn *foar de poerlegrap* lykje de fêste ferbining *foar de grap* (WFT, s.v. *grap*, skift 1) en de sabear Frânske, grappige fariant dêrfan, *pour le grap*, mei-inoar betize te wêzen, mei as risseltaat dat ‘foar de’ winliken twaris útdrukt wurdt. Yn ’e útdrukking yn ’e *dol(le)joarum*, *dollejoaris* (*falle*, *lizze*, *reitsje*, *wêze*) ‘yn ’e sûs; dronken’ hat de betsjutting fan it eigenskipswurd *dol* in rolle spile. Dat *dol(le)joarum* en *dollejoaris* as wurdgroepen begrepen binne, docht hjiroan bliken dat yn ’e *joarum* en yn ’e *joaris* ek foarkomme, al kin yn ’e *loarum* (Hollânsk *in de lorum*) de oergong nei in wurdgroep hjir makliker makke hawwe. De foarm op *-joaris*, dy’t neist dy op *-joarum* stiet en dêr

fonologysk net fan *ôf* te lieden is, kin net los sjoen wurde fan it wurd *joaris*, dat ‘dom persoan’ betsjut (ferl. Hollânsk *een domme Joris*).<sup>86</sup> Merk oars op dat *dol(le)joarum/dollejoaris* net it klampatroan fan in wurdgroep fan eigenskiplswurd plus haadwurd hat, mei de haadklam op *dol(le)*- en byklam op *-joarum/-joaris*, mar dat fan in net-gearstald wurd, d.w.s. allinnich it part *-joarum/-joaris* hat klam. De wurdgroep *de hiele eksetera/eksétra*, as lêste, is foarme neffens it mal fan de besteande formaasjes mei *de hiele* ..., lykas *de hiele boel* en *de hiele brot*.<sup>87</sup>

### 3.2 Oer karakterisearring

As *oer karakterisearring* wurdt yn 'e taalkundige literatuer it ferskynsel beneamd dat in foarm fan in beskate wurdsoarte mei in foar- of efterheaksel fan dyselde wurdsoarte útwreide wurdt sûnder dat dêr de betsjutting fan it nije gehiel oars troch wurdt. By lienwurden hat soks fansels oan 'e iene kant, lykas by eigen wurden, de funksje om de wurdsoarte dúdliker útkomme te litten. Mar, meidat der mei eigen foar- en efterheaksel wurke wurdt, spilet it oan 'e oare kant ek in rolle yn it oaneigenjen fan it frjemde, mooglik sels yn it beklamjen fan it eigene foar it frjemde oer (sjoch ek Van Haeringen (1954)). Yn dizze paragraaf wol ik neigean hoe't oer karakterisearring him yn it Frysk by lienwurden oppenarre hat.

#### 3.2.1 In eigenskiplswurd ekstra markearje

It eigenskiplswurdlik karakter fan guon lienwurden waard ekstra markearre mei in eigenskiplswurdfjoarmjend efterheaksel. Yn 'e neikommende foarbylden giet it om *-en*, *-erich* en *-s(k)*:

- |   |  |
|---|--|
| (58) <i>gent(il)</i> → <i>jenten</i> ~ <i>jentich</i>               | <i>fiolet</i> → <i>feletten</i>          |
| <i>feuille morte</i> → <i>filemotten</i>                            | <i>obsternaat</i> ~ <i>obsternaten</i>   |
| <i>petit</i> → <i>petiterich</i>                                    |  |
| <i>ovaal</i> → <i>ovaalsk</i>                                       | <i>incroyable</i> → <i>ynkriabels(k)</i> |
| <i>skabbeljeus</i> → <i>skrab(b)eljeus</i> ~ <i>skrab(b)eljeusk</i> |  |

De nije foarmen hawwe de oarspronklike meast ferkrongen, op *obsternaten* nei.

By eigen eigenskiplswurden komt soks fansels ek wol foar, sa't oan 'e neikommende foarbylden fan dúbletten bliken docht:<sup>88</sup>

- |  |  |
|--|--|
| (59) <i>allinne</i> ~ <i>allinnich</i>                               | <i>goedhinne</i> ~ <i>goedhinnich</i>  |
| <i>trijetine</i> ~ <i>trijetinich</i>                                | <i>oeral</i> ~ <i>oerallich</i>  |
| <i>fjouwerkant</i> ~ <i>fjouwerkantich</i>                           |  |
| <i>oerével</i> ~ <i>oerévelsk</i>                                    | <i>sintersk</i> (← <i>sinters</i> ← <i>sintes</i> ( <i>sint</i> + <i>es</i> )) |
| <i>stoatersk</i> → ( <i>sto:aters</i> ← <i>stoater</i> + <i>s</i> )) |  |

Omdat alle wurden op *-ich/-sk* eigenskiplswurden binne, wurdt mei it taheakjen fan dat efterheaksel ûndûbelsinnich oanjûn dat wy hjir mei dy wurdsoarte te krijen hawwe; betsjuttingsferskil tusken de foarmen sûnder en mei *-ich/-sk* is der lykwols net.<sup>89</sup>

By *jenten* ~ *jentich* moat men tinke oan eigen dúbletten dêr't *-ich* mei *-(j)end* fan it fuortsettend mulwurd wikselet: *trochskinend* ~ *trochskinich*, *ferkillend* ~ *ferskillich*, *trochlittend* ~ *trochlittich* en *spiegeljend* ~ *spiegelich* (ferl. Hoekstra (1998b:127,130)).<sup>90</sup>

Oan *rampoai* koe it wurdein *-oaris* taheakke wurde, dat *rampoaris* opsmiet (WFT, s.v. *rampoai* (noch net publisearre)). Dat wurdein fynt men ek yn *kapoaris* en *kloaris*, njonkenfoarmen fan *kapot* en *kloat*, wylst fan *pleuris* de fariant *ploaris* bestiet. Yn al dy gefallen wurdt de negative betsjutting fan it grûnwurd mei *-oaris* oerkarakterisearre, al is dat net in wier efterheaksel.

It lienwurd *geëmailleerd* is ûntrochsichtich wurden, d.w.s. it part *ge-* waard net mear as in foarheaksel begrepen en dêrmei it wurd as gehiel net mear as it ôfslutend mulwurd fan *emailerren*. Dat hat de wei frijmakke foar lûdferkoarting en -reduksje en sjwa-weifal. Fan *geëmailleerd* bleau sa *gimmeleard* [ɣImɛll.əɪ] oer, dat as haadwurd werynterpretearre is en, allinnich yn ferbân mei pannen en tsjettels, de betsjutting ‘emaille’ krige hat (*Tink derom, der is in stikje gimmeleard ôf spat!*). Op grûn fan *gimmeleard* is it stoflike eigenskipswurd *gimmelearden* foarme (*in gimmelearden panne*). Syngroan is dat folslein regelmjittich, mar diagroan besjoen is it fansels in gefal fan oerkarakterisearring, sa’t men syngroan hat yn *nylonnen* (*nylonnen gerdinen*) en *plestiken* (*in plestiken pûde*), neist *nylon* en *plestik*, dy’t as haadwurd en ek as eigenskipswurd brûkt wurde kinne.

### 3.2.2 In haadwurd ekstra markearje

It haadwurdlik karakter fan in lienwurd koe op ûnderskate wizen oerkarakterisearre wurde.

#### 3.2.2.1 Mei it efterheaksel *-ing*

Ik haw mar ien foarbyld, in plurale tantum:

(60) *emballage* → *omballigen* → *omballingen*

Dit wurd fertsjinnet wat neier kommentaar. Dat it earste lûd [o]- wurden is, komt omdat [ɔm] (← [ɔ]) yn it Frysk ferbean is; dat sadwaande is [ɔ̃] nei [o] útwykt.<sup>91</sup>

It wurd *emballage* is in sammelnamme. Hoewol’t in sammelnamme in samling fan dingen, bisten of minsken oantsjut, is it, oars as in meartalsfoarm, in net-telber wurd (Hoekstra (1998:86)). Dat net-telbere is earst oerkarakterisearre troch fan dit wurd in plurale tantum te meitsjen, dat, al is it neffens de foarm in meartal, ek altyd in net-telbere sammelnamme is.<sup>92</sup> Sa kaam it op *omballigen*.

Nijsgjirrich is dat de klam op *om-* kommen is te lizzen. Dat sil fan de betsjutting komme, yn it WFT, s.v. *omballingen*, omskreaun as “al datgene wat niet het wezen van een zaak uitmaakt”, m.o.w. alles wat om de kearn hinne sit. Doe’t it wurd dy betsjutting ien kear krige hie, wie it net sa’n grutte stap en ynterpretearje it wurd begjin *om-*, dat op suver fonologyske grûnen ûntstien wie, as it ferhâldingswurd *om*, en yn gearsettingen mei *om* as earste lid leit de klam foaroan.

Dy klamferskowing sljochte it paad foar lûdreduksje yn it twadde part, dat ta *omball[ə]gen* waard; troch skrassen fan sjwa koe dy foarm ek as *ombalgen* foar de hearen komme. De foarm *omballigen* waard moai algemien omset yn *omballingen*. It komt yn it Frysk mear foar, dat in foarm op *-ing* út ien op *-ich* ûntstiet of dat der dûbletten fan foarmen op *-ich* en *-ing* binne. Sa komt it haadwurd *heiling* fan it eigenskipswurd *heilich* (Breuker (1997) en Hoekema (1998)), steane de eigennammen *Jaring* en *Winering* neist *Jarich* en *Winerich* en komt it haadwurd *hun(n)ing* neist *hun(n)ich* foar.<sup>93</sup> En it wurd *felch* krige, meidat it yn ’e regel, mei in ynfoege sjwa, as [fɛlɔx] útsprutsen waard, de foarm *felling* derneist, dy’t sa algemien wurden is dat er

yn it WFT as haadlemma keazen is (sjoch WFT, s.v. *felling I*). By de oergong fan *-ich* nei *-ing* moat betocht wurde dat it efterheaksel *-ich* earder as *-[ɪx]* (of *-[ɣ]*) útsprutsen waard, dat sadwaande koenen *-ich* en *-ing* (*-[ɪŋ]*), beide mei in einichst kiellûd, maklik mei-inoar betize en ferwiksele wurde. Dêr't noch by komt, dat in wurd op *-ich* altyd in eigenskipswurd en ien op *-ing* altyd in haadwurd is, dat de driuw om *-ich* troch *-ing* te ferfangen allinnich mar fersterke.

It meartal *omballingen* krige selskip fan *omballings*, sa't bgl. *tekenings* neist *tekeningen* foarkomt. De foarm *omballing* komt men yn 'e liteartuer inkeldris tsjin. It WFT, s.v. *omballingen*, jout ien fynplak (R. BROLSMA, *groun* 110 [1940]), wylst der yn 'e kaartebakjes fan it WFT ek noch ien sit (J. PIEBENGA, *Heit*. 260 [1946]). Yn it WFT wurdt der mei safolle wurden by sein, dat *omballing* deselde kollektive betsjutting hat as *omballingen*, dat wy hawwe hjir net mei singulatyffoarming te krijen, d.w.s. mei it telber meitsjen fan in net-telber haadwurd. Mooglik is *omballing* streekrocht út *omballich* ûntstien, mar dy lêste foarm is net oerlevere.<sup>94</sup>

### 3.2.2.2 Mei it wurdein *-e* (*-[ə]*)

Alle haadwurden dy't op *-e* (*-[ə]*) útgeane, binne *de*-wurden (Visser (1997:238-240)); mar it omkearde jildt net. By guon lienhaadwurden is it grammatikale slachte oerkaarakterisearre troch se mei *-e* út te wreidzjen:

- (61) *krant* → *krante*    *fiuel* → *fioele*  
*pateel* → *petiele*    *termyn* ~ *termine*

It wol my foarkomme dat it eigen wurd *hoeke* syn einichste *-e* ek oan oerkaarakterisearing te tankjen hat. Yn âlder Frysk komt it as *hoek* foar, ferl. de Aasterske foarm *hoek* en de Hylper foarm *hook*<sup>95</sup>. Yn buorskipnammen ken ik it ek as *-hoek*, bgl. yn *Dykshoek* en *Hallumerhoek*. En tink ek oan *Hoek*, ien fan 'e trije âlde wiken fan Ljouwert. It wurd *herne* kin troch de fêste ferbining *hoeken en hernen* ek ynfloed hân hawwe.

### 3.2.2.3 Mei it wurdein *-je*

Yn in pear gefallen giet in lienhaadwurd yn it Frysk op *-je* út, dat net út ûnbeklamme *-[i]* ôflaat wurde kin (sjoch § 2.2.4 hjirfoar). Yn Visser (1992) haw ik sjen litten, dat *-je* yn it Frysk by haadwurden as in efterheaksel-nei-de-foarm fungearret, omdat *je*-haadwurden meast allegear *de*-wurden binne, bgl. *dealje* en *flealje*. Besjoch no de neikommende lienhaadwurden:

- (62) *apstoanje/apstúnje* (← frâ. *apostume*)  
*foarsje/faasje* (← frâ. *force*)  
*abeel* ~ *abeelje* (← *abeel*)  
*sûkelarje* (← *sûkelare* ← *sûkelade* ← *chocolade*)  
*akaasje* (← *acacia*)  
*daalje* (← *dahlia*)  
*graanje* (← *graanjum* ← *geranium*)

It grammatikale slachte fan it haadwurd liket hjir mei *-je* ekstra markearre te wurden.

It wurdein *-je* yn *akaasje* en *daalje* soe sa op it each fonologysk frij maklik út *-ia* ôf te liden wêze: *-[i.a]* → *-[i.jə]* → *-[jə]*. Mar omdat lûdreduksje oan it wurdein krekt

frijwat seldsum is, sjoch § 2.1.2 hjirfoar, liket it ferfangen fan it frjemde wurdein *-ia* troch *-je* my al sa oannimlik ta.

### 3.2.2.4 Mei meartal en ferlytsing

Der binne in stik of wat gefallen, dat in lienhaadwurd (foar in part) oaneigene is troch der in meartalsfoarm (plurale tantum) of in ferlytsingswurd fan te meitsjen:

#### (63) a. *meartalsfoarm*

meneuvers/meneuvels (← manoeuvre)

k(e)rellen/krewellen (← frå. querelle)

affearen (← affaire)<sup>96</sup>

anneksen (← annex)

#### b. *ferlytsingswurd*

lawaske (← lavas)<sup>97</sup>

krúсно(a)tsje (← frå. cousinotte)

prûmliewierke/prumelwearke/plûm-en-weaske (← primula veris)

rabbelemintsje (← rapplement)

Yn *naantsjes* (← *naan*) binne meartalsfoarming en ferlytsing kombinearre.

### 3.2.2.5 Mei it efterheaksel *-er*

Yn 'e meartalsfoarmen *karnuters* (neist *kornuten*, sjoch WFT, s.v. *karnuter*) en *antsje-revoluters* (neist *anty-revolúsjonêren*, sjoch (35) hjirfoar) is de gewoane meartalsút-gong *-en* troch *-ers* ferfongen. Dat lêste bestiet út it efterheaksel *-er*, dêr't û.o. ûnderwerpsnammen mei foarme wurde, en de meartalsút-gong *-s*. Sa is it namste dúdliker dat it om in oantsjutting fan (mear) persoanen giet.

Deselde oerkarakterisearring hat men yn 'e eigen foarmen (*goe*)*kunder(s)* (neist (*goe*)*kunde*) en mooglik ek yn *eamelder* (neist *eamel*), *imerke* (Hollânsk *heempje/heimpje*) en yn 'e fûgelnamme *kôbeler* (neist *kôbel*). No't der wat langer wat mear oan Frysktalige berne-opfang dien wurdt, komme der neist *pjuten* hieltyd mear *pjutters* op it pjutteboartersplak.<sup>98</sup> Yn guon ynstrumintnammen (arknammen) is *-er* ek as oerkarakterisearder brûkt; sa besteane *riuwe* en *riuwer* en *houwe* en *houwer* neist inoar.<sup>99</sup>

### 3.2.3 In tiidwurd ekstra markearje

It giet hjir net sa lyk om it ekstra markearjen fan 'e wurdsoarte tiidwurd, mar fan 'e betsjutting en de syntaktyске gebrûksmooglikheden, de saneamde syntaktyске falinsje, fan in tiidwurd. Wy hawwe hjir allinnich mei foarheaksels te krijen. Dat sil gjin tafal wêze, want tiidwurden wurde yn it Frysk benammen mei foarheaksels fan oare tiidwurden ôflaat (Hoekstra (1998b:141)).

#### 3.2.3.1 Mei *fer-*

Mei it foarheaksel *fer-* wurde yn it Frysk transitive tiidwurden foarme (Hoekstra (1998b:147-148)). It transitive karakter fan guon lientiidwurden is oerkarakterisearre troch it foarheaksel *fer-* deroan ta te heakjen. By *ferdistruwearje*, *ferrinnewearje* en *ferrampenearje* kin boppedat de betsjutting in rolle spile hawwe; dy trije tiidwurden

betsjutte safolle as ‘ferniele’ en de mei *fer*-tiidwurden oantsjutte feroaring fan tastân wurdt neffens Hoekstra “wol gauris negatyf wurdearre”:

- (64) *divedearje* ~ *ferdivedearje*  
*distruwearje* → *ferdistruwearje*  
*rinnewearje* ~ *ferrinnewearje*  
*rampenaarje* ~ *ferrampenaarje*  
*affrontearje* ~ *feraffrontearje*<sup>100</sup>

Sa is it elemint *oan-*, dat men wol gauris yn kombinaasje mei (skiedber gearstalde) ditransitive tiidwurden fynt (ferl. WFT, s.v. *oan*, skift 18), oan it ditransitive lientiid-wurd *rikkeme(n)dearje* fêstplakt.<sup>101</sup> En *oansjasje* (neist *sjasje*) sil wol net sûnder de tiidwurden *oanhysje*, *oanhúsje* en *oanhits(j)e* te tinken wêze (ferl. WFT, s.v. *oan*, skift 8).

### 3.2.3.2 Mei *mis-*

Mei it foarheaksel *mis-* oan in tiidwurdstamme fêst te meitsjen, wurdt meast útdrukt dat “de hanneling fan it grûnwurd ‘ferkeard’ útfierd wurdt” (Hoekstra (1998b:150)). Sa betsjut *immen eat missizze* safolle as ‘wat ferkeards tsjin immen sizze’. Mar mei *mis-* kin ek bleate ûntkenning útdrukt wurde; *immen eat misgunne* betsjut ‘immen eat net gunne’.

No binne der tiidwurden mei *mis-* dy’t út tiidwurden mei in negative betsjutting ûntstien wêze moatte troch it ferfangen fan in (ûnbeklamme) foarheaksel, dat mei in twalppich of in liptoskich bylûd begjint (Hoekstra (1993:14-15), Hoekstra (1998b:150)):

- (65) *misledigje* ← *beledigje*  
*mishipt/mishypt* ← *behipt/behypt*  
*mistribelje* ← *fertribelje*

Wat soartgelyks hat men yn ’e neikommende lienwurden:

- (66) *mislearje* ← *felearje*  
*miskearje* ← *mankearje*

It tiidwurd *felearje* (← *failleren*) is foar ’t neist earst as *ferlearje* werynterpretearre. Dat wol hiel maklik: de *-r* fan it foarheaksel *fer-* wurdt foar net ien bylûd, útsein *h*, útsprutsen, dat it leit suver yn ’e reden en fetsje it earste part [f ]- fan in tiidwurd as *fer-* op.<sup>102</sup> Dêrnei is *fer-* troch *mis-* ferfongen, in patroan dat men yn (65) ek obstrewearje kin. Kontaminaasje fan *felearje* mei *mislokke* en *misbeteare* kin fansels ek noch meispile hawwe. Foar *mankearje* is werynterpretaasje fan it earste part as in foarheaksel net mooglik.<sup>103</sup>

### 3.2.3.3 Mei *skyt-*

Yn *skytkrimmenaarje* is it negatyf wurdearjende foarheaksel *skyt-* (Hoekstra (1998b:70)) taheakke oan it tiidwurd *krimmenaarje*, dat sels al in negatyf te wurdearjen betsjutting hat. Dat is in isolearre gefal en ek yn sa fier ûngewoan, dat *skyt-* produkt oan haadwurden fêstmakke wurdt, mar net oan tiidwurden.



### 3.2.4 In bywurd ekstra markearje

De foarm *yndreks*, in fersterking fan *dreks* ‘fuort, daliks’, wurdt neffens in meidieling fan H. Tsjepkema “inkeld” heard (sjoch WFT, s.v. *direkt*). It bestean fan ‘e bestjurre ferhâldingswurdkloft *ynienen*, mei deselde betsjutting as *dreks*, kin by it ûntstean fan *yndreks* in rolle spile hawwe.<sup>104</sup> Sels ken ik *yngereregeld* as in foech fersterking fan *gereregeld*, in foarm dy’t moai wis net los te sjen is fan ‘e ferhâldingswurdkloft *yn* ‘e *regel*.

### 3.3 In morfologyske funksje foar frjemde wurdparten

Der binne by de tiid lâns gearstalde en net-gearstalde lienwurden yn it Frysk kommen. In pear frjemde efterheaksels binne troch it Frysk (min ofte mear) oaneigene en koenen dêrtroch ek mei eigen grûnwurden kombinearje, wylst in frjemd foar- of efterheaksel soks trochstrings net kin. Mar sûnder dat it om in foar- of efterheaksel giet, koe in part fan in lienwurd him bytiden ek ferselsstannigje en in rolle yn ‘e Fryske morfology begjinne te spyljen. Yn dizze paragraaf wol ik besjen hokker frjemde foaren efterheaksels en hokker parten fan lienwurden oft in morfologyske funksje yn it Frysk krige hawwe.

#### 3.3.1 It efterheaksel *-ear(je)*<sup>105</sup>

It efterheaksel *-ear(je)/-isear(je)* fynt men yn gâns lienwurden: *degradearje*, *kreëarje*, *stimulearje*, *promovearje*, *mobilisearje* en *alfabetisearje*, om mar in pear foarbylden te neamen. It is it Frysk dêrtroch sa eigen wurden, dat it ek mei eigen grûnwurden (haadwurden, eigenskipswurden en tiidwurden) kombinearje koe. Nei in grûnwurd op *-n* ferskynt it yn ‘e foarm *-dearje*, wylst it nei guon grûnwurden ek as *-learje*, *-enearje*, *-erearje*, *-esearje* (← *-isearje*) of *-etearje* foarkomt.<sup>106</sup>

(67) <i>weardearje/wurdearje</i>	<i>stoffearje</i>
<i>kalmearje</i>	<i>redenearje</i>
<i>klienearje</i>	<i>soberearje</i>
<i>husearje</i>	<i>krewearje</i>
<i>foetearje</i>	<i>skandalisearje</i> ( <i>skansearje</i> )
<i>blyndearje</i>	<i>blondearje</i>
<i>grûndearje</i>	
<i>stipelearje</i> ( <i>stibelearje/stivelearje</i> )	<i>kwinklearje</i>
<i>stringenearje</i>	<i>ferdommenearje</i>
<i>broekerearje</i>	<i>gast(e)rearje</i>
<i>betitelesearje</i>	(om)skermesearje
(fer)minderesearje	
<i>hakketearje</i>	

Yn bgl. *soberearje*, *krewearje* en *betitelesearje* hat der ôflieding west op grûn fan in lienwurd (*sober*, *krewei* en *titel*), mar omdat dizze formaasjes yn it Frânsk en/of Hol-

lânsk net besteane, kin útholden wurde, dat it Frysk hjir sels mei *-earje* oan 'e haal gongen is.

Hoe tige oft it Frysk dit efterheaksel wol net ynlive hat, kin moai sjen litten wurde oan 'e hân fan it wurd *achtenearje*, dat út 'e biferbale útdrukking *achte en earje* komt.<sup>107</sup> Yn it WFT, s.v. *achtenearje*, wurdt foar it part *-earje* nei it efterheakselartikel *-earje* ferwiisd, dêr't útspraak en bûging fan alle lienwurden op *-earje* behannele wurde. Wylst it tiidwurd *earje* mar allinnich as [I.ərjə] útsprutsen wurdt, suggerearje de fynplakken fan *achtenearje* yn it WFT, foaral dy mei <earre>, de útspraak [-njɛr].<sup>108</sup> Doe't *achtenearje* ien kear as ien wurd opfette waard, is it part *-(en)earje* dus lykslein mei it frekwinte en oaneigene efterheaksel *-(en)earje*. En dat it tiidwurd *benearje* ek wol as [bənjɛrjə] útsprutsen wurdt, slút oan by in bestand patroan yn it Frysk, tink oan *fearje* [fjɛrjə] neist *fear* [fl.ər], mar it efterheaksel *-earje* is dêr neffens my ek mandéllich oan.<sup>109</sup>

Twa lientiidwurden op *-earje* hawwe in Frânske wjergader op *-ir*: *felearje* (frâ. *faillir*) en *mintenearje* (frâ. *maintenir*). It leit dêrom yn 'e reden dat it Frysk hjir de Hollânske (lien)tiidwurden op *-eren*, t.w. *failleren* en *mainteneren*, oernommen hat.<sup>110</sup>

### 3.3.2 It efterheaksel *-aasje*

Lienwurden op *-ear(je)* kin in haadwurd fan makke wurde mei it efterheaksel *-aasje* (Hoekstra (1998b:122-123)). Sa't oan 'e neikommende foarbylden bliken docht, ferfalt it part *-ear-* fan 'e tiidwurdstamme dan:

(68) <i>degradearje - degradaasje</i>	artikulearje - artikulaasje
deklamearje - deklamaasje	alliterearje - alliteraasje

It efterheaksel *-aasje* is part fan it Fryske morfologyske systeem wurden. Dat kin men goed sjen oan wurden as *avesaasje*, *argewaasje*, *ferdivedaasje*, *krimmenaasje* en *ris-selwaasje*, dy't har nei it patroan yn (68) foegje en in lientiidwurd as basis hawwe, mar yn sa fier dochs eigen foarming binne, dat der gjin Frânske/Hollânske foarmen op *-ation/-atie* neist steane (Hoekstra (1991)).<sup>111</sup>

It wie in logysk ferfolch op it meitsjen fan eigen ôfliedingen mei *-aasje* op basis fan lientiidwurden, dat *-aasje* ek oan eigen tiidwurdstammen fêstmakke wurde koe. *-aasje* waard dan lykwols útwreide ta *-eraasje* (*-deraasje* nei tiidwurdstammen op *-en* en *-er*). Yn it neikommende jou ik alle gefallen dy't ik yn Dykstra, Reitsma en Visser (1992) fine kinnen haw:

(69) <i>kibberaasje</i>	<i>strideraasje</i>
<i>rekkenderaasje</i>	<i>timmerderaasje</i> <sup>112</sup>
<i>jongeraasje</i>	<i>frijeraasje</i>
<i>drinkeraasje</i>	<i>kôkeraasje</i>
<i>cream(m)eraasje</i>	<i>poeperaasje</i>
<i>fjochteraasje</i>	<i>iteraasje</i>
<i>skiteraasje</i>	<i>heisteraasje</i>
<i>skriuweraasje</i>	

Neffens Hoekstra (1998b:122-123) kin *-eraasje* ûntstien wêze nei analogy fan wurden as *moederaasje*<sup>113</sup> en *alteraasje*. Mar hy tinkt ek oan ynfloed fan it eigen efterheaksel *-erij*. Yn it earste plak kinne mei beide efterheaksels haadwurden "mei in kol-

lektive betsjutting en in pejorative konnotaasje” ôflaat wurde. Yn it twadde plak steane neist de foarmingen op *-eraasje* foarmingen op *-erij* (*kibberij, striderij, rekken-derij, timmerderij, jongerij, frijerij, drinkerij, kôkerij, kream(m)erij, poeperij, fjochterij, iterij, skiterij, skriuwerij*); op *heisteraasje* nei, dat *geheister* as eigen ôflieding hat.<sup>114</sup>

Yn in pear gefallen is *-aasje* om samar te sizzen bûten de stringen stapt en hat it him oan in haadwurd fêstmakke:

- (70) *kleaneraasje*  
*sinteraasje*

Neffens Hoekstra (1998b:123) komt *sinteraasje* fan it plurale tantum *sinten* ‘jild’ (mei weifal fan *-en*); merk op dat *klean* ek in plurale tantum is.<sup>115</sup>

Yn *pakkelaasje* (neist *pakkellaris*) hawwe wy te krijen mei in ôflieding fan it haadwurd *pak*, wylst yn *possenaasje* faaks it Frânske tiidwurd *posseder* stiket (WFT, s.v. *pakkelaasje* en *possenaasje* (noch net ferskynd)). Beide foarmingen binne ûnregelmjittich, de útwreidingsen *-elaasje* en *-enaasje* komme fierders net foar.

### 3.3.3 It efterheaksel *-emint*

Lientiidwurden op *-ear(je)* kin mei it efterheaksel *-emint* in haadwurd, meast in hannelingsnamme, fan makke wurde; it part *-ear-* fan ’e tiidwurdstamme ferfalt dan wer:

- |                                   |                                    |
|-----------------------------------|------------------------------------|
| (71) <i>rendearje - rendemint</i> | <i>bombardearje - bombardemint</i> |
| <i>isolearje - isolemint</i>      | <i>abonnearje - abonnemint</i>     |
| <i>klassearje - klassemint</i>    | <i>amendearje - amendemint</i>     |
| <i>avesearje - avesemint</i>      |                                    |

Mar *-emint* komt ek yn gâns lienwurden foar dy’t net fan in tiidwurd ôflaat binne:

- |                     |                    |
|---------------------|--------------------|
| (72) <i>elemint</i> | <i>komplemint</i>  |
| <i>evenemint</i>    | <i>taffelemint</i> |

Mei *-emint* binne ek haadwurden foarme op basis fan eigen wurden; it giet om hannelingsnammen (73a) en sammelnammen (73b), dy’t fan in tiidwurd respektivelik in haadwurd ôflaat binne:

- |                         |  |
|-------------------------|--|
| (73) a. <i>bûgemint</i> | <i>drigemint</i>                         |
| <i>preuvelemint</i>     |  |
| b. <i>arkemint</i>      | <i>kakemint</i> (ek: <i>kakesemint</i> ) |
| <i>kampemint</i>        | <i>troanjemint</i>                       |

Yn *donderemint* (neist *donder*)<sup>116</sup> en *soartemint* (neist *soart*) hat *-emint* de funksje fan oer karakterisearder fan in haadwurd (sjoch § 3.2.2 hjirfoar), al soe *soartemint* ek fan it Frânske *assortiment* komme kinne. Yn *fizelemint* neist *fizelemy* (*fysionomy*), sjoch ek *troanjemint* yn (73b), hat it dy funksje ek, mar it hat dêr tagelyk in wurdpart ferfongen.

Neist de haadwurden yn (73a) komme de tiidwurden *bûgemintsje*, *drigemintsje* en *preuvelemintsje* foar. It wie de koartste klap om oan te nimmen dat it tiidwurd fan it haadwurd ôflaat is, neffens in yn it Frysk algemien en produktyf prosedee. Likegoed leit dat hjir net yn 'e reden, omdat ôflate haadwurden har minder goed nei in tiidwurd konvertearje litte (sjoch Visser (1992:72)). Boppedat binne der tiidwurden op *-emintsje* sûnder haadwurd op *-emint* derneist: *bannemintsje*, *kettermintsje*, *omrigemintsje* en *sakkeremintsje*.<sup>117</sup> It jout dêrom mear eigenskip, dat it elemint *-emint* him út in tiidwurd as *sakremintsje* losmakke hat en efter eigen tiidwurdsstammen plakt wurde koe om dêr in tiidwurd mei fierhinne deselde betsjutting, mar mei in wat negative en/of pejorative nuânse, fan te foarmjen. It hat wol wat fan it efterheaksel *-jei* (Hoekstra (1998b:143-144)). De tiidwurden op *-jei* hawwe allegearre net-gearstalde tiidwurden neist har, bgl. *murdejeie* - *murdzje*, *slydjeie* - *slydzje*, *grapjeie* - *grapkje*, *twirjeie* - *twirje*. It bestean fan sokke pearen kin der neffens Hoekstra foar soarge hawwe dat *-jei* as in efterheaksel opfette waard “dat tiidwurden fan tiidwurden ôflaat”. Neist de tiidwurden op *-emintsje* stiet ek hieltyd in net-ôflaat tiidwurd: *bûgemintsje* - *bûg(j)e*, *drigemintsje* - *drûgje*, *preuvelemintsje* - *preuvelje*, *bannemintsje* - *banne*, *kettermintsje* - *ketterje*, *omrigemintsje* - *omreagje*, *sakkeremintsje* - *sakkerje*. Op grûn fan dy pearen moat *-emint* as in tiidwurdlik efterheaksel opfette wêze.<sup>118</sup>

### 3.3.4 It efterheaksel *-abel*

It frjemde efterheaksel *-abel*, dat him oppenearret yn lienwurden as *miserabel* en *respektabel*, is yn twa gefallen oan in eigen wurd fêstmakke: *djoerabel* en *poerabel*.

It wurd *djoerabel* sil it Frysk út it Hollânsk oernommen hawwe, dêr't it Frânske lienwurd *durabel*, neist de oarspronklike betsjutting ‘bluwend, duorjend’, de betsjutting ‘djoer, prizich’ krige hie, meidat it wurdpart *dur-* as it eigenskipswurd *duur* opfette waard; op grûn dêrfan is yn it Frysk *dur-* troch *djoer-* ferfongen. It WFT, s.v. *djoerabel*, jout ek de foarm *durabel*, mar dy komt amper foar.

It wurd *poerabel* komt foar as bywurd, mei de betsjutting ‘tige, ferskuorrende’, en as eigenskipswurd, yn 'e betsjutting ‘poer(liik)’ (WFT, s.v. *poerabel* (noch net ferskynd)). As bywurd kin yn *poerabel* it eigen fersterkjende efterheaksel *-lik* fan it bywurd *poerlik* troch it frjemde *-abel* ferfongen wêze, mar *poerabel* soe ek as in ferwierring fan it op himsels al fersterkjende bywurd *poer* opfette wurde kinne. Foar 't neist is *poerabel* as eigenskipswurd in ferwierring fan *poer*, mar dat *-abel* hjir it twadde elemint yn *poerlik/gleon/-mâl* ferfongen hat, liket ek net ûnmooglik te wêzen.

### 3.3.5 Frjemde wurddielen útwikselje

Besjoch de neikommende wurdpearen:

(74) <i>dikkedânsje</i> ~ <i>dikkedinsje</i>	<i>kwizekwânsje</i> ~ <i>kwizekwesje</i>
<i>histoarje</i> ~ <i>ekstoarje</i>	<i>astrant</i> ~ <i>ekstrant</i>
<i>pakkelaasje</i> ~ <i>pakkelararis</i>	<i>negoasje</i> ~ <i>agoasje</i>

Hjir kin it kursivearre diel fan it lofter lienwurd ferfongen wêze troch it kursivearre diel fan it rjochter. De ferfangende wurddielen sit meast in frjemd foar- of efterheaksel yn, mar dat kin mei in bylûd útwreide wêze. By de pearen *dikkedânsje* ~ *dikkedinsje* en *pakkelaasje* ~ *pakkelararis* wize de wurdeinen *-ânsje/-insje* likegoed as *-aasje/-aris* op in lienwurd, dat dêr kin men úthâlde dat it om suvere fariaasje giet.

Oars is dat mei de pearen *histoarje ~ ekstoarje*, *astrant ~ ekstrant* en *negoasje ~ agoasje*, dy't mei *eks-* en *a-* dúdliker it oansjen fan in lienwurd krije.<sup>119</sup> Sjoch § 3.1 hjirfoar foar it pear *kwizekwânsje ~ kwizekwesje*.

Utwikseling fan wurdeinen docht him ek by eígen wurden foar:<sup>120</sup>

(75) wolk ~ wolke ~ wolken ~ wolkem		
kôb ~ kôbe ~ kôbel	bigge ~ biggel	môge ~ môgel
bokking ~ bokken ~ bokkem		
iezing ~ iezen	siging ~ sigen	roering ~ roerje
jol[ə̃m] ~ jolling ~ jolme		wâl[ə̃m] ~ wâling

De foarmfarianten hjirboppe hawwe allegearre deselde betsjutting. Yn guon gefallen kin it útwikseljen fan it iene wurdein tsjin it oare as in foech 'oerkarakterisearing' begrepen wurde. Meast alle wurden op *-em* (-[ə̃m]) yn it Frysk, bgl. *lichem*, *boaiem*, *blosssem*, (*w*)*azem* en *biezem*, binne haadwurden, dêr't *wolkem*, *bokkem* en *iezen* har by oanslute.<sup>121</sup> Yn *jolm* en *wâlm* hat de útspraakfariant *-[ə̃m]* fan 'e einichste bylûdkloft *-lm* sa't it liket sa frekwint west, dat de wurden as *jollem* en *wâlem* begrepen binne, dat op syn bar wer it paad sljochte hat foar de wiksel mei *-ing*, in wurdein dat altyd op in haadwurd tsjut: *jolling* en *wâling*. Sa binne alle wurden op *-el* ek haadwurden, dat wat sizze kin oer *kôbel*, *biggel* en *môgel*.

Mar it is fansels faker sa, dat men by foarmen sûnder en mei *-el* of *-en* mei ferskillende wurden, fan in ferskillende wurdsoarte en mei in ferskillende betsjutting, te krijen hat. Ik jou mar in pear foarbylden:

(76) sang - <i>sangen</i>
ming(e) - <i>mingel</i>
geef /ge:v/ - <i>gevel</i>
sim - <i>simmels</i>

### 3.3.6 In frjemd wurddiel as grûnslach foar in tiidwurd

It wurddiel *-raal* yn 'e oantsjuttingen fan 'e militêre rangen *admiraal*, *generaal* en *korporaal* is ta tiidwurdstamme (fan in *je*-tiidwurd) wurden. Op 'e fraach "Wat docht jim Douwe no yn it leger?" kin antwurde wurde: "Ik wit it net krekt, it *ralet*".<sup>122</sup> Wat soartgelyks hat men, wannear't der fan ien dy't agooch of pedagooch is, sein wurdt dat it in *gooch* is of wannear't der by in krekt opkommende filosofyske of wittenskiplike streaming oer in nij *isme* praat wurdt.

## 4. Trochgeande ûntjouwingen

De Frânske lienwurden meitsje in moai grut en ûnmisber part fan 'e Fryske wurdfoarried út. Der binne mear resinte wurden, dy't kleardernôch in Frânsk stal holden hawwe, lykas *ameublemint*, *formidabel*, *frankearje*, *fiksaasje*, *kampanje*, *kontingint*, *prosedee* en *reveil*, mar ek sokken dy't al wat langer yn it Frysk opnommen en troch ien of mear omfoarmingen oaneigene binne, lykas *faasje*, *argewaasje*, *op it aljemint* (*bringe*, *komme*), *krimmenearje*, *omballingen*, *ferdivedaasje*, *sitewaasje*, *besite*, *oeribel*, *plysje*, *fûleindich*, *tantaasje*, in ... fan *komsa* en (*in man fan*) *kwizekwânsje*.

Yn 'e oanrin haw ik útholden, dat it feit dat de lienwurden bytiden sa tige omfoar-

me wurde koenen, te krijen hat mei in breklike kennis fan frjemde talen, mei de ôfwê-zichheid fan massa-kommunikaasje en mei posysje en status fan it Frysk.

No't elk yn it gewoane ûnderwiis wol wat kennis fan frjemde talen krijt en no't elk boppedat op radio en tillefyzje suver de hiele dei frjemde talen om him hinne hearre kin, wurde sokke talen elk as fansels wat eigen. Oars sein, frjemde wurden wurde wat langer wat mear ynternasionalismen. Dy tanommen kennis en fiergeande ynfloed fan 'e media dogge it, dat de nije lienwurden dy't yn it Frysk komme har oarspronklike foarm hâlde, op 'e automatyske oanpassingen fan (2) o/m (4) hjirboppe nei.

Meidat it omfoarmjen fan lienwurden op in breklike kennis fan de lienende taal tsjut, wurde de lju dy't sokke omfoarmingen yn 'e mûle nimme al gau gefaarlik om foar dom fersliten te wurden. It ferfoarmjen fan frjemde wurden is dan ek in alâld middel yn kluchten om de domme boer te karakterisearjen en/of te begekjen.<sup>123</sup> It docht dan ek gjin nij dat mei it tanimmen fan 'e kennis fan 'e frjemde talen guon fan 'e âlde, omfoarme lienwurden yn in rook fan efterlikheid komme te stean en dat lju dy't oan it moderne libben meidwaan (en foar fol oansjoen wurde) wolle, der ôf wolle. In moaie yllustraasje dêrfan is te finen yn it literêr moanneskrift *De Holder*, jiergong 1 (fan 1927). Dat tydskrift begjint mei it ferhaal "De Wolvinga's" fan S.D. de Jong. It lêste wurd op 'e earste side is *professor*, dat De Jong beselskipje lit fan 'e neikommen-de stjerkenoat, dy't ik hjir yn syn hiele hear en fear oernim:

Gjin prefester, setter. Lit ûs yn 'e goedichheid 'ris ophâlde mei it forhakstûkjen fen wîrden as professor, advokaet ens. yn prefester, abbekaet etc. dingen dy't hast gjin Fries mear oer de lippen komme.

It is dúdlik dat De Jong neat fan it omfoarmjen - 'ferhakstûkjen' neamt er it - fan lien-wurden hawwe moat. Der is neffens him langer safolle kennis fan 'e frjemde talen dat "hast gjin Fries" sokke omfoarmingen mear yn 'e mûle nimt.<sup>124</sup>

Dat dyselden dan op skrift krekt noch safolle brûkt waarden - De Jong hat sa't it liket it idee dat er de setter mei safolle wurden de opdracht jaan moat om *professor* net yn *prefester* om te setten -, hat mei de maatskiplike posysje en de status fan it Frysk te krijen. Dy meitsje dat de Fryske standerttaal him allegeduerigen tsjin it machtige ABN ôfsette en dêr ôfstân fan nimme moat. Dat is fan dy gefolgen, dat de omfoarmingen fan lienwurden, dy't yn it ABN net, mar yn 'e Hollânske dialekten wol foarkomme, faak as 'geef Frysk' nei foaren skood wurde.

Mar soks hat it net keare kinnen, dat moai wat 'âlde', omfoarme lienwurden fer-krongen binne troch 'moderne' foarmen, dy't wakker gelyk binne oan dy fan 'e lie-nende taal. Dat ferkringen sitte twa kanten oan. Oan 'e iene kant sille de minder of net omfoarme lienwurden, dy't yn it Frysk ek in plakje hân hawwe moatte, de gut krige en de âlde omfoarmingen út it stee wrot hawwe, doe't de lêsten hieltyd mear as 'âlder-wetsk' en as 'net mear by de tiid' oanfield waarden. Oan 'e oare kant koe der hieltyd, en hieltyd makliker, op 'en nij liend wurde, want mei it oanwinnende gebrûk fan 'e moderne massa-kommunikaasjemiddels stienen de ynternasionalismen ommers hieltyd mear ta elks foldwaan.

Fangefolgen hawwe gâns omfoarme lienwurden belies jaan moatten. Yn it sitaat fan De Jong, fan 1927 al, wurde *prefester* en *abbekaet* as ferâldere ferhaspelingen oanmurken, dêr't de moderne foarmen *professor* en *advokaet* foar brûkt wurde moat-te soenen. Dat rychje kin fiks útwreide wurde.

Mar de moderne foarmen hawwe it net oeral wûn. Fuort oan it begjin fan dizze

paragraaf haw ik al in nustke hiele gewoane, omfoarme lienwurden jûn. Bytiden binne der ek dûbletten ûntstien fan âldstriders en nijynkommelingen:

- |                            |                         |
|----------------------------|-------------------------|
| (77) rimmetyk ~ reuma(tyk) | rimmetikich ~ reumatysk |
| opstrewearje ~ obserwearje | mjirkjes ~ emearitus    |
| perses ~ proses            | persint ~ prosint       |

De lofter foarmen hearre no mear ta de folkstaal, de rjochter ta it 'hegere' taalgebrûk.<sup>125</sup> It is te ferwachtsjen dat de lofter foarmen al meidertiid wei wurde sille.

Wannear't in âlde omfoarming in eigen betsjutting krige hat, dy't de moderne wjergader mist, bliuwt er fêst bewarre, lykas yn 'e neikommende foarbylden:

- |                      |                        |
|----------------------|------------------------|
| (78) krekt - korrekt | blâns - balâns         |
| drekt - direkt       | (yn 't) brat - borat   |
| krupsje - korrupsje  | petearje - dispetearje |

### 5. Einslutende opmerkingen

Yn dit stik haw ik besocht om it grutte mêd fan 'e âlde Frânske lienwurden yn it Frysk wer wat fierder te ferkaveljen, dêr't Krol, Gerbenzon, Jørgensen en Sjölin, elk op har eigen wize, my yn foargongen wienen.

It wie my foaral om 'e ûnderskate soarten omfoarmingen te rêden. Om wat grip op dat bûnte ferskaat te krijen, haw ik se ferdielt yn trije brede kategoryen: *automatyske oanpassingen oan it Fryske fonologyske systeem, fonologyske omfoarmingen de kant fan it kanonike Fryske wurd út en oarssoartige omfoarmingen*. Mei it oarderjen en beskriuwen fan 'e omfoarmingen is fansels tagelyk in smiet dien op it begripen en ferklearjen dêrfan.

Ut soarte is mei dit stik it lêste wurd net sein. Sa kin it, oan 'e feitlike kant, hast net oars of der binne my lienwurden ûntkommen of in beskaat slach omfoarming fan lienwurden haw ik mist. En, oan 'e beskriuwende kant, de krekte kategorisearring en foaral it ûnderbringen fan in beskaat lienwurd by in beskate kategory omfoarming is en bliuwt lestich. De nije betsjuttings dy't in lienwurd krije koe, haw ik ek fierhinne gewurde litten. Fierders bin ik hjir ek net wiidweidich yngongen op 'e nijsgjirrige fraach oft it omfoarmjen primêr út 'e net begrepen betsjutting, út in tekoart oan kennis, of út 'e ûngewoane foarm fan 'e lienwurden wei ferklearre wurde moat. De gronology - wannear is hokker wurd yn it Frysk opnommen - haw ik likemin omtinken oan jûn (sjoch dêroer foar it Hollânsk Salverda de Grave (1906:33-35) en Van der Sijs (1996:134-141, 146-154)). It soe ek gâns ûndersyk fergje om dêr wat bestekliks oer te sizzen. Der is bgl. gjin histoaryske spraakleare fan it Frysk, dêr't men foar de gronology fan lûdferoaringsen op te seil gean kin. En it Ald- en Midfrysk, dat men systematysk yn sok ûndersyk behelje moat, is noch net yn 'e foarm fan maklik te befreegjen kompjûterkorpora foarhannen. Boppedat hoegde dit dochs al lange stik ek net langer. Mar dat nimt allegearre net wei, dat der op it mêd fan 'e âlde Frânske lienwurden noch frijwat te ûndersykjen is. Der sit foar in frisist foarearst noch byt genôch oan.

## Noaten

1. In part fan 'e yn dit artikel ferarbeide stof hat ûnderwerp west fan in lêzing op 'e temamiddei oer 'Frjemd en eigen', organisearre fan it Taalkundich Wurkferbân fan 'e Fryske Akademy op 24 april 1999 yn Ljouwert. De opmerkingen dy't yn it neipetear by de lêzing makke waarden, haw ik tankber gebrûk fan makke. Hjirby wol ik Siebren Dyk, Eric Hoekstra en Jarich Hoekstra betankje foar har op- en oanmerkingen by in eardere ferzje fan dit stik.

In apart wurd fan tank oan Jarich Hoekstra is hjir wol op syn plak. Doe't ik him fertelde dat ik mei dit ûnderwerp oan 'e gong soe - in âlde winsk - wie er fuort ree om my in list fan lienwurden ôf te stean, dy't er sa by de tiid lâns gearstald die, foaral út lektuer fan 19deieusk Frysk. Dy list is de grûnslach fan 'e Taheakke by dit artikel. Gelbrige Haringsma komt in wurd fan tank ta foar it yn 'e kompjûter setten fan 'e list.

2. Sipma (1949:73) merkt op dat "in great tal frjemde wurden oernommen (binne) troch bimiddeling fan it Nederlânsk". Sjoch foar de Frânske lienwurden yn it Hollânsk Salverda de Grave (1906) en de oanbelangjende parten yn Van der Sijs (1996).
3. Lienwurden wurdt geregeld oer skreaun, nei alle gedachten omdat it faak om wat singelieere wurden giet. Sjoch Versloot (1999) en Dam (2000) foar twa resinte bydragen oer lienwurden yn it ramt fan in fêste krannerubryk.
4. Sjölin (1970:190) wol hawwe, dat Krol úthâldt dat de omfoarmingen fan lienwurden 'typysk Frysk' binne, dat er ûntstriidt mei it neamen fan foarbylden út it Grinslânsk, dy't in soad op 'e Fryske wjergaders lykje. Yn noat 5 hellet er Krol (side 88) oan: "De frjemde wurden hearre op de typysk Fryske menear sprutsen en skreaun to wurden". Neffens my bedoelt Krol net, dat it omfoarmjen typysk Frysk is, mar dat dat him by it, foar in part, typysk Fryske fonologyske systeem oanslút. Wannear't de omfoarmingen yn it Frysk en it Grinslânsk bytiden safolle fan inoar hawwe, komt dat omdat de fonologyske systemen fan dy twa safolle op inoar lykje.
5. Ik jou hieltyd de Hollânske foarm om mei te ferlykjen; wannear't ik de Frânske foarm brûk, jou ik dat apart oan.
6. It is net alhiel ûnmooglik dat in wurd of in beklamme wurdliid yn it wurd mei [z]- begjint; ik tink dan oan foarmen as *zjeny*, *zjeste*, *rezjym* en *súzjet*. In realisearring mei [s]- is neffens my yn sokke gefallen lykwols gewoaner. It falt op dat <z> hjir hieltyd fan <j> folge wurdt, dat it komôf fan [zj] út [ʒ] spilet faaks in rolle (sjoch ek noat 17 hjirnei).
7. De tekens foar de letters *m* en *n*, no útsprutsen as [ɛm] en [ɛn], waarden earder as [Im] en [In] útsprutsen, sjoch WFT, s.v. *m* en *n*, dêr't nei wurk fan Epkema út 1824, fan Halbertsma út 1834 en nei it *Friesch Woordenboek* [1903] ferwiisd wurdt.

It bestean fan *jenten* en *jentich* neist *jinten* (← frâ. *gent(il)*) of Holl. *jentig*) liket in útsûndering op dizze regelmjittichheid te wêzen. Mar der binne ek pearen eigen wurden dêr't *-jin-* en *-jen-* neist inoar yn foarkomme, bgl. *jent(e) ~ jint(e)*, *Jentsje ~ Jintsje* en *sjen ~ sjin* (al is dat gjin offisjele skriuwwize). It liket as is ûnder de dissimilatoaryske ynfloed fan it heallûd *j*, ûnderlizzend it hege foarlûd /i/, de oergong fan [ɛ] nei [I] foar *n* foar in part opearde.

It wurd *ympelearje* (← *employeren*) is nei alle gedachten oer *impelearje* ← *empelearje* ûntstien, tink oan 'e Hollânske útspraak [ɛm]plooi. Meidat de stavering *ympelearje* ek geregeld foarkomt (sjoch WFT, s.v. *ympelearje*), wylst neffens *Friesch Woordenboek* [1903] boppedat de klam op it earste part lizze kin, jout it eigenskip dat it begjinstik *im-*werynterpretearre is as it (oan *p* assimilearre) foarheaksel *yn-*, dat nammers ek wol goed past by de twadde betsjutting dy't it WFT jout, t.w. 'oanspraak meitsje op; jin ta'eigenje'.

8. Dizze oergong hat him ek foardien by it wurd *frouminske*, dat troch lûdferkoarting en reduksje earst ta [frɔmɔskə] waard en him dêrnei ta [fromɔskə] of [framɔskə] ûntjûn hat, al neffens dialekt (sjoch Hoekstra (1988:49-50)). Yn Hoekstra (1998a:8) wurdt de [a] yn *jank* op deselde wize ferklearre: [jam]- ← [jɔm]- ← [jɔwɔm]- ← [jɔwɔn]- ← jɔwɔn ← \*even(lik(e)).



9. It wurd *fâns* past hjir ek by, al is de ôflieding justjes kompleks. De Hollânske foarm *fonds* wurdt as [fontz] útsprutsen. De -[t]- dêryn moat opfette wêze as in saneamde ‘intrusive stop’, dy’t faak tusken in nasaal en in ploffer of rûzer opdûkt, ferlykje (*hy*) *komt* [kompt] (← /kom+t/) en (*do*) *sjongst* [sjonŋkst] (← /sionŋ+st/). Dat soe ta de ûnderlizzende foarm /fons/ liede moatte; mar dy is net yn ‘e es, meidat der in koart lûd foar -/ns/ stiet. In lange /o:/ foar it tosklûd /n/ kin lykswols net, sjoch (2e) hjirfoar, dat der is útwykt nei in lange /u:/, ferl. *jûn* en *gûne*, út en neist *jo(o)n* en *gone*, en ferl. Frysk *gûnz(je)* mei Hollânsk *gonz(en)*.
10. It heallûd [w], ûnderlizzend it hege efterlûd /u/, is, oan it begin fan it wurdlied, fersterke ta de rûzer/ploffer [v]. Yn Visser (1997:62) haw ik oannommen, dat dat yn twa stappen syn beslach krijt: (i) [w] (/u/) wurdt fan lûd ta bylûd ([w] → [U]), (ii) [U] wurdt fan [+sonorant] ta [-sonorant] ([U] → [v]), sjoch ek noat 51 hjirnei.  
 Nei it sletten, rûne foarlûd *û* ([ü]) kin [w] of [j] ynfoege wurde, sa’t oan ‘e pearen *febrewaarjelfebrejaarje* en *jannewaarjeljannejaarje* te sjen is. Tink ek oan in wurd as *duët*, útsprutsen as [düjɛt] of [düwɛt], en ek oan it wurd *senuwachtich*, dat meast as [se:nü.waxtəx], mar ek wol as [se:nü.jaxtəx] útsprutsen wurdt.
11. Earder moat heallûdynfoeging him oars hâlde en drage kinnen hawwe as no. Sa is der bgl. de foarm *folkspojesij* (*S. en R.* 223 [1890]) en brûkt Eeltsje Halbertsma yn 1824 *pejesy* (WFT, s.v. *poëzij*). Joast Halbertsma hat it yn syn *Mattheus-oersetting fan 1858 oer Matthéws* (← *Mattheus*). Ut in each fan ‘e hjoeddeiske systematyk binne dy heallûden net te ferklearjen. It liket as wie it proses earder yn sa fier frijer as no, dat de kwaliteit fan it heallûd ek beskaat wurde koe troch it rjochter lûd.
12. Boersma (1999:134) merkt op, dat de Hollânske grammatikus Lambert ten Kate yn ‘e sânde taheakke (“SCHETS VAN DE LAND-VRIESCHE DIALECT”) fan syn “AENLEIDING Tot de Kennisse van het VERHEVENE DEEL DER NEDERDUITSCHEN SPRAKE” fan 1723 (fan T. Hoekema útjûn yn *Estrikken* 43 (1969), side 48-59) yn syn list fan tiidwurden de ynfinitiven yn har sitaasjefoarm konsekwiint op -en útgean lit (op sokken as *gean* en *sjean* nei fansels), wylst dy foarm yn it Frysk op -e útgiet. Sa’t it liket hat Ten Kate syn Nederlânske systeem domwei oer it Fryske hinne skood; hy koe it Frysk ek mar allinnich út it wurk fan Gysbert Japix. Mar, sa obstwearret Boersma, Johannes Hilarides, dy’t it Frysk net allinnich út ‘e boeken kennen hawwe moat, docht soks yn syn “Naamspooring en van het Platte Friesk” (fan A. Feitsma útjûn yn *Estrikken* 37 (1965)) ek. En Epkema docht it yn syn wurdboek op Gysbert Japix fan 1824 al net oars. It is fêst net tafallich, dat de mannen yn it Hollânsk (“Nederduitsch”) skriuwe. It bestean fan twa typen ynfinityf yn it Frysk, ien op -(j)e en ien op -(j)en, is foar it earst troch Joast Halbertsma, yn syn besprek fan Bende Bendsen syn boek *Die Nordfriesische Sprache nach der Moringer Mundart, zur Vergleichung mit den verwandten Sprachen und Mundarten* (Leiden, 1860), ferskynd yn *De Vrije Fries*, ôflevering X (1865), side 345-438 (benammen s. 409-425), mei safolle wurden opmurken en beskreaun, sjoch Dyk (1997:177, noat 9) en Hoekstra (1997:1).
13. Ferlykje ek de Ingelske lientiidwurden *bottelje* en *tackelje*. Tiidwurden as *fytse* en *surve* hearre ta de earste swakke klasse, hoewol’t tiidwurden dy’t fan in haadwurd ôflaat wurde yn it Frysk ta de twadde swakke klasse hearre. It Frysk hat sokke tiidwurden sa’t it liket mei ham en gram út it Hollânsk oernommen en op grûn fan ‘e bûging en de einichste -e fan ‘e ynfinityf ta de earste swakke klasse rekkene. En der wie gjin morfo(no)logyske beheining dy’t ferhúzjen nei in oare tiidwurdklasse needsaaklik makke. Neist *fytse* en *surve* steane *ferlytsje* en *turysje*, mar neist *stinselje* en *skeelerje* binne der gjin tiidwurden fan ‘e earste swakke klasse mei in stam op -el of -er.
14. Wannear’t Van Haeringen (1957) soartgelikenze prosessen yn it taalkontakt fan it Hollânsk mei it Frânsk behannelet, beneamt er dy as gefallen fan “transpositie”.
15. Van Haeringen (1957:7-8) wiist der op dat de Hollânske lienwurden op -*atie*, -*itie*, -*otie* en -*utie* earder algemien as -[a:si], -[isi], -[o:si] en -[üsi] útsprutsen waarden, mar dat de útspraak -[a:tsi], -[itsi], -[o:tsi] en -[ütsi] langer “merkbaar verzorgder” oan it wurden is. De Fryske útspraak -[sjə] lit him fan dy eardere Hollânske útspraak goed ôfliede.  
 De Frânske lienwurden op -*ation* geane yn it Hollânsk op -*atie* út, wylst de Germaanske

- sustertalen *-ation* oanhouden hawwe (al hoe ûngelyk oft dat ek útsprutsen wurde mei). Dy Hollânske útgong *-atie* waard earder dus as *-[a:si]* útsprutsen (en wol as *-asie* skreaun). De Fryske lienwurden op *-aasje* foarmje dêrmei stipe foar de oannimming dat it Frysk de measte Frânske lienwurden net streekrjocht út it Frânsk, mar oer it Hollânsk liend hat.
16. Dit patroan slút oan by dat yn wurdpearen lykas *stuur - stjoer*, *vuur - fjoer* en *zuur - soer*. Wat de lienwurden oangiet, is it lykwols beheind ta de de fjouwer wurden yn 'e tekst, dy't no meast op *-tuer* útgeane. Tink ek oan wurden as *kultuer* en *literatuer*, dy't nea as *kultoer* en *literatoer* foarkomme.
  17. Ik wit net oft it Hollânske wurdein *-ge* altyd mei de Hollânske lûding *-[zjə]* of ek wol mei de Frânske lûding *-[ʒə]* útsprutsen wurdt (sjoch ek noat 6 hjirfoar).
  18. In moai foarbyld dêrfan yn in eigen wurd is *h[a]rmeraalje* (← *h[a:]rliimmer oalje*). Yn morfologysk besibbe pearen frjemde wurden is der syngroan ek in relaasje tusken linge fan it lûd en klam, sjoch bgl. it pear *'n[a:]sje - n[a]sjo'naal* (Visser (1997:176)). Yn it Hollânsk hat dizze ferkoarting der ek wol west, sa't te sjen is oan *lodderein* (← *l'eau de la reine*).
  19. Sa komt *treemter* út *'reventer*, mar dêr is *[e:]* net ferkoarte.
  20. Om op dat patroan út te kommen, moat yn *fil[ə]s[ə]teare* en *fil[ə]s[ə]pee* dan earst de lofters sja skrast wurde, dat út in each fan ritmyk neat bûtenwenstichs is, sjoch § 2.1.2.5 hjirnei.
  21. Hoekstra (1995:14) nimt oan, dat de *[i]*- yn *ilemint* (en *igal* en *sikuer*) streekrjocht út in twilûdich útsprutsen lange *-[e:]*- (*-[e.j]*-) komt (ferl. noat 25 hjirnei). Dat liket my minder yn 'e reden te lizzen. It earste wurdlid yn dy wurden is sekundêr beklamme, dat sa'n twilûdige útspraak net befoarderet. Dy fynt men benammen yn in (iepen) wurdlid mei haadklam oan it wurdein, dat de streekrjochte oergong fan *domi'nee* nei *dominy* soe sa better te ferklearjen wêze (al kin dêr de *-[i]*- yn it foarlêste wurdlid ek ynfloed hân hawwe). Yn *'h[i]ltyd* moat de earste *-[i]*-, yn myn dialekt altyd, streekrjocht út *h[e:]l*- komme, omdat de foarm *h[i.ə]l*- dêr net foarkomt. En fan *leelje* bestiet de fariant *lylje*, sjoch WFT, s.v. *leelje*. Merk op dat yn beide lêste wurden *[e:]* foar *l* stiet.
- Hoekstra ferwiist foar in fonologyske ferklearring fan 'e oergong fan *-[e.j]*- nei *-[i]*- nei Visser (1992), dy't de oergong fan *-ei* nei *-y* behannelet, bgl. fan *jierdei* nei *jiddy*. Dy fonologyske oplossing wurket lykwols mar allinnich, wannear't it om wiere twilûden giet, en it twilûdich útsprekken fan in lang ienlûd is in oerflakteferskynsel, sûnder gefolgen foar de fonologyske struktuer (Visser (1997:22-23)).
- Yn *tryater* (← *teater*) is *[e:]* oer *[I]* ta *[i]* feroare, sûnder mis ûnder ynfloed fan it heech en foar yn 'e mûle foarme heallûd *[j]*; ferlykje yn dit ferbân wurden as *fideo*, *yrreël*, *ideaal*, *Koreaan* en *rodeo* dy't gewoanwei, nettsjinsteande de stavering *<e>*-, as *[fidijo:]*, *[iri:]e:l]*, *[idi:]a:l]*, *[ko.əri:]a:n]* en *[ro:]dijo:]* útsprutsen wurde (sjoch Trommelen en Zonneveld (1982:52) foar itselde ferskynsel yn it Hollânsk). Neist *ynkrojabels(k)* (← *incroyable*) stiet *ynkr[ri:]a:]bels(k)* en it wurd *royaal* wurdt neffens my ek wol as *[ri:]a:]* útsprutsen; yn beide gefallen moat de troch reduksje ûntstiene sja wa *-[e:]*-/*[I]*- 'fersterke' en foar *-[j]*- nei *-[i]*- omset wêze.
- Yn *briggedier* (← *brigadier*) en *frikkedil* (← *frikadel*) liket *[i]* foar de kiellûden *g/k* ta *[I]* ferlege te wêzen. De kiellûden wurde as heech oanmurken. De wurden *brêge* en *rêch* hawwe de dialektyske farianten *brige* en *rich*, sjoch WFT, s.v. *brêge* en *rêch*, dêr't men de ferheging fan *[ɛ]* ta *[I]* út assimilatoaryske ynfloed fan *[Y/x]* ferklearje kin. By *briggedier* en *frikkedil* soe men dêrfoaroer foar de ferleging fan *[i]* ta *[I]* oan dissimilaasje tinke moatte; mar dat is lang sa algemien net as assimilaaasje.
22. Yn eigen wurden is der reduksje oan it wurdein mooglik yn *healwei* *[jɛ]lvə]* (← *healw[i]*) (← *healwei*). Yn R. Brolsma syn novelle *Neisimmer* (Snits, 1931) fûn ik de froulusamme *Sare* (← *Sara*).

De foarmen yn (10) binne net frekwint en yn it WFT binne der gjin sitaten fan nei 1950. De foarm *proaz[ə]* is ûngewoan, omdat haadwurden op *-e* yn it Frysk altyd *de*-wurden binne, sjoch ek § 3.2.2.2 hjirnei, wylst *proaza* in *it*-wurd is. It *de*-wurd *pyjama* is troch lûdferkoarting, lûdreduksje (en it skrassen fan sja wa) ta *p(e)jame* *[p(ə)jɑ:mə]* wurden. Oan it ferlytysingswurd (*in skjin*) *pjaamke* (sein fan en tsjin bern) kin men ôfnimme dat de

- einichste sjswa yn *p(e)jame* him hielendal nei it Fryske systeem foege hat en by ferlytsing weifalt. Ferlykje dêrfoaroer *antenne*, dat neffens my (noch) gjin ferlytsingswurd *antentsje* hat, en dêr't de sjswa dus (noch) net yn it Fryske systeem yntegrearre is, al is *antenne* dan ek in *de*-wurd.
23. Sjoch foar in moai oersjoch Van Oostendorp (1998).
  24. Neffens it WFT, s.v. *affearen*, wurdt mei <e>- yn 'e njonkenfoarm *effear(en)* sjswa bedoeld. Omdat dy stavering allinnich yn 19de- en ier 20ste-iesuske teksten foarkomt, is it net mear nei te gean wat de krekte útspraak west hat. Foar 't neist tsjut <e>- hjir in [ɛ]-eftich lûd oan, dat sjswa ferfongen hat.
  25. Hoekstra (1995:14) suggerearret dat de [u]- yn *oranje* en *ôfgryslík/ougryslík* streekrocht troch ferkoarting út in fertwilûde lange [o:]- ([o.w]-) of [ɔ:]- ([ɔ.ə]-) of út it twilûd [ɔ.w]- ûntstien is. It foardiel dêrfan is, dat men in ferklearring hat foar it feit dat it by útgongspunt en resultaat fan dizze oergong om in efterlûd giet, ferl. [i]lemint ← [e:]lemint, dêr't it om in foarlûd giet. Likegoed liket my dizze gong fan saken fonologysk besjoen minder wier-skyklik ta, sjoch noat 21 hjirfoar. Boppedat litte de foarmen [o]- en [u]noarm yn (12) har net út ferkoarting allinnich ferklearje. En wat moat men oan mei de [o]- yn [o]pslút?
  26. Dit 'swakke' (lûdeftige) wurdbegjin is oer [ʏə]- ta [gə]- fersterke yn 'e lienwurden *geloazje* (← [ʏə]loazje ← [jə]loazje ← [ə]loazje ← [hə]loazje ← [hər]loazje ← [hɔr]loazje; sjoch ek (15) hjirnei) en *ymplegearje* (← *ymplegearje* ← *employeren*; sjoch WFT, s.v. *ympelearje*) en yn it eigen wurd *gerappel* (← [ʏə]rappel ← [jə]rappel ← [jɪ]rappel). It heallûd [j] en de stimhawwende felare rûzer [ʏ] hawwe gâns skaaimerken ien en mien, mar [ʏ] mei no ien kear net oan it wurdbegjin of oan it begjin fan in beklamme wurdlid yn it wurd foarkomme, sjoch (2b) hjirfoar. Yn *usantie* → [ü]sânsje → [ə]sânsje → [vi]sânsje is de sjswa oan it wurdbegjin omset yn [vi]; dy oergong is fonologysk net te ferklearjen, dat lichtwol hat it haadwurd *wize* hjir in rolle spile.
  27. Yn it Midfryske toanielstik "De Tankbre Boere Zoon" (tekst 1778O, útjûn en ynlaet troch A. Feitsma en R. Bosma yn *Estrikken* 22, 1961, side 156-182) fynt men yn rigel 102-103 de foarm *Merikaanen* ("oppe Oorlog ken men nen bijt of / dan binne de Jngelske baas; dan winne het de Merikaanen wer") en yn de Midfryske wiersizzerij "De Opriegte Wierheid, oon 't lieugt brogt, brogd de fuddige Mayke Jakkeles, for 1779" (tekst 1779B, útjûn en ynlaet troch W.L. Brandsma yn *Magnus-rige*, nr. 5, 1951, side 33-39) fynt men yn rigel 21 de foarm *Merika* ("rônom fin dinne zylle de Schippen / zeit de Krante / ney Merika"). Dy foarmen, dy't no ûnmooglik binne, hawwe faaks net mear as in (eigen)aardichheid fan ien skriuwer west. Dat koe ek jilde foar de foarm *Pirpoost*, dy't foarkomt yn it Midfryske toanielstik "Waatzte Gribberts Bruyloft", fan A. Feitsma útjûn en ynlaet yn *Estrikken* VII (1955), op side 10 yn rigel 34 ("Mar dat wy wer to ons Pirpoost komme"); de foarm *apperpo* (← *à propos*) is syn begjinstik kwyt rekke en hat oan it ein in *-(s)t* skipe (ferl. § 2.2.12 hjirnei). It Nijfryske *meneat* moat oer [ə]meneat út 'e wurdgroep (*twa*) om 'e neat kommen wêze.
  28. Sjoch foar *horloazje* ek noat 26 hjirfoar en foar de wikseling [ha]lloazje ~ [a]lloazje en [ha]ttinsje ~ [a]ttinsje § 2.2.8 hjirnei. Foar *horloazje* en *hortinsje* is mooglik noch in oare ôfliding te jaan. Neffens Sytstra en Hof (1925:19) komt de "helderkorte o" ([ɔ]) mar allinnich foar *d, f, ch - g, k, l, p, s* en *t* foar, en dus net foar *r*. At men derfan útgiet, dat *[-ɔ]-* yn *hor-* troch *[-a]-* ferfongen waard om ta de goede kloft *har-* te slagjen en dat dêrnei de *r* delearre waard, dan kaam men ek, en yn minder stappen, by de foarmen *halloazje* en *hattinsje* út. Ferlykje ek de foarmen *patrike* (*tabak*) út *Porto Rico* (*tabak*) oan it ein fan § 2.1.2.5 hjirnei en *par(re)dis* út *bordes* yn (42b). It is lykwols al sa, dat *r*-weifal folle faker foarkomt nei sjswa as nei in fol lûd, sjoch § 2.2.1 hjirnei.
  29. *r*-omsetting yn it Frysk, bgl. (*gras* → *gres* → *gers*, wie altyd tosklûd-attraaksje mei anneks, d.w.s. *r* loek, oer in fol lûd hinne, nei in tosklûd ta (yn dit gefal *s*). It slach omsetting dêr't it hjir om giet, is net beheind ta tosklûden, wylst der boppedat altyd in sjswa mei anneks is. Op grûn fan dat lêste jout it wol eigenskip, dat der in tuskenstadium mei in syllabyske *-r-* (*[-r]*-) west hat en dat dy as de sekwinsje *[-rə]*- weromyntreprearre is.
  30. In foarbyld fan dit ferskynsel yn in eigen wurd hat men yn [skrə]minkel, dat oer [skər]min-

kel út *skarminkel* ûntstien is.

31. In foarbyld fan in eigen wurd is [tər]*winkel*, dat út [trə]*winkel* ûntstien is. It ferskynsel is ek bekend út oare talen. Sa hat it Stellingwerfsk bgl. *perbaot*, *perberen*, *perbleem*, *perces*, *perdukt*, *perfester*, *pergramme* en *perveensie* (Bloemhoff (1997)). De foarmen mei *pre*-steane der almeast neist. Oarsom komme bgl. *prefekt* en *premissie* foar, neist en út *perfekt* en *permissie*. Ut Brabânske dialekten binne foarmen as *perfessor*, *perbeer*, *percessie* en *percies* bekend (Belemans en Goossens (2000:216)). Dy lêste foarm komt sels, as útrop, yn it ABN foar (en wurdt/waard wol ta de yuppe-taal rekkene). En yn minder formeel Hollânsk hat men *apperpo* neist *apprepo* (út *à propos*).
- It falt op, dat *r* mear oan 'e omsetting meidocht as *l* (sjoch Visser (1997:339-340)) foar in mooglike ferklearing). De wurden *fluwiel* en *kolonel*, dêr't *l* yn 'e koadata *r* wurden is, binne datoangeande wol tige yllustratyf. Sa net, yn it Frysk wolle *r* en *l* yn 'e koadata fan in sjwa-wurdlied wolris wikselje, sa't oan 'e neikommende foarbylden fan dûbletten bliken docht: *dwinger* ~ *dwingel*, *reager* ~ *reagel*, *slonger* ~ *slongel*, *sipelje* ~ *siperje*, *sjacherje* ~ *sjachelje*, *wimelje* ~ *wimerje*, *skabberjeus* ~ *skabbeljeus*, *meneuwers* ~ *meneuwels*. Faaks past *plûmelewier* ~ *plûmerewier* dêr ek wol by.
32. Foarmen as *fakânsje* → *f[ə]kânsje*, *kommisje* → *k[ə]misje* en *polysje* → *p[ə]lysje* (→ *plysje*) slute har by dat patroan oan.
33. Omdat lûdreduksje yn it einichste wurdlied fan in wurd net goed wol, sjoch § 2.1.2 hjirfoar, is dy einichste sjwa mei liend of is dy ûntstien troch omsetting fan ûnbeklamme [-i] yn [-jə], sjoch § 2.2.4 hjirnei.
34. Dit is in lienwurd út it Ingelsk.
35. De foarm *knûtsjes* is te finen yn *S. en R.* 320 [1890], de foarm *k'nûtsjes* yn J. SYTEMA, *hinne* 10 [1862] (sjoch foar dy lêste WFT, s.v. *koruút*). Op it stik fan 'e boarne-oantsjutting folgje ik it WFT.
36. Yn *adstint* ← *ad[sə]stint* ← *adsistint* liket der ek in hiel sjwa-wurdlied weifallen te wêzen, mar hjir kin, nei sjwa-weifal, ek de regel wurke hawwe dat fan twa oanbuorjende gelikensje bylûden it lofter skrast wurdt: *adsistint* → *ads[ə]stint* → *ad[ss]tint* → *adstint*. Itselde kin jilde foar *kandidaat* → *kand[ə]daat* → *kan[dd]aat* → *kandaat* (*S. en R.* 183 [1897]). Mar hjir kin ek oan haplology tocht wurde, d.w.s. dat it wurdlied [-d[ə]- skrast is fanwegen it wurdlied [-da:t], dat der frijwat op liket. It giet dan wol om 'haplology op ôfstân', omdat de wurdlieden net oan inoar grinzgje, dat by haplology meast al sa is. Yn Hoekstra (1986d) wurdt it skrassen fan 'e lofter sekswinsje [-əl]- yn *melankelyk* ek ta dat slach haplology rekkene.
37. Van Haeringen (1957:9) merkt op, dat yn it Hollânsk *kaptein* en *ofcier* yn militêre fermiddens de iennichst gongbere foarmen binne en dat se, ek al binne se "het dieptepunt (...) van slordigheid of verslapping", krekt "door dat militair-technische iets bijzonder gedistingueerds" krije.
38. Dizze foarm wurdt troch Krol (1949:86) neamd; dy ferwiist nei it *Friesch Woordenboek*, mar dêr haw ik him net fine kinnen.
39. Tamminga (1974:194) hat it, wannear't er de foarm *skrewiel(je)* neamt, oer in "emfatyske *r* yn de inisiale bylûdkloft".
40. Stapelkamp (1955) neamt de Midfryske foarm (*t'*) *onderschroarjen* (no: (*te*) *ûnderskoarjen*). Hy jout ek foarbylden fan dit slach *r*-ynfoeging út it Middelnederlânsk en út 17de-iuensk Nederlânsk; dêr binne der ek dûbletten troch ûntstien.
41. Dit wurd kin ek mei ham en gram (en -t-) oan it Hollânsk ûntliend wêze.
42. Dat betsjut fansels net, dat de sekswinsje *-je* fan elk lienwurd út ûnbeklamme [-i] komt, tink bgl. oan *garaazje* (← *garage* [Yɔ̃ra:ʒə]), dat benammen oan 'e kust as [ɔ̃ra:zi] útsprutsen wurdt. Earst moat [ʒ], dat yn it Frysk gjin bylûd op himsels is, dan as [zi] werynterpretearre wêze, ferl. § 2.2.9 oer de werynterpretaasje fan [ʃ] as [sj]. Tink ek oan wurden as (*âlde*)*klonje* (← *eau de cologne*) en *doanjeneel* (← *doyenné*). It WFT hat, neist *guillotine*, it stekwurd *gyljetine*, dêr't *-lje-* út it as *-ljo-* útsprutsen <llo>- fuortkommen is, sjoch ek de paragraaf hjirnei. Sjoch fierders foar it einichste wurdlied *-je* ek § 3.2.2.3 hjirnei.
43. Ik jou dêrom hjir fan guon fan dy wurden in fynplak: *harmonoanjeka's* (*S. en R.* 62 [1890]),

- floarjesant* (G. BURG, *fjûr* 138 [1942]), *Meksjekaen* (G. BURG, *fjûr* 45 [1942]). Yn de Midfryske wiersizzerij “De Oprieugte Wierheid, oon ’t lieugt brogt, trog de fuddige Mayke Jakkeles, for 1779” (tekst 1779B, útjûn en ynlaat troch W.L. Brandsma yn *Magnus-rige*, nr. 5, 1951, side 33-39) fynt men de neikommende nammen fan moannen: *janne-warjes*, *febrewarjes*, *juinjjes* en *juiljes*, allegearre út ’e Latynske nammen op *-ius*. By R. Brolsma, *Bylâns de wei* (1973) fûn ik op side 181 de meartalsfoarm *finesjes*, dêr’t *-je*-fonologysk min te ferklearjen is. Hat der in foarm *finessys* west of moatte wy hjir oan oer-generalisaasje fan in lûdpatroan tinke? En wat moat men oan mei *etablisjemint* (R. BROLSMA, *neisimmer* 29 [1931])?
44. De foarbylden fan omsetting yn it wurd komme jin hjir ek wer as ûngewoan oan en komme no sa net mear foar. Ik jou wer guon fynplakken: *Poatsjefaer* (W. VRIJBURG, *adam* 5 [1904]), *antsje(revoluters)* (S. en R. 46 [1901]) en *Atsjin* (W. VRIJBURG, *adam* 4 [1904]). Yn *keraadzje* (neist *keraazje*), *heikeraadzje* (neist *heikeraazje*) en *pylgrimaadzje* (neist *pelgrimaazje*) is in *d* ynfoege, dat it bêste oan oer-generalisaasje fan in lûdpatroan ta-skreaun wurde kin. Dat jildt faaks ek foar *-sje-* yn *matsjedoar* (neist *matadoar*), want de ûntjouwing *matador* → *mattedoar* → *mattydoar* → *matjedoar* → *matsjedoar* is fonologysk net oannimlik.
45. Dit wurd, dat út it Italjaansk komt, haw ik fûn yn Dam (2000), dy’t it by Paulus Akkerman wei hat. Doe’t ik Dam dernei frege, wist dy noch wol dat it út in ferhaal yn ’e Drachtster Krante wie, mar hokker ferhaal wist er net mear.
46. As de tiidwurdstamme op *-st* útgiet, krijt men foar *-je* deselde fersimpeling fan ’e bylûd-kloft *-sts-* as dy’t ek by *kwestje* en *suggestje* yn (35) te obstrewearjen is: *ynlistje* wurdt as [ɪlɪsʲə] útsprutsen (sjoch Visser (1993) foar in mooglike beregeling).
47. Tamminga (1982) hat oer dit wurdein skreaun. Neffens him binne der mar seis lienwurden dy’t oer hiele Fryslân de útgong *-iel* hawwe, t.w. *flewiel*, *harkeniel*, *kaniel*, *petiell(e)*, *ske-wiel* en *karbiel*, wylst de measten op ’e Klaai op *-eel* en oars earne op *-iel* útgeane. Jongere lienwurden hawwe mar allinnich *-eel*. Neist de eigen wurden *weelde* en *weelderich* komme *wielde* en *wielderich* foar.
48. De foarm *earde* (neist *ierde*) komt los net mear foar, wylst *bjeard* en *djeard* (neist *bier* en *dier*) ek ferâldere binne.
- It heal slettene, lange efterlûd [o:] koe foar *r* ek de gewoane ûntjouwing ta [u.ə] meimeitsje of sintralisearje ta [o.ə]. Dat late ta ûnderskate dûbletten: *broer* ~ *broard* (no ferâldere), *moer* ~ *moard*, *tsjoer* ~ *tsjoard*, *buorrel* ~ *boarrel*, *fuort* ~ *foard*, *enuor* ~ *noard*, *wuortel* ~ *woartel* (sjoch ek Sipma (1913:40, § 170)).
49. Dêrneist komt/kaam *frelle* ek foar. Dat kin troch ûntrûning en ferkoarting streekrjocht út *freule* [frø:lə] kommen wêze of troch ûntrûning, ferkoarting en ferleging út ’e mear oan it Frysk oanpaste foarm [frø:lə]. Untrûning en ferkoarting hat men ek yn *r[ø:]metyk* → *r[e:]metyk* → *r[ɪ]mmetyk*, mar ferleging binne my gjin oare gefallen fan bekend.
50. Neffens it WFT, s.v. *oeribel*, kinne *oeribel* en *oerivel* in koarte of in lange [i] hawwe. De foarmen *oerébel* en *oerévell(sk)*, mei in lange [e:], binne ek oerlevere. Hoe komme wy oan dat lûd? Is [i(:)] hjir ta [e:] wurden, sa’t oarsom [e:] wolris ta [i] waard, bgl. yn *hylyd* út *heelyd* en yn *lylje* út en neist *leelje* (sjoch noat 21 hjirfoar). Of hat de foarm *oerévelsk* der in spuontsje mei ûnder stutsen, namste mear omdat *oerével* de njonkenfoarm *oerévelsk* hat, wylst der foar *oeribel* gjin njonkenfoarm *oeribelsk* oerlevere is.
51. Dizze oergong moat him yn *brewet* foardien hawwe, doe’t <w> de wearde fan it heallûd [w] hie en, yn ’e oanset, noch net ta de liptoskige rûzer [v] fersterke wie (sjoch noat 10 hjirfoar). Merk op, dat tusken de *b* en de *t* yn *brewet* net allinnich *r*, sjwa en *w* sieten, mar ek it folle lûd *e* [ɛ]. Dat makket *brewet* ta in wat apart gefal.
52. It wurd *besleek* wurdt/waard ek wol as *pesleek* útsprutsen, sjoch WFT, s.v. *besleek* en Tamminga (1986:54). Dy foarm is yn sa fier apart, dat de *p-* dêr ûnder ynfloed fan *-s-* ûntstien liket te wêzen, want de einichste *-k* leit te fier ôf. Dêr binne gjin mear foarbylden fan.
53. De foarm *hûtekear* komt ek foar; it taheakjen fan *h* oan in wurd dat mei in lûd begjint, komt mear foar, sjoch § 2.2.8 hjirnei. Mooglik hat de foarm *hylyd*, mei deselde betsjutting as *itekear*, yn dit ferbân ek in rol spile, namstemeard omdat dêr de útspraak [hitit] hiel gewoan foar is.

- In oare njonkenfoarm is (*h*)itekearen. It liket net oannimlik dat yn 'e *-en* fan *-kearen* in meartalsútgoing sjoen wurde moat, dat neffens it komôf ek net yn 'e reden leit. Better kin men tinke oan útwreiding fan in bywurde mei it helpstikje (augmint) *-en*, ferl. *faken* (neist *faak*), *omraken* (neist *omraak*), *al(le)geduerigen* (neist *algeduerich*), *nisen/nesen* (neist *nis/nees*) en *fierstente* (neist *fierste*); oarsom is sa neist *aans(t)en* de foarm *aans(t)* ûntstien. Yn *alitten* (neist *altyd* ← *al de tiid*) en *hylitten* (neist *hieltyd* ← *hiel de tiid*) is oan 'e twadde *-[t]-* yn *-itten* ek klear ôf te nimmen, dat men dêr net mei it meartal *-tiden* te krijen hat, lykas yn *bytiden* [bøti:dn], mei in *-[d]-*, al. Sjoch foar dy *-en*-útwreiding ek guon bywurden op *-lik*: *einliken*, *feitliken*, *wierliken*, *winliken*; trije dêrfan, *einliks*, *feitliks* en *winliks*, kinne ek mei in einichste *-s* foarkomme, wylst de 'keale' foarmen *einlik*, ← *feitlik*, *wierlik* en *winlik* ek besteane. Neffens Hoekstra (1998b:160) is de *-s* yn wurden as *fierders* en *winliks*, dêr't *fierder* en *winlik* neist steane, net in wier efterheaksel, mar in 'sabeare bywurdljike *-s*'. Sa soe de *-en* yn *faken* en *einliken* in 'sabeare bywurdljike *-en*' neamd wurde kinne.
54. Yn *titelroas* ← *tideloas*), *ferdivedearje* ← *ferdivetearje* (← *divertearje*) en *bod(de)lerij* ← *bot(te)lerij* hat de assimilaasje progressyf, fan lofts nei rjochts, west. Mear foarbylden dêrfan haw ik net fine kinnen. Der hat yn in pear gefallen ek dissimilaasje west, sjoch (42b) hjirmei.
55. Dêr is noch in oanwizing foar. Yn it Frysk meie gjin twa gelikense bylûden neist inoar stean, en at sa'n sekwijsje al ûntstiet, bgl. troch bûging, dan wurdt ien fan 'e twa skrast, sjoch (*hy*) *lit*, dat bestiet út de tiidwurdstamme *lit* en it bûgingsefterheaksel *-t* (*lit+t*), mar dat mei ien *t*, as [llt], útsprutsen wurdt. Yn Fryske grûnwurden meie twa gelikense bylûden neist inoar stean, as der in fol lûd tusken stiet. Mar der binne gjin grûnwurden mei twa gelikense bylûden dy't mar allinnich troch sjwa skaat wurde, op *binnen* en *linnen* nei (Visser (1997:164-165)). Sjwa liket dus net te soargjen foar in grins tusken bylûden en dat is fan dy gefolgen dat twa gelikense bylûden oan wjerskanten fan sjwa ûnder it algemiene ferbod falle.
56. Wat foar *r* jildt, jildt fansels ek foar *l*. Neist *applekoas* is *applekoas* ek belein, sjoch WFT, s.v. *abrikoas*.
57. Ferl. noat 42 hjirfoar foar de werynterpretaasje fan [ʒ] as [zj] yn in lienwurde as *garaazje*. Fan wêr't it my hjir om giet, hat men in foarbyld mei [z] yn *marzinaal* ← *marzjinaal* ← *marginiaal* (ferl. *marzje* ← *marge*).
58. De saneamde 'l mouillé' yn it Frânske *faillite* waard yn âlder Hollânsk ta *-lj-* oanpast en is sa yn it Frysk oernommen (sjoch § 2.2.5 hjirfoar). It foarbyld *fallyffelyt* is te finen yn Hoekstra (1989).
59. Komt fan *mansjester* dus de útspraak [mæsʒstər], sûnder *j*. Nuver genôch is de *j* bewarre bleaun yn it Frânske lienwurde *mansjet* [mæsʒɛt], dat oars in soad op *mansjester* liket (sjoch WFT, s.v. *mansjester* en *mansjet*).
60. Neffens Van der Sijts (1996:58) wurdt *chocolade* yn it Hollânsk ek wol as "[sokelat]" (= [so:køla:t]?) útsprutsen. Oan it begjinstik *sû* te sjen, is de foarm *sûkelade* faaks mei ûnder ynfloed fan it wurd *sûker* ûntstien; tink ek oan *sûkere* út *cichorei* (al bestiet *suikerij* yn dialektysk Hollânsk ek). It feit dat *o* en *û* yn it Frysk foar *k* wol mei-inoar wikselje, lykas yn 'e dialektyske pearen *tsjok* - *tsjûk* en *jokje* - *jûkje*, kin de *û* yn *sûkelade* ek stipe hawwe.
61. By *mansaal* [mãsa:l] hawwe wy foar it neist te krijen mei in spontaan ûntstien nasaal lûd foar [s] yn *massaal*, dat weromynterpretearre is nei lûd + /n/ (ferl. *binlik* út en neist *billik*).
62. Yn 'e Midfryske tekst 1767D, fan A. Feitsma en R. Bosma útjûn yn *Estrikken* 22, 1961, side 57-64, komt yn rigel 14 de foarm *Hangboij* foar ("Jn Tjalle mejj d' Hangboij"). Dêr wurde <ng> ([ŋ]) en <b> net op itselde plak yn 'e mûle foarme. It kiellûd [ŋ] lit him hjir mooglik ferklearje út it feit, dat it ûnmarkearre noaslûd oan it ein fan in wurdlûd [ŋ] is, wylst de <a> derfoar ek ynfloed hân hawwe kin (sjoch Van Oostendorp (2000)).
63. Oan it wurdein wurdt somtiden in plover nei in nasaal bylûd weilitten; sa komt neist *kramp* de foarm *kram* foar (sjoch WFT, s.v. *kramp*). Oarsom krijt in wurd op in nasaal bylûd der bytiden in plover by. J.H. Brouwer neamt yn syn oantekening by rigel 108 ("En oon het yrsen fenne Kramp") yn syn útjefte fan Baardt syn *Friesche Boere Prognosticatie*

- fan 1640 (Magnus-rige, nr. 9, 1960) de foarm *tramp* as njonkenfoarm fan *tram*. En it wurd *kram* 'nûnder' hat de njonkenfoarm *kramp* (sjoch WFT, s.v. *kram III*), sa't *glim* de foarm *glimp* neist him hat. Yn 'e trije lêste gefallen kinne de ferlytsingswurden *tramke*, *kramke* en *glimke*, útsprutsen as [trampkə], [krampkə] en [glimpkə], der lykwols in spuontsje mei ûnder stutsen hawwe.
64. It wurd *laberet* komt út *labberint* (← *labyrinth*). By myn witten is dit de iennichste foarm mei ferienfâldiging fan 'e einichste bylûdkloft -nt. De lûdoergong fan [-I] nei [-**Œ**] is allyksa ûngewoan. Dêrom freget men jin ôf, oft de oergong fan [**Œ**] nei [I] foar in noaslûd, sjoch (2c) hjirfoar, der net foar soarge hat dat it wurdein -int hjir earst mei -ent identifisearre is en dat dêrnei -nt ta -t ferienfâldige is. Wat soartgelyks moat der ek by *fondament* → *fûnemint* te rêden west hawwe, dêr't op grûn fan 'e korrespondinsje tusken Hollânsk -ond en Frysk -ûn, lykas yn *grond* - *grûn*, *vond* - *fûn* en (*ge*)*zond* - *sûn*, de oergong fan *o* nei *û* en de ferienfâldiging fan *nd* ta *n* yn ien kear bewurkmastere is.
65. Yn *planteit*, út Aldfrânsk *plentié*, hawwe wy mooglik ek mei dit ferskynsel te krijen; mar dat wurd kin ek mei ham en gram út it Hollânsk oernommen wêze. En hoe sit it mei *lúsjeifers*, hat dat in einichste -s skipe of is de (frekwinte) frjemde meartalsfoarm *lucifers* nei it iental oergongen en is der doe in nij meartal *lúsjeifers* ûntstien (ferl. de meartalsfoarm *treppen* fan *trep*, dy't as ientalsfoarm weromynterpretearre is en dêrnei de nije meartalsfoarm *treppens* krige hat).
66. Yn it Frysk hawwe guon wurden gjin einichste -t of -d en de ferlykbere Hollânske wurden al, lykas *rys*, *gehak*, *yl*, *merk*, *kattepûl* en *moster* foar *rijst*, *gehakt*, *eelt*, *markt*, *katapult* en *mosterd* oer. Sa kin it lienwurd *interest* yn it Frysk as *yntrest*, mar ek as *yntres* foar de hearen komme. Oarsom komt ek foar, sjoch *ferwulft* neist Hollânsk *gewelf* en it efterheaksel -ert (*rakkert*, *kikkert*) neist Hollânsk -er (*rakker*, *kikker*). Sjoch ek Hoekstra (1990).
67. Yn *selst* is der oarspronklik mooglik hielendal gjin -t oan it ein taheakke. It wurd *sels* wurdt algemien as [slts] útsprutsen, mei in tusken [-I]- en [-s] ynfoege [-t]-. It jout eigenskip, dat de kloft [-ts] nei [-st] omset is: de ploffer *t* is in minder sonoar bylûd as de rûzer *s* en past dêrtroch better oan it wurdein. Boppedat is -st folle frekwinter as -ts, tink mar allinnich oan 'e útgong fan 'e twadde persoan iental by de tiidwurdbûging. Dat de plaknamme *Drylts* foar in soad Friezen *Drylst* is, hoecht neffens my dan ek net allinnich oan Hollânske ynfloed taskreaun te wurden. Oan *drekt* (← *d[ə]rekt* ← *direkt*) koe de bywurdljike -s taheakke wurde; de foarm *dreks* dy't sa ûntstie, is omset nei *drekst* en troch fersimpeling fan 'e swiere einkloft -kst koe dêr *dreks* wer út ûntstean, dat by eintsjebelút de trijeslach *drekt* ~ *drekst* ~ *dreks* opsmitten hat.
68. Ferl. ek it Ingelske lienwurd *manchester* (*mansjester/mansester*) [mãsj**Œ**stər] → [mãsj**Œ**stər] → [mãsj(j)**Œ**stər].
69. Dit slach oanpassing wurdt ek wol 'folksetymology' neamd. Ik bin der net út, oft de foarmferoaring hjir primêr út betsjuttingsferoaring te ferklearjen is of oarsom, m.o.w. wurdt by in te lang wurd earst in gearstalde betsjutting socht, dy't op syn bar mei in nije gearstalde foarm motivearre wurdt, of wurdt it te lange wurd earst nei in gearstald wurd omfoarme, dat op syn bar in gearstalde betsjutting motivearret? Wêr't soks begjint, is min nei te gean en it iene sil it oare boppedat fersterkje.
70. Dat dat in (geleard) lienwurd bleaun is, wize de staveringen *abstúnje/obstúnje* út (sjoch WFT, s.v. *apstoanje*), dêr't it wurd in sabeare Latynsk jaske mei oandien wurdt.
71. Dit wurd, dat ik sels net koe, fûn ik yn J.H. Brouwer syn oantekening by regel 88 fan 'e troch him besoarge tekstútjefte fan Baardt syn *Friesche Boere-Practica* fan 1640 yn 'e Magnus-rige (nr. 9, 1960). Dy regel is: "Di [d.i. "de Friessche Nachtegael"] sjongt om pars [d.i. om striid] sijn Frooske-tael". Foar it elemint *om-* yn *omspres* tink ik oan ynfloed fan 'e fêste ferbining *mei sin*, dy't ik ek ken as *om mei sin*, útsprutsen as [oməsIn]. Yn it Hollânsk koe ik *omspres* likemin, oant ik it wurd hearde yn in ferske fan Robert Long; it sil net ta it ABN hearre. Sjoch § 3.3.5 hjirnei foar it wikseljen fan it begjinstik fan in lienwurd mei *eks-*: *astrant* ~ *ekstrant* en *hystoarje* ~ *ekstoarje*.
72. Sa koe troch de fêste ferbining op 'e *bonnefoai* de útdrukking *op goed aventoer* as *op bon aventûr* foar de hearen komme (R. Broelsma, *Bylâns de wei*, 1973, side 167).
73. Wat soartgelyks as dat lêste fynt men yn 'e fêste ferbining (*op eigen*) *manneboet*, dy't út

- ban en bod* komt (Hoekema (1961)). Hoekema merkt op dat de einichste *-n* fan *eigen* foar de *b-* fan *ban* ta *-m* assimilearje moast en dat sa dyselde *b-* wer maklik ta *m-* wurde koe. Mar allinnich fonology komt men der hjir net mei. It komôf fan de ferbining is ûntroch-sichtich wurden en in ferbining fan it earste diel *manne-* mei *man* slút goed by de betsjutting oan, want wol in man net 'op eigen ferantwurding' te wurk gean? S.D. de Jong brûkt op side 36 fan it *Frysk Jierboek* fan 1941 *op eigen man en boete*. Hy hat, sa't it liket, de 'ferwurdene' wurdgroep *manneboet(e)* nei de oarspronklike foarm werom bringe wollen en hat dêrby *manne-* as in gearsettingsallomorf fan *man* opfette.
74. It wurd *skrab(b)eljeus(k)* hat de betsjutting 'gjjirrich'; dêr lykje it tiidwurd *skra(a)bje* en it haadwurd *skrabhâns* in rolle te spyljen.
75. It WFT, s.v. *sikersonk* (noch net ferskynd) jout fan *sikersonk* de njonkenlemma's *sikersomp* en *sikersûnde*. De earste foarm komt as *Siker sômp* yn K. ADAMA, *sparpot* 32 [1875] foar. De spesifikaasje foar kiellûd fan *-nk* is sa't it liket troch dy foar twalppichheid ferfongen, in tafallige oergong dêr't ik gjin oare foarbylden fan bybringe kin.
- Ik freegje my ôf oft *sikersûnde* wol in njonkenlemma fan *sikersonk* is. Yn twa fan 'e trije sitaten dy't it WFT jout, komt *sûnde* yn kombinaasje mei *wier* foar: "Né, siker wrachtich net! ik kin neat mear; siker sûnde wier net! (W. DYKSTRA, *skearbaes* 31 [1878]) en "Ik hab it fûgeltsje yette ris bisjoen en, siker sûnde wier, it is in mosk." (N. f. HICHTUM, *teltsjes* 42 [1887]). Neffens my kin *sûnde* hjir better as in foech ynheaksel analysearre wurde. Hoekstra (1998b:74) wol derop út, dat it Frysk, al hat dat gjin produktive ynheak-sels, in pear gefallen fan "affektive ynheakselôflieding" hat. Hy doelt op foarmen as *poergleongek*, *poergekhastich*, *poerstrontmâl* en *dea-/reinstienferlegen*; omdat dûbele fersterking gewoanwei net mooglik is, wylst boppedat *gleongek*, *gekastich*, *strontmâl* en *stienferlegen* net foarkomme, mar *poergek*, *poerhastich*, *poermâl* en *dea-/reiferlegen* al, hat it der in soad fan dat *-gleon-*, *-gek-*, *-stront-* en *-stien-* hjir yn in gearsetting ynfoege binne. Sa komt *sûnde wier* ek net foar, mar *sikerwier* al. Boppedat is it elemint *sûnde* yn *siker sûnde wier* sterk affektyf, dat it past hjir skoan by. Yn it tredde WFT-sitaat komt *sûnde* sûnder *wier* foar, mar *siker sûnde* kin as in elliptyske foarm fan *siker sûnde wier* begrepen wurde: "Yn dizze tiden seit me, hadde dy en dy it wite wiif, siker sûnde! sels yet-teris sjoen!" (S. v.d. BURG, *Sw*. 97 [1904]). Ik hâld it der dus foar, dat *sikersûnde* net as njonkenlemma fan *sikersonk*, mar dat de ferbining *siker sûnde wier* ûnder it lemma *siker-wier* behannele wurde moat.
76. Sa haw ik in *ryksdaalder* wol as *in rike daalder* omneamen heard.
77. It is ek in njonkenfoarm fan *koloanje* (sj. WFT, s.v. *koloanje*).
78. It lienhaadwurd *kwestje* wurdt mei <-t>- skreaun, mar dersûnder, as [kɛwsjə], útsprutsen (sjoch (35) en noat 46 hjirfoar).
79. Reker (1985:150) neamt de Grinslanner foarm *kwienskwans*, dy't neffens Ter Laan (1929) yn it Westerkertier foarkomt, wylst it oars earne *kwanswies* is. It Stellingwerfsk hat neist *kwaans(k)wies* de foarm *kwi(e)skwaans* (Bloemhoff (1994)). It feit, dat de folge *i(e) - a(a)* dêr ek mar allinnich yn 'e alliterearjende foarm, mei ynskode *k*, te finen is, makket it oannimlik dat de wurldlidomsetting yn dizze foarmen him nei in besteand patroan foege hat.
80. De foarm *alleminnestrater* fûn ik yn R. BROLSMA, *neisimmer* 5 [1931], sjoch ek WFT, s.v. *administrateur*.
81. De foarm *aperepo*, sûnder *d*, komt ek foar, wylst de oare foarmen mei *-erde-* yn it midden dy *d* nea kwyt reitsje. Men soe hjir oan sjwa-ynfoeging tinke kinne: *à propos* → *aprepo* → *aperpo* → *aperepo*. Dy gong fan saken liket minder yn 'e reden te lizzen. De wurldlid-oergong yn *apper*<sub>w</sub> (*po* is tige, dat sjwa-ynfoeging is fonologysk min te ferkeapjen. In oare mooglikheid is it skrasen fan *r* foar *d* yn *aperdepo* mei dêrnei omsetting fan *d* yn *r* tusken twa lûden yn: *apedepo* → *aperepo* (sjoch Veenstra (1989)). Soks is likemin oannimlik, want de *r* fan it wurdpart *-erde-* wurdt net skrast, omdat er meast syllabysk útsprutsen wurdt.
82. In ferlykber foarbyld fan in eigen wurd is *titelroas* (← *tijdeloos*). Dat moat in soarte fan *roas wêze*. En al is it dat net, noch los fan 'e fraach wat *titel-* oan 'e betsjutting bydraacht, it is yn alle gefallen in blom.



83. Dat docht hjiroan bliken, dat it wurd mei *for-* stavere waard, sjoch it sitaat út it *Friesch Woordenboek* [1900] yn 'e noat hjirnei en de twa neikommende sitaten út it WFT, s.v. *fariaasje*: "Sa'n forjaertsje wie dan de merke yn it eigen doarp" (K.J. v.d. AKKER, *mond* 258 [a. 1943]), "Wyks ienris in forjaertsje komt in minske ta, sei de man, en hy bleau seis dagen oan 't merkehâlden" (J.K. DYKSTRA, *aljemint II* 55 [1965]). Sjoch ek § 3.2.3.2, foaral noat 102, hjirnei.
84. It WFT, s.v. *fariaasje*, jout mar allinnich "s. de", mar yn it sitaat "Dat wier in moai forjae(r)tsje for him" (*Friesch Woordenboek* [1900]), s.v. *forjae(r)tsje*) is oan it net-bûgde eigenskipswurd *moai* te sjen dat men hjir mei in *it*-wurd te krijen hat.
85. It wurd *stommiteit* heart dêr ek by.
86. *Friesch Woordenboek* [1900], s.v. *dollejoris*, jout in *dollejoris* yn 'e betsjutting fan 'een onbezonnene'.
87. Sjoch § 2.2.7 hjirfoar foar de oergong fan *t nei k* yn *etsetera*.
88. Yn *iennichst* hat it efterheaksel fan 'e oertreffende trime, *-st*, de funksje fan oerkarakterisearder fan 'e troch *iennich* útdrukte unisiteit. Yn dit gefal hat de nije foarm de oarspronklike suver alhiel út it stee wrot.
89. Yn it Hollânsk is der in registerferskil tusken bgl. *alleen* en *allienig* en *enig* en *enigst*; de earsten hearre ta it ABN, de lêsten ta de folks- of omgongstaal. Yn it Frysk is der tusken *allinne* en *allinnich* op syn heechst in dialektferskil of in ferskil fan persoanlike smaak, wylst *iennichst* it fjild omtrint allinnich hat.
90. Yn *ûnlitten(d)* ~ *ûnlittich* kin de einichste *-d* weifalle, lykas mear by âlde fuortsettende mulwurden dy't har eigen betsjutting krige hawwe, bgl. *gysten(d)* en *opljeppen(d)*.
91. Sjoch ek § 2.2.5 hjirfoar foar it ûntstean fan *ammesuer* út *embouchure* en *frommeske/frameske* út *frouminske*. Dat it *om-* en net *amballingen* wurden is, hat fêst te krijen mei de betsjutting fan *omballingen*, dêr't it ferhâldingswurd *om* sines ta bydroegen hat (sjoch fierderop yn dizze paragraaf).
92. Wat soartgelyks hat men mooglik, wannear't it net-telbere ferhaadwurde tiidwurd *drinken* ferlytse wurdt ta *drinkjes*, dat ik in mem ris tsjin har famke sizzen hearde ("Wol se noch wat drinkjes ha, leave?"). Oft it hjir wier om in diminutyf plurale tantum giet, wit ik net; is it it *lytskert har drinkjes binne al wer op* of it *lytskert har drinkjes is al wer op*? Sjoch foar it oaneigenjen fan lienwurden troch de wei fan meartalsfoarming ek § 3.2.2.4 hjirnei.
93. *Hun(n)ich* heart, better net te witten, ta de iennichste trije haadwurden yn it Frysk dy't op *-ich* útgean kinne. It wurd *jittik* hat de seldsume njonkenfoarm *jittich* (sjoch WFT, s.v. *jittik*). Dy wiksel fan *-ik* mei *-ich* docht him ek yn guon eigenskipswurden mei it efterheaksel *-lik* foar; sa komme neist bgl. *akelik*, *byklik*, *boartlik* en *noartlik* de foarmen *akelich*, *bytlich*, *boartlich* en *noartlich* foar (sjoch WFT, s.v. *-lik*). Neffens Hoekstra (2000) hat de dialektyske njonkenfoarm *joon* fan *jûn* de fariant *jonnich*, dy't foarkomt yn bgl. *fan 'e jonnich*, *dy jonnich* en *justerjonnich*. Yn alle trije gefallen komme fan it haadwurd op *-ich* dus farianten mei in oar wurdein foar, in teken dat in haadwurd op *-ich* wat aparts is.
94. Yn it *Friesch Woordenboek* [1903], s.v. *omballingen*, wurdt by de betsjutting 'eetwaar, maar niet mee gewogen wordend' de fariant *omwallingen* neamd, dy't it *Frysk Wurdboek* (1984) al hat, mar it WFT net. Yn 'e Taaldatabank fan 'e Fryske Akademy haw ik dy foarm net fine kinnen. De kaartebakjes fan it WFT smite noch ien fynplak op (S.R. SIPMA, *Pomp*. 19 [1929]), dêr't de foarm tusken heakjes as in fariant fan *omballingen* neamd wurdt. *Omwallingen* lit him skoan as in fierdere werynterpretaasje en oaneigening ('de wâlen om de kearn hinne') fan *omballingen* ferklearje.
95. De Hylper foarm *hoke* is útstoarn; yn it Skiermuontseagersk is it *húeke*, at it los foarkomt, mar yn gearsettingen *-húek* (bgl. *fjeewrhúek*, *jochthúek*, *trooihúek*).
96. *Affearen* is ek in ientallich *it*-wurd, mei it gewoane meartal *affearens*; it iental *affear/effear* komt ek foar (sjoch WFT, s.v. *affearen*).
97. Dit ferlytingswurd slút him oan by oare haadwurden dy't in hoemannichte sterke drank of drinken oantsjutte, bgl. *burreltsje*, *slokje*, *sûpke*, *wipperke*, *jonkje*, *piiske*, *bearenburchje*, (*in*) *bakje kofje*, *in kopke tee*.
98. De foarm *goe-kunders* is al te finen op it titelblêd fan it Midfryske (toaniel)stik *It Libben*

fen Aagtje IJsbrents, of dy Frieske Boerinne fan 1779 (fan J.H. Brouwer besoarge yn Magnus-rige, nr. 7, 1954). De foarm *pjutters* komt yn 'e taaldatabank fan 'e Fryske Akademy trije kear foar yn útskreaune radiosjoernaals út 1990 fan (doe noch) Radio Fryslân. Yn Blije is op keninginnedei 2000 de fernijde boarterstún feestlik iepene, dy't de namme *Pjutter en Grutter* krige hat (*Nieuwe Dockumer Courant* [1-5-2000]). Fansels sil it Hollânske *peuter* mei fan ynfloed wêze.

99. Yn eigen wurden is der yn it pear (*út*) *goederbêst* - (*út*) *goederbêstens* oer karakterisearring mei it haadwurdfoar mjende efterheaksel *-ens*.
100. It pear *affronteren* ~ *veraffronteren* komt ek yn it Hollânsk foar, dat dêr kin it Frysk de foarm mei *fer-* ek streekrocht oan ûntliend hawwe. Sjoch Van der Sijs (1996:508) foar mear ferlykbere foarbylden yn it Hollânsk, troch har beskôge as gefallen fan kontaminaasje (sjoch ek de noat hjirnei).
101. Yn it WFT, s.v. *oanrikkeme(n)dearje*, wurdt it foarkommen fan *oan-* smiten op kontaminaasje fan 'e tiidwurden *oanbefelje* en *rikkeme(n)dearje*. Yn it sitaat yn dat wurdboekartikel (D.A. TAMMINGA, *taelhelling* I 170 [1963]) wurdt foar dit tiidwurd lykwols op oer karakterisearring doeld (sjoch ek de noat hjirfoar).
102. Yn it WFT, s.v. *felearje*, komt ien kear, yn in sitaat fan 1821, de foarm *forljerje* foar. Sjoch ek noat 12 yn Hoekstra (1993:14) foar *forlearje* by Salverda begjin njoggentjinde ieu en Stapelkamp (1957:531) foar *forlærje* yn 'e psalmberiming fan J. Althuysen (útjûn yn 1755).

By de omfoarming fan *visite* nei *besite* moat him ek foarheakselwiksel foardien hawwe. It lienwurd *visite*, faak en folle útsprutsen as [fə]site is opfette as *fersite* en doe is it foarheaksel *fer-* troch it foarheaksel *be-* ferfongen. Dat *fersykje* neist *besykje* foarkomt, kin dizze oergong makliker makke hawwe. Salverda de Grave (1906:290) neamt de Hollânske foarm *verziete*. Syngroan komme *fertrouwe*, *ferhinderje* en *ferdjerre* neist *betrouwe*, *behinderje* en *bedjerre* foar. De foarm *belies* (*jaan*) hat te krijen mei it tiidwurd *ferlieze*, al kin it haadwurd *belúk* ek ynfloed hân hawwe (sjoch WFT, s.v. *belies* en *belúk*). Yn it WFT, s.v. *opgnisje*, wurdt foarslein om *opgnisje* út *fernisje* ôf te liden troch werynterpretaasje fan it wurd begjin *fer-* as it foarheaksel *fer-* mei dêrnei ferfangning fan *fer-* troch *op*, fersterke troch tiidwurden as *opsiere* en *optoacie* (en it eigenskipswurd *gnap* foar de oergong fan *-nisje* nei *-gnisje*). Sjoch ek *ferjaartsje* (← *fariaasje*) yn § 3.1 hjirfoar.

103. Men kin net útslute, dat *mankearje* wol begrepen waard as in ôfliding fan *mank* mei *-earje*, mar it earste is gjin foarheaksel.
104. Yn it WFT, s.v. *yndirekt*, wurdt *yndreks*, mei deselde meidieling fan Tsjepkema as be-wiisplak, yn skift 2 as in foarm fan *yndirekt*, mei de spesifike betsjutting 'fuort, ynienen', behannele. Dat liket my net goed ta. It elemint *yn-* yn *yndreks* hat neat mei it frjemde, neehitende foarheaksel *yn-* te krijen (sjoch WFT, s.v. *yn-* II), mar alles mei it eigen, fersterkjende foarheaksel *yn-* (sjoch WFT, s.v. *yn-* I).
105. Hoekstra (1998b:153) nimt oan dat *-ear-*, yn bgl. *parfumearje*, in augmint is, d.w.s. in útwreiding fan 'e fan it haadwurd *parfum* ôflate tiidwurdstamme; oan 'e stamme *parfumear-* wurde dan de bûgingsútgongen fêstmakke. Foar it gemak gean ik hjir fan it efterheaksel *-ear(je)* út.
106. Yn *saks(ed)earje*, dat fan 'e tiidwurdstamme *sak* ôflaat is, liket de fariant *-sedearje* him te oppenearjen, dy't ûngewoan en min te ferklearjen is. Kontaminaasje fan *sakje* mei it Frânske tiidwurd *céder* 'tajaan; beswike' soe de foarm *saksedearje* ridlik ferklearje kinne, mar de ûngelikenze betsjuttingen fan *sakje* en *céder* meitsje sa'n ferklearring net oannimlik.
107. Reduksje fan it bynwurd en [ɛn] ta [ən] yn fêste ferbiningen is hiel gewoan, bgl. yn *út en troch* en *op en del*, dy't gewoanwei as [ütɪtrox] (← [ütən]-) en [opɪdɛl] (← [opən]-) útsprutsen wurde, en yn gearstalde telwurden, lykas *ien en tweintich* [jInɪ]- (← [jInən]-). Sjoch ek Riemersma (1979:52-53).
108. Nijsgjirrich yn dit ferbân is *achte en earre* (H. SYTEMA, *katechismus* 8 [1878]). Sytema liket *achtenearre* hjir neffens it komôf, as trije losse wurden, skriuwe wollen te hawwen, mar de foarm *earre* komt as bûgde foarm fan *earje* net foar.

109. It WFT, s.v. *benearje*, jout allinnich de útspraak mei [-l.ə-], mar de foarm *benearre* yn it sitaat fan J.D. Ankringa út 1829 en *binearret* yn dat fan Jan fen 'e Gaestmar út 1910 wize der op, dat de útspraak mei [-l] [ɛ]- ek mooglik is.
110. De [-l]- yn *mintenearje* is út it lange nasale lûd [-:ɛ̃]- fan *mainteneren* kommen. Dat is earst ferkoarte (sjoch § 2.1.1 hjirfoar), it koarte nasale lûd [ɛ̃] waard dêrnei werynterpretearre as [ɛn] en as lêste is [ɛ] foar n ta [l] ferhege (sjoch (2c) hjirfoar).
111. It Frysk is hjir dus syn eigen wei mei *-aasje* gongen. Dat kin makliker makke wêze troch alle lienhaadwurden op *-aasje* (← *-atie* [-a:si]), lykas *naasje*, *spaaasje*, *graaasje*, *sensaasje*, *staasje* en *ovaasje*, dêr't *-aasje* al moai fertroud troch wurden wie.
112. Neffens Dykstra, Reitsma en Visser (1992) komt de foarm *timmeraasje* ek foar.
113. It wurd *moederaasje*, dat lûdwettich út *moderatie* ûntstien is, moat letter ek wol as *moed+eraasje* begrepen wêze, want it hat ek de betsjutting 'moed, kriich' krige (sjoch WFT, s.v. *moederaasje*, skift 3).
114. Neist in lientiidwurd op *-isear(je)* stiet in lienhaadwurd op *-ikaasje*, bgl. *modifikaasje* en *klassifikaasje* neist *modifisearje* en *klassifisearje*.
115. Neffens Jarich Hoekstra (persoanlike meidieling) kin it bêste oannommen wurde, dat fan haadwurden ôflate (haad)wurden op *-erij* allegearre in plurale tantum as grûnwurd hawwe, bgl. *sinterij* út *sinten*, *bêderij* út *bêden*, *soldaterij* út *soldaten* en *flarderij* út *flarden*; yn Hoekstra (1998b) hat dat "spitigernôch" syn gerak net krige.
116. Van der Sijs (1996:111) neamt neist *donderement* mear wurden op *-ement* yn it Hollânsk, dy't allegear ta it wat minder offisjele domein hearre: *zielement* 'donder', *bikkeselement* 'iten', *kakement* en *prevelement* 'pleit foar de rjochtbank'.
117. Foar *bannemintsje* kin oan in ôflieding fan Frânsk *bannissement* tocht wurde, mar dat is ek in ôflaat haadwurd.
118. It WFT wol foar *omrigemintsje* op in ôflieding fan it haadwurd *rige* út (sjoch WFT, s.v. *omrigemintsje*). In ôflieding fan it tiidwurd *riigje* leit mear yn 'e reden. Wat de betsjutting oangiet, slút *omrigemintsje* 'wyld omsmite' lykwols folle better by *(om)reagje* oan. Mooglik binne *rige* en *(om)reagje* wol wat troch inoar mjokse. Wiksel tusken *lange i* en *ea* foar *g* komt oars net folle foar; it iennichste gefal dat ik betinke kin, is it pear *reager-riger*.
- It WFT beskôget *sakkerje* as de fuortsetting fan it Frânske (lien)tiidwurd *sacrer* (WFT, s.v. *sakkerje* (noch net ferskynd)). It probleem dêrnei is, dat dat yn it Frysk *sakrearje* wurde moatten hie. Dêrom kin better oannommen wurde, dat, op grûn fan 'e pearen tiidwurden sûnder en mei *-emintsje*, út it lientiidwurd *sakkeremintsje* (Hollânsk *sacramenten*) it net-ôflate tiidwurd *sakkerje* weromfoarme is, dat mei de stamútgong *-er* oars net as in tiidwurd fan 'e twadde swakke klasse wêze kin (sjoch (3c) hjirfoar).
119. Sjoch noat 71 hjirfoar foar de foarm *omspres* ← *ekspres*.
120. Syngroan besjoen steane sokke foarmen neist inoar. Mar taalhistoarysk besjoen sil de iene fariant gauris fonologysk út de oare ôf te lieden wêze. Sa kin *wolkem* mooglik út dissimilaasje yn *wolken* [volkɛ] ferklearre wurde, wylst *roerje* út *roering* komt.
121. *goochem* en *stikem* binne eigenskipswurden.
122. Der is/wie ek it swakke *e*-tiidwurd *rale*, sa't oan it neikommende sitaat fan P.C. SCHELT-TEMA, *spreekw.* 79 [a. 1835] bliken docht: "Ammeraal of Generaal, it raalt Sa hwat, Seij it wyv (dit zegt men van eene Vrouw welker man Corporaal was geworden)" (WFT, s.v. *admiraal*).
123. Moaie stalen dêrfan hat men yn 'e Midfryske klucht *Waatze Gribberts Bruyloft* (fan 1701).
124. Soe dit ek net in wjerlûd fan it Jongfryske biedwurd 'Fryslân en de wrâld' wêze? Yn 'e tweintiger jierren wienen der allegearre ynternasjonale oriïntearre jongereinbewegingen, dêr't ynternasionalismen better by lykje te passen as taalspesifike omfoarmingen fan lienwurden. Hiemstra (1999:249-250) merkt op, dat Douwe Kalma, de foarman fan 'e Jongfriezen, it tekoart oan Fryske beneamingen dat ûntstie troch de technyske foarútgong troch "it oernimmen fan de ynternasjonale beneaming" oansuverje woe ynstee fan troch it betinken fan nije wurden. Neffens Hiemstra keas Kalma foar dy wei omdat it

Frysk “op dat stik net efterbliuwe moat by oare kultuertalen, dy’t ornaris ek gjin probleem hawwe mei sokke ynternasjonalsmen”.

125. Jørgensen (1969:154-155) en Sjölin (1970:191) lizze der de klam op dat beide foarmen goed Frysk binne.

Literatuer

- Belemans, R. en J. Goossens (2000)  
*Woordenboek van de Brabantse Dialecten*. Deel III: Inleiding klankgeografie van de Brabantse dialecten. Assen.
- Bloemhoff, H. (1994)  
*Stellingwarfs Woordeboek*. Diel 2 (F-K). Berkoop/Olderberkoop.
- Bloemhoff, H. (1997)  
*Stellingwarfs Woordeboek*. Diel 3 (L-R). Berkoop/Olderberkoop.
- Boersma, P. (1999)  
'De taalkunde fan it Midfrysk', yn: A. Dykstra en R.H. Bremmer Jr, besoargers, *In Skiednis fan 'e Fryske taalkunde*, Ljouwert, s. 126-144.
- Breuker, Ph.H. (besoarger; m.m.f. R.N.H. Boerma) (1997)  
*De Fryske heilingen fan de Halbertsma's*. Ljouwert.
- Dam, F. (2000)  
'Dêr't ik sa'n wurd om sis: Kerbolderhoed!' (yn 'e rubryk Sa Tydlings), yn: *Leeuwarder Courant* [26-5-2000].
- Dyk, S. (1997)  
*Noun Incorporation in Frisian*. Ljouwert.
- Dykstra, A., J. Reitsma en W. Visser (1992)  
*Omkearwurdbok fan de Fryske taal*. Ljouwert.
- Fokkema, K. (1952)  
*Uit het spel der klanken*. Enige beschouwingen uit de Friese klankleer. Rede, uitgesproken bij de officiële aanvaarding van het ambt van bijzonder hoogleraar aan de Rijksuniversiteit te Leiden op vrijdag 21 maart 1952. Groningen-Djakarta (ek yn: Prof. Dr. K. Fokkema, *Nei wider kimen*. Kar út syn forsprate skriften (besoarge fan W.J. Buma, F. van Coetsem, A. Feitsma, T. Hoekema en Y. Poortinga). Grins, 1969, s. 167-184).
- Friesch Woordenboek* [1900, 1903, 1911]. Leeuwarden.
- Frysk Wurdbok (1984)  
*Frysk Wurdbok*. Diel 1: frysk-nederlânsk. Drachten/Ljouwert.
- Gerbenzon, P. (1962)  
'Verfriesing en vernederlandsing van de Griekse, Latijnse en Franse leenwoorden in het Fries', yn: *Us Wurk*, 11, s. 40-48.
- Haeringen, C.B. van (1954)  
'Franciscaner, Benedictijner, Karmelieter', yn: *De Nieuwe Taalgids*, 47, s. 24-27 (ek yn: C.B. van Haeringen, *Gramarie*. Keur uit het werk van zijn hoogleraarstijd. Assen, 1962, s. 197-202).
- Haeringen, C.B. van (1957)  
*Herverfransing* (= Mededelingen der Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen, Afd. Letterkunde, Nieuwe Reeks, Deel 20, No. 5). Amsterdam (ek yn: C.B. van Haeringen, *Gramarie*. Keur uit het werk van zijn hoogleraarstijd. Assen, 1962, s. 247-279).
- Hiemstra, S.T. (1999)  
'De taalnoarm', yn: A. Dykstra en R.H. Bremmer Jr, besoargers, *In Skiednis fan 'e Fryske taalkunde*, Ljouwert, s. 242-279.
- Hoekema, T. (1959)  
'Oer de ûnhistoaryske r yn it Frysk', yn: *Us Wurk*, 8, s. 72.

- Hoekema, T. (1961)  
'Op eigen ban-en-boed', yn: *Us Wurk*, 10, s. 95-96.
- Hoekema, T. (1998)  
'Ta it Frysk 44: heilingen', yn: *Lyts Frisia*, XLVII, s. 51.
- Hoekstra, E. (2000)  
'Fan 'e jûnich of fan 'e jûn' (yn 'e rubryk Taalgenoat en Taalgeniet), yn: *Friesch Dagblad* [30-9-2000].
- Hoekstra, J. (1986a)  
'Sjerp en sjerp', yn: *Tydskrift foar Fryske Taalkunde*, 2, s. 49-56.
- Hoekstra, J. (1986b)  
'Jitris 'peashjou'', yn: *Us Wurk*, 35, s. 140-144.
- Hoekstra, J. (1986c)  
'De Fryske nammen foar de Asio flammeus (Pontoppidan)', yn: *Tydskrift foar Fryske Taalkunde*, 2, s. 12-20.
- Hoekstra, J. (1986d)  
'Haplogy' (= Taalsnipels; 5), yn: *Friesch Dagblad* [11-10-1986].
- Hoekstra, J. (1987a)  
'Oer it ynfoegjen fan *t/d* tusken *s/z* en *r*', yn: *Tydskrift foar Fryske Taalkunde*, 3, s. 54-59.
- Hoekstra, J. (1987b)  
'In stúsjekoarden broek' (= Taalsnipels; 38), yn: *Friesch Dagblad* [20-6-1987].
- Hoekstra, J. (1988)  
'Wêrom brekt [o.ə] ta [wa]?', yn: *Tydskrift foar Fryske Taalkunde*, 4, s. 48-53.
- Hoekstra, J. (1989)  
'(j)ier' (= Taalsnipels; 112), yn: *Friesch Dagblad* [1-7-1989].
- Hoekstra, J. (1990)  
'Rys en gehak' (= Taalsnipels; 164), yn: *Friesch Dagblad* [3-11-1990].
- Hoekstra, J. (1991)  
'Argewaasje en strideraasje' (= Taalsnipels; 183), yn: *Friesch Dagblad* [4-5-1991].
- Hoekstra, J. (1992)  
'Hiperdepy Hoera!' (= Taalsnipels; 226), yn: *Friesch Dagblad* [6-6-1992].
- Hoekstra, J. (1993)  
'Ig-tiidwurden en g-tiidwurden', yn: *Us Wurk*, 42, s. 1-68.
- Hoekstra, J. (1995)  
'Ta it stamlûd fan Nijfrysk *húnje/hune*', yn: *Tydskrift foar Fryske Taalkunde*, 10, s. 12-15.
- Hoekstra, J. (1997)  
*The Syntax of Infinitives in Frisian*. Ljouwert.
- Hoekstra, J. (1998a)  
'*Iampck ist en iette iamcker wirtet mecke*. Jitris oer it komôf fan Nijfrysk *jamk*', yn: *It Beaken*, 60, s. 1-14.
- Hoekstra, J. (1998b)  
*Fryske wurdfoarming*. Ljouwert.
- Hoekstra, J., K. v.d. Veen, D. Veenstra en W. Visser (1994)  
'De ierappel op 'e souwe. De dialektgeografyske en fonologyske ûntjouwing fan it wurd 'ierappel' yn it Frysk', yn: *It Beaken*, 56, s. 281-298.
- Jørgensen, P. (1969)

- 'Zum Problem der friesischen Schrift- und Hochsprache', yn: H.D. Meijering, H.T.J. Miedema en Y. Poortinga, besoargers, *Studia Frisica*. In memoriam Prof. Dr. K. Fokkema 1898-1967 scripta, Grins, s. 149-161.
- Krol, J. (1949)  
'It staverjen fan 'e frjemde wurden', yn: *Frysk studinte-almenak 1949*, s. 83-94.
- Laan, K. ter (1929)  
*Nieuw Groninger Woordenboek*. Groningen.
- Oostendorp, M. van (1998)  
'Schwa in Phonological Theory', yn: *Glott International*, Volume 3, Issue 5, s. 3-8.
- Oostendorp, M. van (2000)  
'Wieringse nasaalvelarisering', yn: H. Bennis, H. Ryckeboer en J. Stroop, besoargers, *De toekomst van de variatielinguïstiek*. Bundel artikelen aangeboden aan Jo Daan bij gelegenheid van haar negentigste verjaardag (= *Taal en Tongval*, 52, ôfl. 1), s. 163-188.
- Reker, S. (1985)  
'Groninger 'ezelwoorden' en hun verwanten. Een uitnodiging', yn: *Driemaandelijks Bladen*, 37, s. 148-156.
- Riemersma, Tr. (1979)  
*Sylabysjerring, nazzeljerring, assymyljerring*. Ljouwert.
- Salverda de Grave, J.J. (1906)  
*De Franse woorden in het Nederlands* (= Verhandelingen der Koninklijke Akademie van Wetenschappen te Amsterdam, Afdeling Letterkunde, Nieuwe Reeks, Deel VII). Amsterdam.
- Sijs, N. van der (1996)  
*Leenwoordenboek*. De invloed van andere talen op het Nederlands. Den Haag.
- Sipma, P. (1913)  
*Phonology & Grammar of Modern West Frisian*. With phonetic texts and glossary. Oxford.
- Sipma, P. (1949)  
*Ta it Frysk*. II: Wurdlear. Ljouwert.
- Sytstra, O.H. en J.J. Hof (1925)  
*Nieuwe Friesche Spraakkunst*. Leeuwarden.
- Sjölin, B. (1970)  
'In rimmetikige perfester mjrkes? In pear kanttekeningen bij de ynternasjonalsmen yn it Frysk', yn: T. Hoekema, Y. Poortinga en J.J. Spahr van der Hoek, besoargers, *Flecht op 'e koai*. Stúdzjes oanbean oan Prof. Dr. W.J. Buma ta syn sechstichste jierdei, Grins, s. 189-192.
- Sjölin, B. (1976)  
'*Min Frysk*'. Een onderzoek naar het ontstaan van transfer en 'code-switching' in gesproken Fries (= Bijdragen en Mededelingen der Dialectencommissie van de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen te Amsterdam; L). Amsterdam.
- Stapelkamp, Chr. (1955)  
'Epenthesis van r', yn: *Frisiaca (I)* (= Estrikken; VIII), Grins, s. 6-10.
- Stapelkamp, Chr. (besoarger) (1957)  
*Hôndert Psalmen fin David, mey dy tyien Geboden, byrymme trog Jan Althuysen, Jinwurdig Pastoor op dy Lytze Jouwer*. Drachten.
- Tamminga, D.A. (1974)

- “Skewiele” mei annekssen’, yn: *De Pompeblêdden*, 45, s. 194-196.  
Tamminga, D.A. (1982)
- “Kultureel’ of ‘kulturiel’?”, yn: *De Pompeblêden*, 53, s. 99.  
Tamminga, D.A. (1986)
- ‘Twa wurdstúdzjes: *pas ier* en *peasjou*’, yn: *Us Wurk*, 35, s. 51-54.  
Trommelen, M. en W. Zonneveld (1982)
- Inleiding in de generatieve fonologie*. Muiderberg.  
Veenstra, D.
- ‘/d/-Rotasisme yn it Frysk. Fonetyske en fonologyske aspekten fan de oergong ynterfokalyske /d/ > /r/’, yn: *Tydskrift foar Fryske Taalkunde*, 5, s. 41-67.  
Versloot, A. (1999)
- ‘Rare teiten’ (yn ‘e rubryk Taalgenoat en Taalgeniet), yn: *Friesch Dagblad* [26-6-1999]
- Visser, W. (1992)
- ‘Oer *-je* en *-JE*. De morfology en fonology fan it einichste wurddiel *-je*’, yn: *Tydskrift foar Fryske Taalkunde*, 7, s. 69-87.
- Visser, W. (1993)
- ‘In kwestje fan haastjen: oer hoe’t yn it Frysk de sekwinsjes *-sts-* en *-tj[ə]* mijd wurde’, yn *Tydskrift foar Fryske Taalkunde*, 8, s. 123-130.
- Visser, W. (1997)
- The Syllable in Frisian* (= HIL Dissertations; 30). The Hague.
- WFT
- Wurdboek fan de Fryske taal/Woordenboek der Friese taal*. Ljouwert, 1984-
- WNT
- Woordenboek der Nederlandsche taal*. Leiden, 1853-1999.
- Zonneveld, R. van (1985)
- ‘Word Rhythm and the Janus Syllable’, yn: H. van der Hulst en N.S. Smith, be-soargers, *Advances in Non-linear Phonology*, Dordrecht, s. 133-142.



## *Taheakke*

Yn dizze taheakke binne omfoarme Frânske lienwurden opnommen dy't net yn dizze foarm of dizze betsjutting yn it ABN foarkomme.

### A.

aalwe → aloëe  
abbegaasje → allegaasje  
abbekaatsje → advokaatsje  
abbelearje → appelearje  
abberel → apparel  
abbesearje → avesearje  
abbesemint → avansemint  
ablemint (Frâ. abonnement)  
aboes → haboes  
abrikoas, apprekoas, applekoas (Holl. abrikoos (dial.: appelkoos), Frâ. apricot)  
absolút, opslút  
abstúnje → apstoanje  
administraasje, adme(ne)straasje, allemanstraasje, oarremistraasje  
admiraal, ammeraal  
adstint → assistint  
advenant → navenant  
advokaatsje, abbekaatsje  
affearen, affear, effear (Holl./Frâ. affaire)  
afijn, hafijn (Holl. afijn, Frâ. enfin)  
aggewearje → argewearje  
agoasje → negoasje  
agremint, akkremint, akkermint (Frâ. agrément)  
agurk → augurk  
agustus → augustus  
akasia, akaasje  
akkedearje → akkordearje  
akkefy(t)sje, hakkefytsje (Holl. officie of Lat. aqua vite)  
akkermint → agremint  
akkordearje, akkedearje  
akkremint → agremint  
aksidinten, aksjedinten  
alart, halat (Holl./Frâ. alert)  
âldeklonje, k(o)lonje, kloanje, âlde klongels (Holl. odeklonje, Frâ. eau de cologne)  
âlderdox → otterdox  
alewee → aloëe  
aljemint, allemint, appeljemint, daljemint, taljemint (Frâ. alignement)  
allee (Frâ. allez)  
allegaasje, abbegaasje (Frâ. allégation)  
allemanstraasje → administraasje  
allemint → aljemint  
alloai, halloai  
aloazje → horloazje  
aloëe, aalwe, alewee  
alteraasje (Holl. alteratie, Frâ. altération)

alún, halún  
 amerij(ke) (Holl. amerij(tje))  
 ammeraal → admiraal  
 ammesuer (Holl./Frâ. embouchure)  
 anneks, oanneks, anneksen (Holl./Lat. annex)  
 apart (Holl. apart, Frâ. à part)  
 apokriven (de -), appekrifen (de -), appekryf  
 apparel, abberel, labberel, laborel, opril (Frâ. l' appareil, Holl. opril)  
 appelearje, abbelearje (Frâ. appeler)  
 appeljemint → aljemint  
 apperpo, apper(d)epo → apropo  
 applekoas → abrikoas  
 apprekoas → abrikoas  
 appekryf → apokriven  
 apropo, apprepo, apperpo, apper(d)epo (Frâ. à propos, Holl. apperpo, apprepo)  
 apstoanje, astoanje, apstúnje, opstoanje, opstúnje, obstúnje (Frâ. apostume,  
 Lat. apostéma)  
 apoteek, apteek  
 argewaasje, ergewaasje  
 argewearje, aggewearje, ergewearje, egewearje, iggewearje, hakkewearje (Frâ. arguer)  
 arkemint (ark+emint)  
 arkeniel → harkeniel  
 assessor, assester  
 assistint, adstint, astint  
 astoanje → apstoanje  
 astrânsje (Frâ. assurance)  
 astant, ekstrant (Holl. astant, Frâ. assurant)  
 attinsje → hortinsje  
 attrappearje, trappearje (Holl. attraperen, Frâ. attraper)  
 augurk, agurk  
 augustus, agustus  
 aukjebaar, aukebaar, aukjeba → (Holl./Lat. aucuba)  
 auspysjes (ûnder - fan) (Holl. onder auspiciën van)  
 avansemint, abbesemint (Frâ. avancement)  
 avenant → navenant  
 avesearje, abbesearje (Frâ. avancer)  
 aventoer, eventoer, iffentoertsje (Holl. avontuur)

## B.

baas(g)roentsje → boesgroentsje  
 babiaan → baviaan  
 balâns, blâns  
 balein, blein  
 balsikum → basilikum  
 bankerot (Holl. bankroet, Frâ. banqueroute)  
 barak, brak, brake (Holl. barak, Frâ. barque)  
 barbier, berbier, rebier, brabier (Holl./Frâ. barbier)  
 bargemot (Holl. bergamot, Frâ. bergamote)  
 barzje, berzje (Holl. barge, Frâ. barge)  
 basilikum, basylkum, balsikum, brasylkum, masylkum

baviaan, babiaan  
bekant → pikant  
be(r)bearje → probearje  
berbier → barbier  
bertaal → brutaal  
berzje → barzje  
besite, boesite (Holl./Frâ. visite; → fisite)  
biblioteek, bibleteek  
blâns → balâns  
blein → balein  
bod(de)lerij(e), bottelerij(e) (Holl. bottelarij, Frâ. bouteilleerie)  
boesgroen(tsje), baas(g)roentsje (Holl. boezeroen, Frâ. bourgeron)  
boesite → besite  
bommet (Frâ. pommette?)  
bonnefoai (op 'e -) (Holl. op de bonnefooi, Frâ. à la bonne foi)  
bordes, par(re)dis (Holl. bordes, Frâ. bretèche)  
bottelerij → bod(de)lerij  
bottines, petines (Holl./Frâ. bottines)  
brabier → barbier  
brak, brake → barak  
bramboas → framboas  
brat (yn 't -) (Holl./Frâ. borat)  
brasylkum → basilikum  
brebearje → probearje  
brebier → barbier  
brutaal, bretaal, bertaal, pertaal  
bûteneksternaris → ekstrenaris

#### D.

daalje, dalje → dalia  
dalia, daalje, dalje  
daljemint → aljemint  
deizen (Frâ. dais, Lat. discus)  
deputearre, dippetearre, diptearre (Holl. gedeputeerde)  
dikkedânsje, dikkedinsje (Frâ. discordance)  
dikketon (Holl./Frâ. ducaton)  
dip(pe)tearre → deputearre  
direkt, drek, dreks, drekt, drekst, yndreks (Holl. direct, Frâ. direct)  
disoarder, dusoarder (Holl. disorde(r), Frâ. désordre, disordre)  
divedaasje → ferdivedaasje  
divedearje → ferdivedearje  
djoerabel, durabel (Holl. durabel, Frâ. durable)  
doanjeneel, doinjeneel, moaineeltsje(par), neeltsjepar (Frâ. doyenné)  
doarmter (Holl./Lat. dormatorium, Frâ. dortoir; → treemter)  
doinjeneel → doanjeneel  
dol(le)joarum, dollejoaris (yn 'e -) (Holl. delirium; → joarum, joaris)  
domeny, domenij, domenje → dominee  
dominee, domeny, do(o)mny, dûmny, domenij, domenje  
domisylje, dommesylje  
dommesaan (Frâ. dame-jeanne)

dommesylje → domisylje  
donderemint (donder+emint, Holl. donderement)  
do(o)mny → dominee  
dreauwert → drevert  
drek, dreks, drekt, drest → direkt  
drevert, dreauwert, driuwert → tréwes  
dúmny → dominee  
durabel → djoerabel  
dusoarder → disoarder

E.  
effear → affearen  
effektyf, effetyf  
egaal, igaal, yngaal  
egewearje → argewearje  
eklips, klips (moanneklips, klipsrymkes)  
eksekúsje, ekskúsje  
eksekuteur, eksteur  
eksetera, eksétra → etsetera  
eksternaris → ekstrenaris  
eksteur → eksekuteur  
ekstoarje → histoarje  
ekstrant → astant  
ekstrenaris, eksternaris, bûteneksternaris (Frâ. *extraordinaire*; → ornaris)  
elastyk, illestyk, ilestyk  
elemint, illemint, ilemint, ellemint  
enoarm, inoarm, onoarm, ûnoarm  
ergewaasje → argewaasje  
ergewearje → argewearje  
etsetera, eksetera, eksétra (de hiele -)  
eventoer → aventoer

F.  
faalje (Holl. *falie*, Frâ. *faillie*)  
faasje (Holl. *facie*, Frâ. *face*)  
faasje → foarsje  
failyt, fallyt, felyt  
faksearje (Frâ. *vexer*, *forcer*)  
fariaasje → ferjaartsje  
febrewaarje, febrewaris (Holl. *februari*, Lat. *februarius*)  
felearje (Holl. *failleren*; → mislearje)  
feletten → fiolet  
felikaan → pelikaan  
felisitearje, filisitearje, filesitearje, fylsetearje  
felyt → fallyt  
ferdistribuearje, ferdústrewearje (Frâ. *distruer*)  
ferdivedearje, divedearje (Frâ. *diverter*)  
ferdivedaasje, divedaasje  
fergnisje, opgnisje (Holl. *vernis*)  
ferjaartsje (Holl. *variatie*; → fariaasje)

ferneare (Holl. forneren, Frâ. fournir)  
ferrampenaarje → rampenaarje  
ferrinnewearje → rinnewearje  
fersite → fisite  
ferwiел → flewiел  
feuilleton, fûljeton (Holl./Frâ. feuilleton)  
fyflefoars → fivelefoars  
figelearje, útfigelearje, útfikelearje (Holl. (uit)vigileren)  
fiktoarje, fyktoarje  
filekaan → pelikaan  
filemotten (Frâ. feuille morte)  
filesefearje → filosofearje  
filesepee, fylsepee (Frâ. velocipède)  
filesetearje → felisitearje  
filigraan (Holl. filigraan, filigrein)  
filisitearje → felisitearje  
filosofearje, filesefearje, fylsefearje  
fylsepee → filesepee  
fylsetearje → felisitearje  
fioele (Holl. viool)  
fiolet, feletten  
fisite, fersite (Holl./Frâ. visite; → besite)  
fitrioel (Holl. vitriool, Lat. vitriolum)  
fivelefoars, fyflefoars (Frâ. vive la force; → foarsje, perfoars)  
fizekree (Frâ. feu sacré)  
fizelemy, fizelemint (Holl. fiselemie → fysionomie)  
flamboas → framboas  
flearesyn (Holl. flerecijn, Frâ. pleurésie)  
flewiел, ferwiел (Holl. fluweel)  
floers (Holl. vloers, Frâ. velous)  
foarsje, faasje (Frâ. force; → fyflefoars, perfoars)  
foetearje (Holl. voeteren)  
framboas, bramboas, flamboas  
freule, frelle  
frikkedil (Holl. frikadel, Frâ. fricandel)  
fûleindich (Holl. vilein(ig), Frâ. vilain)  
fûleka(an) → pelikaan  
fûljeton → feuilleton

## G.

garibaldy, garibolder, garrebolje, karbolje, karrebol, kerbolderhoed (Holl. garibaldi)  
geloazje → horloazje  
gentiaan, ginsiaan  
geranium, granium, graanjem, graanje, graanjes, granen  
gyljetine → guillotine  
gimmeleard, gimmelearden, gjimmelearden, jimmelearden (Holl. geëmailleerd)  
gymnastyk, gimmestyk  
ginsiaan → gentiaan  
gjimmelearden → gimmeleard  
graanje, graanjem, graanjes → geranium

grammesiis, grammesiik, grammesûs (Frâ. grand merci)  
granen, granium → geranium  
grosjan (Frâ. Gros-Jean)  
guano, kejane  
guillotine, gyljetine

## H.

haaljetrawaalje → haljetrawalje  
haboes, aboes (Frâ. à vous)  
habyt (Holl. habijt)  
hafijn → afijn  
hailjetrawailje → haljetrawalje  
hakkefytsje → akkefy(t)sje  
hakkewearje → argewearje  
halat → alart  
halloai → alloai  
haloazje → horloazje  
haljetrawalje, haaljetrawaalje, hailjetrawailje (Frâ. -travaille)  
halún → alún  
harkeniel, arkeniel, hoekeniel  
hamboai → hobo  
heikeraa(d)zje, heisteraasje (cf. keraa(d)zje, heikerwei)  
histoarje, ekstoarje, stoarje (Holl. historie, Frâ. histoire)  
hobo, hamboai (Holl. hobo, Frâ. hautbois)  
hoekeniel → harkeniel  
horémus → oerémis  
horloazje, haloazje, aloazje, geloazje (Holl. horloge)  
hortinsje, attinsje (Holl. hortentia)  
hypoteek, hypteek

## I.

ientûtmem (it is -) (Holl. toetmem, Frâ. tout de même)  
iffentoertsje → aventoer  
igaaal → egaal  
iggewearje → argewearje  
il(l)emint → elemint  
il(l)estyk → elastyk  
il(l)inde → ellinde  
ymplejearje, ympelearje, ymplegearje (Frâ. employer)  
yndreks → direkt  
yngaal → igaaal  
ynkriabels(k), ynkrojabels(k) (Frâ. incroyable)  
inoarm → enoarm  
inten → jenten  
ynteres, yntres(t) (Holl. int(e)rest)  
ynstrumint, ynstremint, ystremint, ystermint  
yntres(t) → ynteres

## J.

jannewaarje, jannejaarje, jannewaris, jannejaris (Holl. januari, Lat. januarius)

jenten, jinten, inten, jentich (Frâ. gent, gentil, Holl. jentig)  
jestaal → staal  
jimmelearden → gimmeleard  
jinten → jenten  
joarum, joaris (yn 'e -) → dol(le)joarum, dollejoaris  
jûpe (Frâ. jupe)

## K.

kaanfer → kamfer  
kabeliere (Frâ. cavallier)  
kabinet → kammenet  
kabrioalen → kaprioalen  
kake(se)mint (kaak+e(se)mint, Holl. kakement)  
kamfer, kanfer, kaanfer  
kamiel (Holl. kameel)  
kammenet (Holl. kabinet)  
kampemint (kamp+emint, Holl. kampement)  
kamperfoelje, kamperfoolje, kamprefoalje (Holl. kamperfoelie, Lat. caprifolium)  
kanfer → kamfer  
kaniel, kniel (← keniel) (Holl. kaneel)  
kaprioalen, kapriollen, kabrioalen (Holl. kapriolen)  
kapitaal, kaptaal (Holl. kapitaal)  
kapitein, kaptein (Holl. kapitein)  
kapsje (meitsje op) (Holl. kapsie(s), Lat. captio)  
kaptaal → kapitaal  
kaptein → kapitein  
karaf, kraf, kraft, kreft (Holl. k(a)raf, Frâ. caraffe)  
karbiel, kerbiel, krebien, krebyls (Holl. karbeel)  
karbolje, karrebol → garibaldy  
karnuters → kornútsjes  
karonje (Holl. karonje, Frâ. carogne)  
karwei, kerwei, krewi (Holl. karwei, Frâ. corvée)  
kastelein, kastlein, keslein (Holl. kastelein)  
kastiel (Holl. kasteel)  
kastlein → kastelein  
kattepult, kattepûl, kattepoel(e), kattepulk, kattepyl(k) (Holl. katapult, Frâ. catapulte)  
kedize, kediizje (Holl. kadiezen, kadijzen; → kiskedize)  
kefert (Holl. couvert)  
kejane → guano  
kelotsje, klots, klotse, klotske (Holl. kalotje, Frâ. calotte)  
kemande → kommando  
kenútsjes → kornútsjes  
keraazje, keraadzje (Holl./Frâ. courage)  
kerater → kurator  
kerbiel → karbiel  
kerbolderhoed → garibaldy  
kerellen, krewellen, krellen (Frâ. querelle)  
kerlyn, kerlinen → kornalyn, kornalinen  
kernel → kolonel  
kernútsjes → kornútsjes

kertier (← kwertier ← kwartier)  
 kerwei → karwei  
 kesjet → korset  
 keslein → kastelein  
 kettermintsje (Holl. kettermenten)  
 kezyn (Holl. kozijn, Pikardysk cassin)  
 kiskedize (ferl. Holl. keskedie, kiskedie, Frâ. qu'est-ce qu' dit; → kedize)  
 klarinet, klarnet (Holl. klarinet)  
 klassis, klasje(s) (Holl. classis)  
 klinen → kornalinen  
 klips → eklips  
 klomkachel → kolomkachel  
 klonje, kloanje, âlde klongels → âldeklonje  
 klots, klotse, klotske → kelotsje  
 kniel → kaniel  
 knútsjes → kornútsjes  
 koese (Frâ. coucher)  
 koest, koesty (Holl. koest (jij), Frâ. couche-toi)  
 kolomkachel, klomkachel  
 kolonel, kernel (Holl. kolonel)  
 kolonje → âldeklonje  
 komfer (Frâ. comfort)  
 kommando, kommande, kemande  
 komsa (fan -) (Frâ. comme ça)  
 konfús, konfús (Holl. confuus, Frâ. confus)  
 konsjinsje (Holl. consciëntie)  
 konstitúsjekoard(en), stúsjekoard(en)  
 kontraarje (Holl. contrarie, Frâ. (au) contraire)  
 kornalyn, kerlyn (Holl. kornalijn ← carneool)  
 kornalinen, kerlinen, kelingen, klinen  
 kornútsjes, kernútsjes, kenútsjes, knútsjes, karnuters (Holl. kornuit, Lat. cornutus)  
 korrespondinsje, krispendinsje (Holl. correspondentie)  
 korset, kesjet (Holl. korset, korsjet)  
 kraf(t) → karaf  
 krankyl, trunkyl (Holl. trankiel, Frâ. tranquille)  
 krante (Holl. krant ← courant)  
 kriebel, krebyls → karbiel  
 kreft → karaf  
 krekt (Holl. krek ← correct)  
 krellen → kerellen  
 krêp → krip  
 krewearje (krewei+earje)  
 krewei → karwei  
 krewellen → kerellen  
 krimmenaasjes, krommenaasjes  
 krimmenearje, krommenearje (Frâ. récriminer)  
 krip, krêp (Holl. krip, Frâ. crêpe)  
 krispendinsje → korrespondinsje  
 krispyn (- hawwe, hâlde) (Holl. Krispijn, Lat. Crispinus)  
 krommenaasjes → krimmenaasjes



krommenearje → krimmenearje  
krudenotsje → krúsnotsje  
krupsje (Holl. corruptie)  
krúсно(a)tsje, kruzeno(a)tsje, krudenotsje (Frâ. cousinotte, cuisinot)  
kryk (it is, stiet -) (Holl. kritiek)  
krûk-en-tryn → terrine  
kurator, kûrator, kerater (Holl. curator)  
kwânskwiis, kwânskwiize, kwânswiize, kwantswiize, kwiiskwâns, kwyskwâns (Holl. kwansuis, kwansijs, âldfrâ. qua(i)nses, queinsi)  
kwizekwânsje, kwisekwânsje, kwizekwestje, kwisekwestje, kwisjekwasje (in man fan -) (Frâ. (un homme de) conséquence)

## L.

labberel → apparel  
labet, laveret, laberint (Holl. labirint; ferl. Holl. in de labberente zitten)  
labeur (yn it - wêze) (Holl. labeur; → labeure)  
labeure, labeurje (yn it -n wêze) (Holl. labeuren, Frâ. laborer; → labeur)  
laborel → apparel  
lampion, lampioen  
laveret → laberet  
lawaske (Holl. lavas, Frâ. livèche)  
lawei (Frâ. lever)  
ledikant, ledekant, liddekant (Holl. ledikant)  
leelje, lylje (Holl. lelie, Lat. lilium)  
lemieren (Holl. lumieren, Frâ. lumière)  
liddekant → ledikant  
lylje → leelje  
lodderein (N. lodderein, Frâ. l'eau de la reine)  
lúsjefers (Holl. lucifer)

## M.

makriel, mekriel (Holl. makreel)  
maleur, meleur (Holl./Frâ. malheur)  
mamsel (hotel-) (Holl. mamzel, Frâ. mademoiselle)  
manear, manier (Holl. manier, Frâ. manière)  
mankelyk, melankelyk (Holl. melancholiek, Frâ. mélancolique)  
mannenaar (ien it - oplêze, opsizze) (Holl. manuaal)  
mansaal → massaal  
mansjet, mesjet (Holl. manchet)  
maresjausee, mar(r)esjesee, marsjesee (Holl. marechaussee)  
masylkum → basilikum  
masine (Holl. machine)  
maskelyn (Holl. masteluin, mastelein, âldfrâ. mesteillon, midlat. mixtolium)  
massaal, mansaal (Holl. massaal)  
matadoar, matsjedoar (Holl. matador)  
matearje (Holl. materie, Frâ. matière)  
matsjedoar → matadoar  
mekriel → makriel  
melankelyk → mankelyk  
meldij → melody

meleur → maleur  
melody, melodij, meldij (Holl. melodie)  
meneuvels, meneuvers (Holl./Frâ. manoeuvres)  
mesjet → mansjet  
minderesearje (minder+esearje)  
minnesearje (Holl. menageren)  
mintenearje (Holl. maintaineren)  
mislearje (mis+learje; → felearje)  
mjirkes, merikes (Holl. emeritus)  
moaderaasje → moederaasje  
moaineeltsje(par) → doanjeneel  
moanneklips → eklips  
moederaasje, mo(a)deraasje (Holl. moderatie)

## N.

naantsjes (Holl. naan, Frâ. nain)  
navenant, avenant, advenant, navenhant (Holl. navenant, Frâ. à l'avenant)  
nedzje (Frâ. neige)  
neeltsjepar → doanjeneel  
negoasje, agoasje (Holl. negotie)  
nominaasje, → nûmernaasje (op -) (Holl. nominatie; → ommenaasje)  
nûmernaasje → nominaasje  
nuveriteiten → teiten

## O.

oanrikkeme(n)dearje → rikkeme(n)ndearje  
oansjasje → sjasje  
oa(r)naris → ordenaris  
oarremistraasje → administraasje  
obsternaat, opsternaat, obsternaten, opsternaten (Holl. obstinaat)  
obstrewearje, obsterwearje, opstrewearje, opsterwearje (Holl. observeren)  
obstúnje → apstoanje  
oeranje → oranje  
oerémis, orémis, horémus (Holl./Lat. oremus)  
oeribel, oerébel, oerével(sk), oerivel (Frâ. horrible)  
offisier, ofsier (Holl. officier)  
omballingen, ombal(li)gen (Frâ. emballage)  
ommenaasje (yn -) → nominaasje  
onaris → ordenaris  
onoarm → enoarm  
opgnisje → fergnisje  
oppenearje (Holl. opinieren)  
opperteur, opreteur (Holl. operateur)  
opril → apparel  
opslút → abslút  
opsternaat, opsternaten → obsternaat  
opstoanje, opstúnje → apstoanje  
opstrewearje, opsterwearje → obstrewearje  
oranje, oeranje

ordenaris, ornaris, oa(r)naris, onaris, ûnaris (Holl. ordinaris, Lat. ordinarius; →  
ekstrenaris)  
ordenaarje, ornearje, ûnearnje (Holl. ordineren)  
orémis → oerémis  
ornânsje → ornearje  
ornaris → ordenaris  
ornearje → ordenaarje  
ortodoks, otterdoks, âlderdoks (Holl. orthodox)

## P.

pampier → papier  
paniel, paneel (Holl. paneel)  
papier, pampier, pompier (Holl. papier, âlder Holl. pampier, pompier)  
papiljotsje (Holl./Frâ. papillot)  
par(re)dis → bordes  
party (Holl. partij)  
patriketabak ( porto rico tabak)  
pattersylje → peterseelje  
pejesy → poësj  
pelikaan, pilekaan, felikaan, filekaan, fûlekaan, fûleka  
pe(r)bearje → probearje  
perfesser, perfester → professor  
perfoars, perfoarst, prefoarst (Holl. parfors, Frâ. par force; → fivelefoars, foarsje)  
persiel, perseel (Holl. perceel)  
persint → prosint  
personiel, personeel (Holl. personeel, Frâ. personel)  
pertaal → brutaal  
pe(r)tret → portret  
peslein → porselein  
petear(je) (Lat. disputare. âldfr. peterie)  
peteroalje, petroalje, piteroalje, piterom, pitrom (Holl. petrolie, Lat. petroleum)  
peterseelje, piterseelje, pattersylje (Holl. p(i)eterselie)  
petiele, petiel, petielje, petielle (Holl. pateel, âldfrâ. patelle)  
petines → bottines  
petiterich (Holl. petieterig)  
peton → beton  
petotter (Holl. pateuter, patoot, Frâ. pataud)  
petroalje → peteroalje  
piano, plane (Holl. piano)  
pikant, bekant (Holl. pikant, Frâ. piquant)  
pilekaan → pelikaan  
penisiline, pinseline (Holl. peniciline)  
pinsiel, pinseel (Holl. penceel, Frâ. pinceau)  
piterbjirks, piterkuerlik → pitertuerlik  
piteroalje, piterom, pitrom → peteroalje  
piterseelje → peterseelje  
pitertuerlik, pitertoerlik, pitertuerich, piterkuerich, piterbjirks (Midned. putertierich,  
putertierlyc. Frâ. pute, putain)  
pla(a)n-út (Frâ. plein?)  
planteit (Holl. planteit, âldfrâ. plenté)

plysje → polysje  
 plomlewier, plûmlewier, plúmlewier, plûmelewier, plûmerewier, plûmrewierke, ple-  
 wierke, plûmlewiel, prûmlewierke, prumelewarke, prumelewier, plûm-en-  
 weaskes (Lat. *primula veris*)  
 poarsje (Holl. portie, Frâ. portion)  
 poartefulje → portefeuille  
 poerabel (poer+abel)  
 poerlegrap (foar de -)  
 polysje, plysje (Holl. politie, Frâ. police)  
 pommerant (Holl. prominent?)  
 pompier → papier  
 ponteneur (op syn - stean) (Holl. ponteneur, Frâ. point d'honneur)  
 porselein, porslein, peslein (Holl. porcelein)  
 portefeuille, portefúlje, poartefulje (Holl./Frâ. portefeuille)  
 portret, pe(r)tret (Holl. portret)  
 prakkesaasjes (prakkes+aasje)  
 prakkesearje (Holl. prakkizeren, prakkezeren)  
 prebearje → probearje  
 predikaasje, prekaasje (Holl. predikatie)  
 prefesser, pefester → professor  
 prefoarst → perfoars  
 prewet, prewaat (Flaamsk brewette, berwette, Frâ. brouette; Holl. privaat?)  
 prinsepeal, prinsepaal (Holl. principaal)  
 proaza, proaze (Holl. proza)  
 probearje, prebearje, pe(r)bearje, rebearje, be(r)bearje (Holl. proberen)  
 professor, professer, pefesser, pefester, perfesser, perfester (Holl. professor)  
 prosint, persint (Holl. procent)  
 prûmlewierke, prumelewarke, prumelewier → plomlewier  
 pultrum, pultrum (Holl./Lat. *pulpitum*, dial. Holl. *pultrum*)

## R.

rabbelemintsje, rappelemint, rapplemint (Holl. rappendement)  
 ramplesant (Holl. rampléasant, Frâ. remplaçant)  
 rampenearje, ferrampenearje (Holl. (ver)rampeneren; → rampoi)  
 rampoi, rampui, rampoaris (Frâ. rompu)  
 rappelemint, rapplemint → rabbelemintsje  
 rariiteiten → teiten  
 reboelje (dial. Holl. reboelie, Holl. rebellie, Frâ. rebellion)  
 regaad (- slaan op) (Holl./Frâ. regard)  
 resenabel, resnabel → risnabel  
 resolút, risselút, rislút, reslút (Holl. resoluut)  
 rikkeme(n)dearje, oanrikkeme(n)dearje (Holl. (aan)recommanderen)  
 rikke(me)sysje (wat yn - hawwe, nimme) (Frâ. requisition)  
 ringenet (Holl. re(i)net, Frâ. reinette)  
 rinnewearje, ferrinnewearje (Holl. reneweren, rûneren, verrinneweren)  
 rioel (Holl. riool)  
 rislewaasje → risselwaasje  
 rislewearje → risselwearje  
 rislút → resolút  
 risnabel, resenabel, resnabel (Frâ. raisonable)

risselút → resolút  
rissenabel → resonabel  
risselwaasje, rislewaasje (risselw+aasje, rislew+aasje)  
risselwearje, rislewearje (Frâ. resolver)

## S.

sakkerje (← sakkermitsje)  
sakremintsje, sakkermitsje (Holl. sacramenten)  
saksedearje, saksearje (sak+s(ed)earje)  
sangen (dial. Holl. sangen, sanger, Frâ. sanguin)  
santepetyk, santepetryk (Holl. santepetiek, Frâ. sainte boutique)  
sarje(s) (Holl. sarge, serge, Frâ. serge)  
sasje → sjasje  
seas → sjeas  
sefiêre, sefjêre (Frâ. chiffonnière)  
segryn, sjegryn (Holl. chagerijn, Frâ. chagrin)  
sekretarij, siktarij, sikterij (Holl. secretarie)  
sekretaris, siktaris (Holl. secretaris)  
sekretêre, siktêre (Holl. secretaire)  
sekuer, sikuer (Holl. sekuur, Frâ. sécure)  
sersjant, sersant (Holl./Frâ. sergeant)  
servyl, sewyl (Holl. serviel, Frâ. servile)  
sikersonk, sikersomp (Holl. sacrosanct, Frâ. sacre saints?)  
sikkeneurich (Holl. sikkeneurig, chicaneurig, Frâ. chicaneur)  
siktaris → sekretaris  
siktarij, sikterij → sekretarij  
siktêre → sekretêre  
sikuer → sekuer  
Sina, Sjina  
sinees(k), sjinees(k)  
Sily, Sjily  
sileen(sk), sjileen(sk)  
singelier (Holl./Frâ. singulier)  
sinjet, singenet, singnet (Holl./Frâ. signet)  
sinnebûl (Holl./Frâ. sonnambule)  
sintrifúzje, senterfúlje (Holl./Frâ. centrifuge)  
sirka, sjirka (Holl. circa)  
sirkel, sjirkel (Holl. cirkel)  
sirurch, sjirurch (Holl. chirurg)  
situaasje, sitewaasje (Holl. situatie)  
sjasje, sasje, sjasse (oan-) (Frâ. chasser)  
sjeas, seas (Holl. sjees, Frâ. chaise, siège)  
sjegryn → segryn  
sjerp (Holl. siroop)  
sjeu (Holl. jeu, Frâ. jus)  
Sjina → Sina  
sjinees(k) → sinees(k)  
Sjily → Sily  
sjileen(sk) → sileen(sk)  
sjirka → sirka

sjirkel → sirkel  
 sjirurch → sirurch  
 skabeljeus, skabberjeus (Holl. scabreus, Frâ. scabreux)  
 skabot → skavot  
 skansearje (dial. Holl. schandaliseren, Frâ. scandaliser)  
 skansearje → spandearje  
 skarwiele → skewiel(j)e  
 skavot, skabot (Holl. schavot, Frâ. échafaud)  
 skermesearje (Holl. schermutseren, Frâ. escarmoucher)  
 skewiel(j)e, skrewiel(j)e, skarwiele (Holl. schavelen, schavielen)  
 soartermint (Holl. soortement)  
 soberearje (sober+earje)  
 soptrine → terrine  
 spandearje, spansearje, skansearje (Holl. spenderen, Frâ. depenser)  
 staa, jestaal (Holl. staa, Frâ. étalon)  
 stipelearje, stibelearje, stivelearje  
 stoarje → histoarje  
 stúsjekoard(en) → konstitúsjekoard(en)  
 suffisant, suversant (Holl./Frâ. suffisant)  
 sûkelade, sûkelarje (Holl. chocolade)  
 suppliant, supeljant (Holl. suppliant (een gemene -), Frâ. suppliant)  
 suversant → suffisant

## T.

taffelemint (Holl. tafel(e)ment, Frâ. entablement)  
 tafriel, tafreel (Holl. tafereel)  
 taljemint → aljemint  
 tamtaasje, tantaasje, tramtaasje (Frâ. tentation)  
 tamtearje, tantearje, tramtearje (Frâ. tenter, Lat. temptare, tentare)  
 tantsje (Frâ. tenter, Lat. temptare, tentare)  
 teater, triater (Holl. theater)  
 teiten (rare, nuvere -) (← rariteiten, nuveriteiten)  
 termyn, termine, tremyn (Holl. tremien, Lat. tormina)  
 terrine (soptrine, krûk-en-tryn) (Holl./Frâ. terrine)  
 terwyn → trewyn  
 tilmeree(boartsje) (Skm. dillefree, tillefree, Frâ. delivrez)  
 toaniel, toaneel (Holl. toneel)  
 trunkyl → krankyl  
 trantjeune (- spylje) (Holl./Frâ. trente(-et)-un)  
 trappearje → attrappearje  
 trawalje, trawailje (Holl. travalje, Frâ. travail)  
 treemter (← `t reventer) (Holl. refter, reventer, Dú. Remter; → doarfter)  
 trein (yn folle -) (Frâ. en train)  
 tréwes (Holl. treves, Frâ. trêve; → drevert)  
 trewyn, terwyn (yn -) → (Frâ. tomber en ruïne)  
 triater → teater  
 troanjemint (troanje+emint)  
 tûtmem (it is ien -) (Holl. toetmem, Frâ. tout de même)

U.

ûnaris → ordenaris

ûnearje → ordeneearje

ûnoarm → enoarm

útfigelearje, útfikellearje → figelearje

W.

wale, wiele (Holl./Frâ. voile)

wizânsje (Holl. usantie, Frâ. usance)

wrammels (Frâ. par exemple)